

# Ynlieding

## **Troutsjinsten**

Al ieuwen lang wurde yn tsjerke troutsjinsten holden. Dochs is de tsjerklike houliksseine histoarysk net direkt út nijtestamintyske teksten ôf te lieden. De houliksseine is yn it Alde Testamint net alhiel ûnbekend, mar oer in godstsjinstige plechtichheid of it bywêzen fan in pryster by it sluten fan in houlik wurde we neat gewaar. Yn it boek Tobit is it de heit fan de breid dy't it pear seiniget (7:13). Heit Izaäk jout Jakob syn seine en stjoert him nei Laban om ien fan syn dochters as frou te nimmen (Genesis 28:1-4). Rebekka wurdt seinige troch har bruorren (Genesis 31:55).

De earste houliksmis is nei alle gedachten yn Rome yn de fiifde ieu holden. Dêrby moat tocht wurde oan de tsjerklike fiering fan in houlik dat al sletten is. Yn it earste millennium bliuwt in troutsjinst noch in privileezje dat mar foar inkelden weilein is. It sluten fan in houlik waard yn de Midsieuwen hieltyd mear in tsjerklike oangelegenheid. Op it konsylje fan Lyon (1271) waard it houlik as ien fan de sân sakraminten oanmurken en op it konsylje fan Trente (1563) stelde de gearkomste fan biskoppen fêst dat it net mooglik is en slút bûten de tsjerke om in jildich houlik. De reformatoaren hawwe beide opfettingen bestriden.

Yn de kristlike gemeente giet it om in leauwrich perspektyf, in teologyske tsjutting fan de houliksrelaasje. Wa't in maat foar it libben fûn hat om lok en leed mei diele te kinnen, wit har/him in seinige minske. Yn tankberens erkenne beide partners dat se inoar oannimme 'as in geskink út Gods hân'. Dêr sette se dy spesifike twarelaasje mei yn de kontekst fan it hanneljen fan God. Op dy wize sprekke de reformatoaryske tsjerken oer it houlik as 'in teken fan Gods leafde en trou'. Yn de tsjerkoarder fan de Protestantske Tsjerke yn Nederlân wurdt it houlik omskreaun as in 'ferbûn fan leafde en trou' (Ordinânsje 5-3). Wêr't it om in ferbûn op basis fan leafde en trou giet, kin oer dat pear yn de namme fan de Ivige in seine útsprutsen wurde: tusken de leafde en trou dêr't man en frou harren mei oaninoar ferbine, en de leafde en trou dy't God oan minsken bewiist, wurdt in relaasje lein. De leafde en trou dy't twa minsken inoar tasizze, wurdt droegen troch de



leafde en trou fan God. It seinigjen fan it breidspear is dan ek it sintrale momint yn in troufiering. It wiffe jawurd fan de trouden wurdt fundearre yn it jawurd fan de Ivige. Skaaimerken fan in kristlik houlik is de wil fan twa minsken om harren yn it libben en gearlibjen troch it evangeelje fan Gods leafde en trou ynspirearje te litten.

Yn de tsjerkoarder wurdt mei klam de mooglikheid iepen holden dat 'oare libbensferbyntenissen' as it houlik fan ien man mei ien frou ek as in ferbûn fan leafde en trou oanmurken wurde kinne (Ordinânsje 5-4). Twa minsken (m/f, m/m, f/f) dy't in 'oare' libbensferbyntenis oangien binne, kinne ek seinige wurde. Dat punt sil fierderop ûnder it kopke 'ûntjouwingen yn de tsjerken' op werom kommen wurde.

#### *Bibelske grûnwurden*

By de syktocht om in libben en gearlibjen dat neffens bibelske mjitstêven as seinige kwalifisearre wurde kin, kinne fjouwer trefwurden as oriëntaasjepunten tsjinje. Neist de wurden dy't al neamd binne – *leafde*, *trou* en *ferbûn* – is dat it begryp *frede* (*sjaloom*). Dy grûnwurden foarmje ek de pylders foar de liturgyske teksten yn in troufiering.

Fan âlds stiet it begryp *frede* yn tsjerklike houliksformulieren sintraal. Yn harren ferbyntenis wurde troude lju 'yn frede en troch frede en ienriedigens byinoar holden', neffens Simeon fan Tessalonika (15<sup>e</sup> ieu). Mei it wurd *frede* wurdt de ynhâld fan de seine folslein. Mei it wurd *sjaloom* tekenje de âldtestamintyske profeten de ferwachting fan de eintiid, it grutte takomstperspektyf (Jesaja 52:7f.; Ezechiël 37:26). Hieltijd wannear't de gemeente gearkomt, wurdt har yn it sin brocht dat se diele mei yn de frede fan God: frede mei jimme! Dat is ek it boadskip dat de troude pearen meikrije en dat se mei oaren fiere: in geef libben, fol freugde en lok wurdt harren as jefte en opjefte yn it foarútsjoch steld. Teloarstellingen en tebeksetters sille net útbliuwe, mar se meie krêft en hope helje út it leauwe dat harren libben (ek) yn Gods takomst ferankere leit. Tegearre, en mei oaren, meie se de grutte messiaanske frede sykje (Hebreeërs 12:14). Yn dit grutte en einichste perspektyf stiet ek harren libbensferbyntenis.

Yn de relaasje fan *leafde* jaan en leafde ûntfange, folgje minsken harren meast sintrale ropping en ferwurklikje se har wiere





aard: 'Dêr bestiet de leafde yn, net dat wy God leafhân hawwe, mar dat Hy ús leafhat [...]. Freonen, as God ús sa leafhân hat, dan is it ús plicht, inoarren leaf te hawwen' (1 Johannes 4:10f.). In libben dat troch de wissichheid fan Gods leafde bestiet en dat dêrtroch ta alderhanne foarmen fan wjerleafde ynspirearre wurdt, is in libben dat ta syn bestimming (ferlykje 'frede') komt. 'Dêr't leafde wennet, beskikt de Hear syn seine.'

*Trou* ferwiist nei de feiligens en de duorsumens fan in relaasje. It giet dêrby net om in kwantitatyf mar om in kwalitatyf begryp. De noasje trou is yn it foarste plak ûntliend oan it twadde diel fan de bemoediging dêr't de earetsjinst mei begjinne kin: 'Dy't trou bliuwt oant yn ivichheid en it wurk fan syn hannen net farre lit' (Psalm 146:6 en 138:8). God is net allinnich de God fan de frede en de God fan de leafde, Hy is ek de God dy't 'trou bliuwt oant yn ivichheid'. Dêr wurdt trou mei oanmurken as in tredde ikerpunt foar in minskewêzen dat oan it kritearium fan Gods byld en likenis beântwurdet. As God trou neamd wurdt, wol dêrmei sein wurde dat men op Him oan kin, dat Er betrouber is. Hy is en bliuwt ûnder alle omstannichheden fan it libben it hâldfêst fan minsken. Fan minsken dy't mei-inoar in ferbûn foar it libben oangeane, mei ûndersteld wurde dat se inoar betrouwe en leauwe kinne. Betrouwen fan wjerskanten foarmet de grûnslach fan alle duorsume relaasjes. Men moat witte wat min oainoar hat. Yn dat ferbân kin nei de profeet Hoséa ferwiisd wurde, dy't beskriuwt hoe't in mienskip ûntwoartele wurdt, as bedroch, ûnwierhaftigens en leagen de oerhân krije en goede ferhâldingen oantaaste. Syn oanklacht hâldt dan yn dat der 'gjin trou en leafde mear is en se God net mear kenne yn it lân' (Hoséa 4:1).

In *ferbûn* wurdt sletten om de frede (*sjaloom*) te garandearjen en te befoarderjen. Bibelsk yllustratyf foar it ferbûn tusken twa minsken is de skiednis fan de hertsfreonen David (oankommend kening) en Jonatan (in soan fan kening Saul): 'Jonatan sleat in ferbûn mei David, mei't er fan him hold as fan himsels' (1 Samuël 18:3). In affektive relaasje ferliest dêr syn frijbliuwend karakter mei. Hja binne inoar fan dat stuit ôf trou ferskuldige. It is in ferbûn 'by de Hear' (23:18), wat safolle betsjutte sil dat God garant stiet foar it neilibjen derfan. Yn de bibel steane leafde en rjocht op 'e selde streek. Hja ûnderstelle inoar: de kwetsbere leafde siket om 'e wille fan harsels in rjochtsoarder dêr't se yn ta ûntjouwing komme kin. It ferbûn dat twa minsken tegearre slute, is dus yn it ferbûn fan God





mei de minsken ynbêde. It is inte op en komt fuort út it witten seinige te wêzen.

### *De seine*

Karakteristyk foar in seine is de wikselwurking: God seiniget minsken en oarsom seinigje minsken God en binne hja inoar ta seine. Dat dûbele is ek de grûn fan in troufiering: it (breids) pear – en elkenien dy't yn harren lok diele wol – komme foar Gods antlit byinoar om de seine te fieren dy't harren part wurden is. De partners ûnderfine en oanfurdigje inoar as in geskink út de himel en se jouwe inoar te kennen dat hja inoar ta seine wêze wolle. Hja seinigje God foar de seine dy't Er skonken hat en freegje syn seine op it libbenspaad dat hja tegearre hoopje te gean. Mei oare wurden, de seine omfettet it lofpriizjend betinken (*anamnese*) en it oanroppen fan de Geast om in seine (*epiclese*). In seine is altyd in beliden fan de oermacht fan Gods leafde, dy't de tebrutsenheid fan it minsklik bestean trochbrekt en teneate docht. It is in bemoeiding foar pearren om der tegearre it bêste fan te meitsjen en inoar fêst te hâlden yn moaie en minne tiden, yn leaf en leed. De seine is te tsjuten as it ûnderfinen dat God tichteby is. It is in belibjen fan Gods goedens yn de aktualiteit fan it libben en in libjen yn de aktualiteit fan Gods goedens. Yn de seine giet it om it wurksum der wêzen fan God. Mei oare wurden, seine is it ûnderfinen fan de krêft dy't fan God-mei-ús útgiet, in effektive krêft te'n goede.

Op himsels is de seine fansels gjin garânsje foar in 'slagge' libbensferbyntenis. Ek wannear't in relaasje ûnferwachte fêstrint en it pear foar de pynlike beslissing stiet om in ein oan de libbensferbyntenis te meitsjen, is dêr Gods seine net mei foarby of ûngedien makke. Syn tasizzing 'Ik sil der foar dy wêze' jildt troch, ek as bliken docht dat minsken net by steat binne om inoar fêst te hâlden en foar de needsaak steane om beide har eigen wei te gean.

### **Untjouwingen yn de tsjerken**

De maatskiplike ûntjouwingen oangeande houlik en net-houlikse relaasjes binne de Protestantske Tsjerke yn Nederlân net samar foarbygongen. Yn beskate parten fan de tsjerken binne dy ûntjouwingen posityf ûntfongen, mar dat hat beslist net tsjerkebreed it gefal west. In fiks part fan de tsjerkeleden wol oan it klassike heteroseksuele houlik as iennichste foarm fan mei-inoar libjen fêsthâlde. Dyselden grûndearje har miening





op de oertsjûging dat dy foarm troch God yn de skepping jûn is. Guon oaren steane mear iepen foar de kulturele feroaringen en hawwe liturgyen ûntwikkele foar it seinigjen fan hetero- en homoseksuele pearren.

De ûnderskate betsjuttingen dy't minsken oan it houlik en oan oare libbensferbyntenissen takenne, hawwe yn de 'Mei-inoar op Wei'-tsjerken fan doedestiids ta spanningen laat, dy't op syn skerpsten ta utering kamen by it troch de mienskiplike synoaden fêst te stellen artikel oangeande troutsjinsten yn de nije tsjerkoarder (Ordinânsje 5-3). Nei de mienings- en beslútfoarming yn earste lêzing kaam de triosynoaden ta de konklúzje dat it net slagge wie om inoar te finen: 'Wy binne it der mei-inoar oer iens dat it houlik as in ferbûn fan leafde en trou foar Gods antlit hillich holden wurde moat. Mei pine is fêststeld dat op dit stuit gjin ienriedigens bestiet oer oare libbensferbyntenissen as in ferbûn fan leafde en trou foar Gods antlit.' Fanwegen dy pluriformiteit is derfoar keazen om it oan de pleatslike tsjerkerieden – nei it rieplachtsjen fan de gemeente – oer te litten oft 'oare libbensferbyntenissen' ek foar in seine yn 'e beneaming komme kinne. Dy regeling fertsjinnet faaks gjin earste priis, mar is wol in wiis kompromis dêr't foaren tsjinstanners inoar úteinlik op fûn hawwe en in wankjende patstelling mei tefoaren kommen is.



#### *Houlik fan man en frou*

Doe't de synoaden yn novimber fan 2001 de oanbelangjende kâsten fan de tsjerkoarder definityf fêststelle moast, die him in komplikaasje foar trochdat de Twadde en de Earste Keamer ûnderwilens mei it útstel fan it kabinet ynstimd hiene om it houlik iepen te stellen foar twa minsken fan itselde slachte. Foar de mearderheid fan de synoadeleden wie dat in stap te fier. Yn lid 1 fan it oanbelangjende kâst oer it ynseinigjen fan it houlik, dêr't sein wurdt wêrom't en hoe't de tsjerke behelle wêze kin by in boargerlike kwestje lykas it houlik, waarden dêrom fjouwer wurden taheakke: 'It ynseinigjen fan in houlik *fan man en frou* as in ferbûn fan leafde en trou foar Gods antlit bart yn in tsjerketsjinst.' Dat betsjut dat de Protestantske Tsjerke yn Nederlân in oare definysje fan it houlik tapast as de Steat. It útstel om oan tsjerkerieden oer te litten oft pleatslik ek oare libbensferbyntenissen (m/f, m/m, f/f) foar in seinigjen yn 'e beneaming komme kinne, waard oan fêstholden. Om it ferskil mei it houlik fan man en frou te beklamjen, waard dy bepaling yn in apart kâst ûnderbrocht (Ordinânsje 5-4).





### *Seinigje en ynseinigje*

Wy moatte noch by in oar aspekt yn de formulearring fan dizze kēsten stilstean, te witten it ûnderskied dat makke wurdt tusken it *ynseinigjen* fan in houlik en it *seinigjen* fan in oare libbensferbyntenis. By de besprekking yn earste likegoed as yn twadde lêzing binne yn de synoade útstellen dien om de terminology lyk te striken, by foarkar troch yn beide gefallen te sprekken fan seinigjen. De term *ynseinigje* hat, neffens de taljochting fan de 'Werkgroep Kerkorde', 'âlde papieren. It ferfangen fan dat wurdt troch *seinigjen* kin de suggestje oproppe dat de tsjerke hjoed-de-dei it houlik oars beoardielet as foarhinne. En dat is net it gefal.' Oan de oare kant hat de wurkgroep gjin reden sjoen om yn it gefal fan in (oare) libbensferbyntenis ek 'it foar it houlik karakteristike wurdt *ynseiniging*' te brûken. Oft der ek ynholdlike ferskillen binne tusken it seinigjen of ynseinigjen fan it houlik fan twa minsken, wurdt yn 'e midden litten. In 'hurd' teologysk-liturgysk ûnderskied tusken *seinigje* en *ynseinigje* is lestich of eins net te formulearjen. Oer it ferskil tusken beide begripen is wol opmurken dat it elemint 'yn' fan ynseinigje in yngressyf momint oanjout. Hoe dan ek, yn ús tsjerke wurde de beide begripen brûkt om it ûnderskied oan te jaan hoe't op grûn fan in oare manier fan it lêzen fan de Skrift oer it houlik tocht wurdt. Om dy reden wurdt yn Ordinânsje 5 ûnderskied makke tusken *ynseinigjen* (5-3) en *seinigjen* (5-4). Foar it tsjinstboek is it saak dat yn de tsjerkoarder it útgongspunt keazen is dat it houlik fan man en frou èn in oare libbensferbyntenis (m/f, f/f, m/m) beide besjoen wurde as in ferbûn fan leafde en trou foar Gods anlitt.

### *Sivylrjochtlike basis*

In opmerklik feit yn de beide kēsten Ordinânsje 5-3 en 5-4 is it ûntbrekken fan in ferwizing nei it tefoaren sletten (boargerlik) houlik of nei in sivylrjochtlike basis fan de libbensferbyntenis. Dat soe benammen foar it kēst oer it seinigjen fan libbensferbyntnissen in tige brede tapassingsmooglikheid betsjutte kinne. Dêr moat lykwols by betocht wurde dat yn de Protestantske Tsjerke yn Nederlân in relaasje (yn)seinigje wurde kin omdat en foarsafier't dy ferbyntenis as in *ferbûn fan leafde en trou* oanmurken wurde kin. Dy 'trou moat bliken dwaan' seit in âlde folkswysheid. Omdat de ôf te twingen soarchplicht ta de taken fan de oerheid oangeande it houlik heart en ek it hert rekket fan wat de tsjerke mei





in ferbyntenis as in *ferbûn fan leafde en trou* bedoelt, freget de tsjerke fan âlds oan wa't harren houlik as in ferbûn fan man en frou ynseinigje litte wolle in boargerlik houlik en by gefolch fan wa't harren trouferbûn seinigje litte wolle op syn minst in registrearre partnerskip of in gearlibbingskontrakt mei soarchferplichtings. Dat wol yn it ferbân fan in tsjerklike troufiering sizze dat net alle relaasjes foar in tsjerklike seine yn 'e beneaming komme.

*(Yn)seiniging troch in predikant*

Neist de fraach wa't wol of net foar in trouseine yn 'e beneaming komme kinne, moat de fraach wa't it foech hat om in seine te jaan noch beäntwurde wurde. Yn de Ordinânsjes wurdt mei klam oanjûn dat yn in troutsjinst 'it ynseinigjen troch in predikant fan de gemeente bart, of troch in yn oerlis mei it breidspear troch de tsjerkerie út te noegjen oare predikant, mei it gebrûk meitsjen fan ien fan de oarders út it tsjinstboek fan de tsjerke' (Ordinânsje 5-3-5). Foar wat it seinigjen fan 'oare libbensferbyntenissen fan twa minsken' oanbelanget, wurdt dat net eksplisyt sein (Ordinânsje 5-4), mar nei analogy fan wat oer it houlik fêststeld is mei men oannimme dat hjir itselde fan tapassing is. Dat slút net út dat neist de predikant oaren ek aktyf oan de seiniging dielnimme, bygelyks de âlden, in goede freon(dinne), de tsjûgen fan it houlik of fan de doop, of in jeugdâlderling. De troch de predikant útsprutsen seine wurdt om sa te sizzen mearstimmich eksplisyt makke.



**Ferhâlding tsjerke en steat by it sluten fan in houlik**

De reformatoaryske tsjerken binne fan betinken dat it sluten fan in houlik, en mear yn it algemien de wetjouwing oangeande it houlik, in taak fan de boargerlike oerheid is. Om dy reden koe Luther it houlik in *weltlich Ding*, in maatskiplike oangelegenheid, neame. Yn it Boargerlik Wetboek is fêstlein hokker rjochten en plichten oan de houlikse steat ferbûn binne. Sa stelt de oerheid bygelyks fêst wa't wol en wa't net mei-inoar trouwe meie. De wet beskôget it houlik allinnich yn syn boargerlike relaasjes (Kêst 1 lid 30 Boargerlik Wetboek). Leafde en trou swijt de wetjouwer oer. Motiven dy't minsken ta in houlik bringe, sprekt de oerheid him ek net oer út. Wannear't yn de tsjerkoarder fan de Protestantske Tsjerke yn Nederlân it houlik as in 'ferbûn fan leafde en trou' ferstien wurdt, lit dy omskriuwing dúdlik útkomme dat de tsjerke it





houlik fan in oare ynfalshoeke út besjocht. De tsjerke giet it yn it foarste plak om de kwaliteit fan it (gear)libjen.

#### *It útwikseljen fan de ringen*

By de houlikssluting yn it gemeentehûs draait alles om it jawurd fan har dy't trouwe op de betingsten dy't de wet oan de troude steat stelt. Foar de amtner fan de boargerlike stân oer ferklearje de oanbelangjenden inoar as frou respektivelik man oan te nimmen. It is in âld, foarkristlik gebrûk dat de man syn jawurd bekrêftiget troch oan de frou fan syn kar in ring as ûnderpân te jaan. Yn de Anglikaanske tsjerke is it noch hieltiid gebrûklik dat allinnich de breid in ring kriget. De útlis fan dy seremoanje leit yn it feit dat de ring oarspronklik yn it plak kaam fan de breidsskat dêr't de breid mei 'kocht' waard. Letter is it gebrûk yn 'e swang kommen dat breid en breugeman inoar in ring kado dogge. Dat betsjut dat it útwikseljen fan de ringen ûnderdiel is fan de houlikssluting en dêrom feitlik yn it gemeentehûs barre moat.

Yn de Roomske-Katolike Tsjerke leit dat oars, omdat it sûnt it Konsylje fan Trente (1563) net mear mooglik is om bûten de tsjerke om in jildich houlik te sluten. De troubelofte moat troch har dy't trouwe yn bywêzigens fan de pastoar as 'kwalifisearre tsjûge' en fan noch twa of trije oare tsjûgen útwiksele wurde. De Roomske-Katolike Tsjerke kleemt ek de ferantwurdlike ynstânsje te wêzen wat wetjouwing en rjochtspraak oer it houlik oangiet. It boargerlik houlik wurdt fan rjochten sjoen as in needsaaklike formaliteit sûnder watfoar betsjutting dan ek, omdat it kanonike houlik ûnder de houliksmis sletten wurdt. Dêrom ek dat de ringen yn tsjerke útwiksele wurde.

#### *Houlikssluting en troutsjinst*

Hoewol't de reformatoaren ienriedich wiene yn har opfetting dat it sluten fan houliken gjin funksje fan de tsjerke is, hat ek yn it protestantske Nederlân de praktyk yn de ieuwen dêrnei oars west. It sluten fan in houlik waard tabetroud of optwongen oan de 'hearskjende tsjerke' (de lettere Nederlânske Herfoarme Tsjerke). Dy situaasje hat trochbestien oant de Frânske tiid, doe't de oerheid de ferantwurdlikheid foar de houlikssluting hielendal nei him taloek.

Yn de klassike grifformearde houliksliturgy is noch goed te sjen dat it hjir om in *oangean* fan in houlik giet. De fraach oan breugeman en breid – 'N, ferklearje jo hjir foar God en dizze







syn hillige gemeente, dat jo nommen hawwe en nimme as jo wettige húsfrou *N* [...] – ferwiist, oars as men tinke kinne soe, net nei it tefoaren sletten boargerlik houlik, mar is in befêstiging fan de troubelofte dêr't it pear him by de ferloving oan elkoar ferbûn hat. De gongbere omskriuwing fan in troutsjinst as 'befêstiging en ynseiniging fan it houlik' kin ek maklik de yndruk jaan dat de tsjinst it karakter fan 'oertrouwen' hat. Om mooglik misbegryp op dat punt wei te nimmen giet it yn de tsjerkoarder fan de Protestantske Tsjerke yn Nederlân allinnich mar oer de 'ynseiniging fan it houlik'. Om dy reden kin de konsensusfraach yn tsjerke benefter bliuwe en folstien wurde mei in ferwizing nei it jawurd dat al jûn is. De fragen dy't yn tsjerke steld wurde, hawwe in oar, yn it foarste plak belidend karakter. Omdat, oars as yn it gemeentehûs, oan dy fragen gjin juridyske konsekwinsjes ferbûn binne, kinne se fan rjochten sels benefter bliuwe.

It oangean fan it houlik yn it gemeentehûs is suver juridysk fan aard, ek al wurdt besocht de seremoanje in persoanlik tintsje te jaan en de plechtichheid net al te formeel ferrinne te litten. De troutsjinst hat it karakter fan in tsjerklike fiering fan it houlik dat al sletten is. Oan de troutsjinst kin dan ek hielendal gjin maatskiplike en/of juridyske status ûntliend wurde. De tsjerke hoecht neat mear ta te heakjen om it houlik jildich te meitsjen. It pear komt yn troude steat de tsjerke yn. It Angelsaksyske ritueel wêrby't breid en breugeman respektivelik troch har heit en de *best man* ynbrocht wurde, wêrnei't de breid 'weijûn' wurdt, fertsjinnet allinnich al om dy reden gjin neifolging.

### **It konfesjoneel mingde houlik**

Mear as ien kear sil it barre dat mar ien fan beide partners (doop)lid fan de Protestantske Tsjerke yn Nederlân is, wylst syn of har freon(dinne) by in oare tsjerke heart. Dochs binne yn dizze bondel gjin modellen foar in 'oekumenyske' troutsjinst te finen. Foarsafier't it om immen giet dy 't by in oare protestantske tsjerke of de Ald-Katolike Tsjerke fan Nederlân heart, sille him yn begjinsel gjin komplikaasjes foardwaan. De liturgyen en liturgyske eleminten dy't oanbean wurde, kinne folslein brûkt wurde.

As ien fan beide partners roomsk-katolyk is, leit dat in slach oars. Oan de iene kant hat dat te krijen mei de roomsk-katolike opfetting dat it houlik in sakramint is: man en frou betsjinje elkoar it sakramint, dêr't it tatsjinjen fan it sakramint





net by beheind bliuwt ta de houlikssluting; man en frou befêstigje elkoar hieltiid op 'e nij yn it houlik. Dêrneist spilet mei dat de Roomsk-Katolike Tsjerke gjin betsjutting oan it boargerlik houlik takent. In houlik tusken man en frou wurdt foar de tsjerke ûnder de houliksmis sletten en wurdt dêrmei foar de tsjerke rjochtsjildich. Op dat houlik is de tsjerklike wetjouwing fan tapassing.

Yn 1971 hawwe de Nederlânske Herfoarme Tsjerke, de Grifformearde Tsjerken yn Nederlân en de Evangelysk-Lutherske Tsjerke yn it Keninkryk fan de Nederlannen oan de iene kant en de Roomsk-Katolike Tsjerke oan de oare kant in *Mienskiplike ferklearring oer it tsjerklik mingd houlik* út komme litten. Yn dat dokumint wurde rjochtlinen jûn om kristenen út ûnderskate tsjerken dy't mei elkoar trouwe wolle, pastoraal te begelieden. Yn dy ferklearring sizze de tsjerken dat se harren by it útoefenjen fan it pastoraat net sa lyk liede litte sille troch wat de tsjerken ferdielt, mar troch wat de tsjerken bynt. It wurdt net goed achte om it houlik yn beide tsjerken ynseinigje te litten, omdat soks oan de betsjutting fan de houliksynseiniging tekoart docht. As it houlik yn ien fan beide tsjerken ynseinigje wurdt, moatte de oanbelangjende predikant en pryster harren mei-elkoar yn ferbining stelle en tegearre mei it breidspear berie hâlde oer de wize fan de houliksynseiniging. De tsjerke dy't it houlik ynseiniget, moat ree wêze om de predikant of pryster fan de oare tsjerke út te noegjen om by de tsjinst oanwêzich te wêzen en dêr nei oerlis op ferantwurde wize diel oan te nimmen. De oarder fan tsjinst en it formulier, dy't yn de tsjinst brûkt wurde, sille as regel fan dy tsjerke wêze dêr't it houlik yn ynseinigje wurdt. It wurdt foarearst noch net winsklik achte dat yn de troutsjinst it hillich Nachtmiel of de eugaristy fierd wurdt.

Omdat oan de iene kant foar de troubelofte en ynseiniging fan it houlik formulearrings brûkt wurde moatte dy't troch de Roomsk-Katolike Tsjerke foarskreaun binne – of it moat wêze dat dispensaasje fan de kanonike foarm fan it houlik jûn is –, wylst oan de oare kant de tsjerken foar in pastoraal ferantwurde begelieding en fiering fan it houlik pleitsje, is ôfsjoen fan it oanbieden fan kant en klearre modellen foar in 'yntertsjerklike' houliksfiering. (Krekt nommen is it net goed om te sprekken fan in 'yntertsjerklike' of 'oekumenyske' tsjinst, omdat de tsjinst ûnder de ferantwurdlikheid fan ien fan beide tsjerken holden wurdt, dêr't de oare tsjerke in ynbring by hat.) Mear noch as yn oare situaasjes wurdt





hjr 'maatwurk' frege. Dat nimt net wei dat yn dit tsjinstboek ferskate teksten opnommen binne dy't fan roomsk-katolyk komôf binne.

### **As ien fan beide partners gjin kristen is**

Hieltyd faker komt it foar dat ien fan beide partners in tsjerklike binning hat en de oare net. It kin wêze dat de netkristen in oare godstsjinst tadien is – oer it 'religieus mingde houlik' aanst mear –, mar sy of hy kin him-/harsels ek as 'netgodstsjinstich' sjen. Men kin jin yntinke dat in fertsjintwurdiger fan de kristlike gemeente de gelegenheid kriget foar it útsprekken fan in rynske lokwinsk, wol of net mei in gebed, en it oerjaan fan in hûsbibel. Dat soe barre kinne op in gaadlik momint nei de boargerlike houlikssluting en foar de resepsje of it feest.

It is lykwols ek hiel goed mooglik dat de netkristen ynstimt mei in kristlike earetsjinst, al wie it allinnich mar omdat er/se wit hoefolle in troutsjinst foar syn of har partner betsjut. Yn foarpetearen sil de pastor mei de ûndertrouden soarchfâldich neigean moatte hoe't sa'n tsjinst foarmjûn wurde kin. Oan de iene kant moat rjocht dien wurde oan de útgongspunten foar in protestantske troutsjinst lykas hjirboppe sketst is, oan de oare kant mei gjinien oerfrege wurde. Dat freget om pastorale wiisheid en oprjochtens fan elkenien dy't it oangiet. Troufragen kinne, krekt omdat se troch it belidende karakter de netkristen oerfreegje kinne, weilitten wurde. In seiniging fan it pear is faaks 'te folle frege', mar der kin mooglik wol bidden wurde. De kar fan lieten kin problemen jaan, mar yn alle gefallen kin der muzyk makke wurde. Der sil hoe dan ek út de hillige Skriften lêzen wurde en der sil grif ek plak wêze foar in oertinking. Om begryplike reden is derfan ôfsjoen om yn dit tsjinstboek in spesjale oarder oan te bieden. Wol wurde in stikmannich 'boustiennen' foar sa'n troutsjinst oanrikt. Yn dy teksten is útgongen fan de kearnwurden fan de kristlike fyzje op in trouferbûn: ferbûn, leafde, trou en frede.

### **It religieus mingde houlik**

It religieus mingde houlik is in gefolch fan de plurifoarme mienskip dêr't wy diel fan útmeitsje. Dat feit kin lykwols gjin frijbrief wêze foar in 'ynterreligieuze houliksfiering' salang't it ferskil tusken de godstsjinsten serieus nommen wurdt. Yn grutte halen kin ek hjir it útgongspunt wêze dat hoe dan ek in kar dien wurde moat tusken in kristlike earetsjinst mei net-





kristlike ynbring of in net-kristlike seremoanje – in Joadske choepaffiering, in islamityske trouplechtichheid, in hindoeïstyske houliksfiering, ensafuorthinne – dêr't kristenen by te gast binne (en har ynbring hawwe). Yn beide gefallen hat it doel en sykje nei mooglikheden om binnen de grinzen fan wat keazen is, wurden en gebearten op te nimmen dy't de oaren weromkenne en dy't net yn striid binne mei dêr't men sels foar stiet.

Wy moatte betinke dat it karakter en de betsjutting fan in protestantske houliksfiering him frijwat ûnderskiedt fan in net-kristlike, omdat dy lêste in formele bekrêftiging fan de houliksoerienkomst ynhâldt.

Te ferlykjen fragen kinne har foardwaan yn de situaasje dat ien fan beide partners 'netleauwich' is. Op grûn fan saakkundige ynformaasje, yn goed oerlis, mei ynfielingsfermogen en kreativiteit sil it yn party gefallen mooglik wêze om in ferantwurde liturgy op te stellen, dêr't gjinien by oerfrege wurdt, mar dêr't allikemin ien fan beide partijen it gefoel by krije kin dat der tefolle wetter by de wyn moat. Paskleare resepten binne der net. Hjir jildt de eigen ferantwurdlikens fan de oanbelangjende pastors. Faaks dat hja ynspiraasje putte kinne út de nofteren opmerking fan Luther: 'Likegoed as ik mei in heiden, joad, Turk of ketter ite, drinke, sliepe, kuierje, hynsteride, boadskipje, prate en hannelje kin, kin ik ek mei sa'nien trouwe en trouw bliuwe. Bekroadzje dy net om de dwaze wetten dy't dat ferbiede. Der binne ek kristenen (en dat is de mearheid), dy't yn har ûnleauwichheid in minder karakter hawwe as joaden, heidenen, Turken of kettters. In heiden is likegoed in man of frou, dy't troch God goed en likegoed skepen is as Petrus en Paulus en Lucia, om it mar net te hawwen oer in nutteleaze, falske kristen' (*Vom ehelichen Leben*, 1522).

### **As de wegen útinoar geane**

Wannear't in houlik of in oare libbensferbyntenis ûntbûn wurdt, kinne minsken it ferlet fiele en jou har skieding ek in plak foar it antlit fan God. Wurden en gebeden foar sa'n situaasje binne yn dit tsjinstboek ûnder it haadstik 'Betsjinning fan de fermoedsoening opnommen'. Dêr binne bewurdings te finen dy't yn de mienskip fan de tsjerke – thús of yn tsjerke – klinke kinne. Dy wurden jouwe lûd en betsjutting oan fertriet, skuld, ûnmacht of ferlittenheid, faaks ek ferjeffenis en nije takomst. Der wurdt ek in gebed oanbean, dêr't de bern yn



neamd wurde. Dit tsjinstboek jout gjin folsleine oarder fan tsjinst – ommers, in tsjerketsjinst by gelegenheid fan in skieding kin men jin min yntinke. De hantrekken kin brûkt wurde as beide partners oanwêzich binne.





# Taljochting

## **Tarieding op de troufiering**

### *Ynformaasje*

De troutsjinst geane de nedige stappen oan foarôf. Ynformaasje oer troufieren yn tsjerke is te krijen by it tsjerklik buro of by in predikant. Op it tsjerklik buro sil frege wurde oft (ien fan) beide partners fan it troupear dooplid fan de Tsjerke is/binne. Se sille ek witte wolle op watfoar termyn de troutsjinst wêze sil. It is oan te rieden en nim yn in betiid stadium kontakt mei de tsjerke op, leafst foardat de datum fan de troudei fêstlein wurdt.

### *Oanjerfte by de tsjerklike gemeente*

Neidat it earste kontakt mei it tsjerklik buro of in predikant lein is, docht it troupear oanjerfte fan it (yn)seinigjen fan harren houlik of de seiniging fan de libbensferbyntenis. Dat kin by it tsjerklik buro dien wurde of by de skriba fan de gemeente dêr't op syn minst ien fan beide partners by ynskreaun is. De kar fan de predikant dy't yn de troutsjinst foargean sil, wurdt yn oerlis fêststeld. As it troupear graach wol dat in oarenien as de wykpredikant foargiet, sil dat troch de tsjerkeried goedkard wurde moatte. Dy is ommers ferantwurdlik foar de tsjinst.

### *Troupetear*

Om de troutsjinst ta te rieden sil de foargonger in petear (soms mear as ien) mei it pear hâlde. Dêr sille yn alle gefallen de yn-hâld fan de trouseine en fan de tasizzing of fragen yn besprutsen wurde. De winsken fan it pear en de gewoante fan de tsjerklike gemeente kinne yn dat petear nei foaren brocht en safolle mooglik opinoar ôfstimd wurde. Aspekten fan leauwen en libben kinne besprutsen wurde. Yn mienskiplik oerlis stelle predikant en troupear in tsjinst gear en besprekke se wa't yn de tsjint in rol spylje sille.

### *Ofkundinging yn de gemeente*

In pear wike foar de datum fan de troutsjinst wurdt yn de earetsjinst fan de gemeente dêr't op syn minst ien fan beide by heart, dizze troutsjinst ôfkundige en ta foarbea oproppe. De troufiering wurdt ek yn it tsjerkeblêd publisearre, omdat it in iepenbiere earetsjinst is dy't foar elkenien tagonklik is.





### **Oarder foar de troutsjinst**

Dit tsjinstboek jout in tal oarders foar de earetsjinst fan de gemeente dêr't it ferbûn fan leafde en trou dat twa minsken oangien binne yn (yn)seinige wurdt. Omdat der liturgysk gjin wêzentlik ûnderskied tusken 'ynseinigjen' en 'seinigjen' makke wurde kin, wurdt yn dizze taljochting meastal de term 'troutsjinst' brûkt – in term dy't ek brûkt is yn de tsjerkoarder (Ordinânsje 5-3 en 5-4). De Protestantske Tsjerke yn Nederlân ken twa soarten troutsjinsten: it ynseinigjen fan it houlik fan man en frou en it seinigjen fan oare libbensferbyntenissen. De oerienkomsten tusken beide soarten troutsjinst lizze yn de likense struktuer, de fariaasjemooglikheden yn de opbou, identike fragen, bewurdigen fan de seine en de oare gebeden. De ynhâldlike aksinten dy't lein wurde yn de aparte trougebeden en ynliedingen en de taalkundige ferskillen yn dy teksten meitsje it ferskil tusken de beide soarten troutsjinst. Dy teksten hawwe wol liturgysk ûnderskied, mar op it mêd fan it leauwe gjin oare ynhâld. In soad bewurdigen fan trougebeden en ynliedingen binne dêrtroch – mei in inkelde taalkundige feroaring – ûnderinoar goed út te wikseljen.

By de oarders binne twa formulieren mei in klassike grifformearde foarm en ynhâld: in op 'e nij besjoen en in wertaald formulier. Dy binne allinnich foar it ynseinigjen fan in houlik tusken man en frou bedoeld.

### **Opbou fan de oarders**

De oarder fan in troutsjinst ferskilt eins mar yn ien ding mei de oarder foar de sneinsfiering, te witten yn it gebed om en de jefte fan de seine oer it troupear. Oan it grûnpatroan fan de sneinske earetsjinst, Skrift en Miel of Skrift en gebed, wurdt dus allinnich de rubryk 'seine' tafoege. Fariaasjes en/of oanfollings dy't út eigen kreativiteit fuortkomme, binne fansels mooglik. In oersjoch fan de ûnderskate oarders sjocht der yn skema sa út:







**Tsjinst fan Skrift, seine en gebed (ynseiniging fan it houlik: oarders I en II, seiniging fan oare libbensferbyntenissen: oarders I en II)**

<i>fêste eleminten</i>	<i>fariabele eleminten</i>
	<i>persoanlike tarieding</i>
begroeting	
bemoediging of iepeningsfers	
psalm of gesang	
(iepenings)gebed	
lêzing út de hillige Skrift	
psalm of gesang	
oertinking	
psalm of gesang	
trougebed (oarder I)	
of ynlieding (oarder II)	<i>persoanlike ferantwurdig</i>
tasizzing of fragen	
	<i>ringwikseljen</i>
gebed om de Geast (oarder II)	
seine ûnder hânoplizzen	
psalm of gesang	
	<i>oerjaan troukears</i>
oerjaan hûsbibel	<i>ynsammeljen fan de jeften</i>
tanksizzing, foarbea, stil gebed	
gebed fan de Hear	
liet ta beslút	
útstjoering en seine	<i>ynsammeljen fan de jeften</i>

**Tsjinst fan Skrift, seine en gebed (ynseiniging fan it houlik: oarder III, fernijd liturgysk formulier út de grifformearde tradysje)**

<i>fêste eleminten</i>	<i>fariabele eleminten</i>
bemoediging en groet	
psalm of gesang	
gebed	
lêzing út de hillige Skrift	
psalm of gesang	
preek	





psalm of gesang  
 ûnderwizing  
 psalm of gesang  
 tasizzing of fragen

*ringwikseljen*

gebed om de Geast  
 seine ûnder hânoplizzen  
 psalm of gesang

*oerjaan troukears*

oerjaan hûsbibel

*ynsammeljen fan de jeften*

tanksizzing en foarbea  
 liet ta beslút  
 seine

*ynsammeljen fan de jeften*

**Tsjinst fan Skrift, seine en Miel fan de Hear (ynseiniging fan it houlik: oarders IV en V, seiniging fan oare libbensferbyntenissen: oarders III en IV)**

*fêste eleminten*

*fariabele eleminten*

YNTREE – A

*yntreeliet*

begroeting  
 bemoediging

*yntreeliet*

kyrie en gloria  
 gebed fan de dei of  
 gebed om ferljochting mei  
 de hillige Geast

YNTREE – B

*yntreeliet*

begroeting  
 bemoediging

*yntreeliet*

feroatmoediging  
 gebed fan de dei of  
 gebed om ferljochting mei  
 de hillige Geast





DE HILLIGE SKRIFT  
ien of mear lêzingen (mei lieten)  
út de hillige Skrift  
preek  
psalm of gesang

(YN)SEINIGING  
trougebed (oarder IV, resp. III)  
of ynlieding (oarder V, resp. IV)

tasizzing of fragen

*persoanlike ferantwurdig*

*ringwikseljen*

seine ûnder hânoplizzen  
psalm of gesang

*oerjaan troukears*

oerjaan húsbibel

IT MIEL FAN DE HEAR – A  
foarbea en stil gebed

*noeging en fredegroet*

ynsameljen fan de jeften

*gebed oer de jeften*

tafelgebed

*sanctus/benedictus*

gebed fan de Hear  
mienskip fan brea en wyn  
gebed nei it Miel  
liet ta beslút

UTSTJOERING EN SEINE

---

### **Gong troch de oarders hinne**

*Opgong: persoanlike tarieding  
De troutsjinst begjint eins thús al. Dit is de dei dat yn in tsjinst  
de seine oer it pear útsprutsen wurde sil. De beide partners  
kinne har dêr persoanlik op taryede. Se kinne Gods help en de  
blydskip fan de Geast op dizze dei freegje en foarbea foar de  
partner dwaan.*

*Yntree*

De amtsdragers hjitte it troupear by de yngong fan de tsjerke  
wolkom. Dêr't dat kin, liedt de tsjerkeklok. As de foargonger





wend is om in stola te dragen, is de liturgyske kleur wyt. De kleur fan de antependia is op dizze feestlike dei ek wyt. Foar de tsjinst is oargel- of oare muzyk te hearren. By it ynkommen fan de amtsdragers en it troupear giet elkenien stean. It pear giet op de stuollen sitten dy't foar har klear steane, de foargonger giet achter de tafel stean.

De mienskip fan tsjerkegongers mei yn in troustsjinst op in dei yn de wike in oare wêze as dy op snein, dochs is altyd en oeral de earetsjinst fan kristenen in 'iepenbiere earetsjinst'. De oanwêzigen wurde útnoege om te fieren hoe't dizze twa har libben in plak yn it ljocht fan Gods leafde en trou jaan wolle. It ynljedend wurd sil der fan tsjûgje dat de foargonger him fan de eftergrûn fan de tsjerkegongers bewust is. Yn de karteksten is in wolkomsttekst opnommen dy't te brûken is as it troupear net by deselde tsjerke heart. As in pastor fan (dizze/in) oare tsjerke mei as foargonger oanwêzich is, wurdt dy ek wolkom hjitten. It sil yn alle gefallen dúdlik wurde dat yn dizze tsjinst it troupear net sa lyk yn it middelpunt fan de belangstelling stiet, mar dat se krekt frege hawwe om op dizze dei foar Gods antlit te kommen. Him te tankjen, nei syn Wurd te hearren, en te bidden om syn seine. It te sjongen liet sil dan ek in typysk iepeningsliet wêze, dat dy fasetten besjngt.

Nei yntree, ynljedend wurd en iepeningsliet kin de fierdere tarieding ienfâldich wêze of krekt wijdweidich. Ienfâldich is it kiezen foar in inkeld gebed: it gebed fan de dei of in gebed om ferljochting mei de hillige Geast. Wijdweidiger is it kiezen foar Kyrie en Gloria of feroatmoediging en lofferheffing. De kar dy't hjir makke wurdt, wurdt mei útmakke troch de fraach oft de tsjinst op it fieren fan it Miel fan de Hear útrint.

### *De hillige Skrift*

Foargonger en troupear hawwe foar de lêzingen de frije kar út de hillige Skrift. Om dêrby te helpen is yn dit tsjinstboek ûnder 'Skriftlêzingen' in tal klusters fan lêzingen (mei antwurdsalmen) opnommen. Dy klusters binne om de kearnwurden frede, leafde, trou, ferbûn hinne oardere, wurden dy't it bibelsk fûnemint ûnder de oarders útmeitsje.

### *Preek*

Yn de preek wurde wurden útsprutsen dy't yn tsjinst steane fan it Wurd fan God. De preek is as taspraak, oertinking, útlis en ferkundiging in ûnderdiel fan it grutte gehiel fan in tsjer-





ketsjinst. By in troutsjinst sil dúdlik wêze dat dy wurden op dizze harkers tapast wurde.

De preek hat hjir uteraard in oar karakter as yn de sneinske earetsjinst. Yn de wurden fan de Skrift wol God minsken moetsje. Dy wurden fan de Skrift fertelle hoe't ea minsken yn har omstannichheden God moete hawwe; de trochjûne bibelteksten binne dêr it ferslach fan. De preker stiet foar de fraach hoe't de godsmoeting fan earne en ea ta in godsmoeting fan hjir en no wurde kin. Dat jildt foar alle preken, mar is grif yn de troufiering in útdaging en in kâns. It troupear hat ommers útsprutsen om inoar bliuwend moetsje te wollen en freget no oer dat ferbûn de seine fan God.

De tapassing op de situaasje fan it troupear as earste harkers nei de preek is mei de troutsjinst jûn. Dêr is neat op tsjin, as de situaasje fan it pear sels mar net de ynhâld fan de preek wurdt: it wurd fan de Skrift kleuret it ritueel en it gefal, net krektoarsom! Ek yn in troufiering is de preek iepenbiere ferkundiging. It Wurd fan God lûkt ommers troch it libben fan elkenien dy't it oangiet hinne en ferbynt harren mei it iepenbiere fan de mienskip. Om dy reden kin in trouprek (en in troutsjinst) nea in familiêr barren ûnderinoar wurde: it is altyd in tsjinst fan de Hear fan de tsjerke oan it troupear, de gemeente en de mienskip.

Yn foarm, lingte en it brûken fan de wurden sil bewust rekken holden wurde mei de mooglikheid dat in part fan de tsjerkegongers net fertroud is mei it kristlik leauwe, mei bibelske útdrukkings en ferbannen. De ferkundiging hoecht him trouwens net ta de preek te beheinen, lieten en gebeden en ynliedingen binne ek foarmen fan ferkundiging fan Gods Wurd.

### *(Yn)seinigjen*

Sa't yn it skema hjirboppe te sjen is, wurde yn dit tsjinstboek ûnderskate foarmen jûn dêr't it (yn)seinigjen fan it pear mei ynlaat wurde kin. Der kin keazen wurde út trougebeden (ynseinigjen fan in houlik, oarders I en IV; seinigjen fan oare libbensferbyntenissen, oarders I en III), ynliedingen (ynseinigjen fan in houlik, oarders II en V; seinigjen fan oare libbensferbyntenissen, oarders II en IV) en formulieren (ynseinigjen fan it houlik: fernijd liturgysk formulier út de grifformearde tradysje (oarder III) en wertaald liturgysk formulier út de grifformearde tradysje (opnommen nei oarder V).

Yn de trougebeden likegoed as yn de ynliedingen dy't it





karakter fan in ûnderwizing hawwe, en yn de formulieren komme de bibelske kearnwurden oan de oarder. Dêr't miend wurdt dat dy bibelske linen yn de preek en eventueel by de fiering fan it Miel fan de Hear foldwaande útsetten binne, kin in trougebed of ynlieding weilitten wurde en daalk nei it liet dat op de preek folget, nei de fragen/geloften oergien wurde. Al hoe't de trougebeden en ynliedingen har yn taalgebrûk en it pastoraal oankommen fan in trouferbûn faninoar ûnderskiede, se binne allegearre grûne op in tal teologysk-liturgyske út-gongspunten: se binne trinitarysk (it betinken fan de grutte dieden fan God de Heit, de Soan en de hillige Geast), hawwe de bibelske kearnwurden 'frede', 'leafde', 'trou', 'ferbûn' as grûnslach en bedoele it trouferbûn fan twa minsken yn te foegjen yn it gehiel fan de tsjerke en de mienskip.

#### *Persoonlike ferantwurdung*

It troupear kin it ferlet fiele om yn de troutsjinst in persoanlik lûd hearre te litten. Dizze rubryk jout dêr de mooglikheid ta: in selsûtkeazen gedicht, in tsjûgenis, in tankwurd oan God, syn gemeente, de âlden en alle minsken dy't oant dat stuit om harren hinne wiene, kin dêr in ûnderdiel fan wêze.

#### *Tasizzing of fragen*

It troupear komt oerein en jout inoar de rjochterhân. Dat is in âld ritueel út foarkristlike tiden en dat oarsponklik oan it eigentlike sluten fan it houlik útdrukking joech. Yn tsjerke is it in lichaamlike utering fan ferbûnens en besegeling fan de gelofte dy't no ôflein wurdt.

Der wurde twa foarmen fan geloften oanrikt. Dêr't foar de tasizzing keazen wurdt, nimme beide partners ien foar ien sels it wurd om – wylst se inoar oansjogge – tsjin de oare te sizzen wat er/se leaut en taseit. As foar de freegjende foarm keazen wurdt, dan stelt de foargonger de beide partners ien foar ien de fragen.

Yn de teksten om út te kiezen binne alternativen te finen dy't wat har ynhâld oangiet ferskille. Yn oarder III (fernijd liturgysk formulier út de grifformearde tradysje) binne de tasizzing fan en fragen oan de man oars formulearre as foar syn frou. Omdat guon muoite hawwe mei de formulearring 'oant de dea ús skiedt' (yn alle oare oarders), kin as alternatyf de bewurdung 'ús libben lang' klinke. De foargonger beslút de tasizzing of fragen mei de fraach nei de ferantwurdlikheid foar elkoar en foar harren dy't oan it pear tabetroud wurde. Dêr kin





by tocht wurde oan bern dy't út dit trouferbûn fuortkomme, mar ek breder: oan alle minsken dy't de Hear op harren wei bringt.

*It wikseljen fan de ringen*

It wikseljen fan de ringen makket ûnderdiel út fan de houlikssluting op it gemeentehûs (sjoch ek de ynlieding). As de ringen dêr net wiksele binne, kin dat noch yn tsjerke dien wurde.

*Gebed, trouseine en liet*

Nei de tasizzing of fragen (eventueel nei it wikseljen fan de ringen) knibbelje de trouwen op de knibbelbank dy't al klearstiet. Yn de oarders dêr't foar de tasizzing of fragen al in betinkend en lofpriizgjend trougebed útsprutsen is, wurdt op dit plak gjin gebed útsprutsen (ynseiniging fan it houlik, oarders I en IV; seiniging fan oare libbensferbyntenissen, oarders I en III). Yn de oarders dêr't oan de fragen of tasizzing in 'learende' ynlieding foarôfgiet, folget no it trougebed. De bea om de hillige Geast en syn jeften is dêr de kearn fan.

Nei it gebed leit de foargonger it pear de hannen op en sprekt de seine út. Dêr binne ek ûnderskate bewurdigen foar opnommen, trochstrings mei it karakter fan in belofte, somtiden mear fan in bea. Wylst it pear op 'e knibbels bliuwt, komme de oare oanwêzigen oerein en sjonge in liet. Dat liet draacht it karakter fan in akklamaasje, de ynstimming fan alle oanwêzigen. Dan komt it pear oerein, de gemeente giet sitten.

*Troukears*

It troupear kin út hannen fan in diaken of in oare oanbelangjende in troukears krije. It pear stekt dy oan de peaskekears, it ljocht fan Kristus, oan. Alle jierren dat se harren troudei betinke, kin dy kears thús brâne.

*Hûsbibel*

Ut hannen fan de âlderling fan tsjinst kriget it troupear in hûsbibel. De lytste kearn fan de gemeente fan de Hear, dy't it pear no foarmet, sil ek sêde wurde troch de wurden út de Skrift. De âlderling kin by it oerjaan in koart, persoanlik wurd sprekke. Dêr wurde yn de oarders en by de teksten om út te kiezen suggestjes foar oanrikt. De kearn fan it boadskip by it oerjaan is net 'in kadootsje fan de gemeente', mar earder wat





de psalmist al sjongt: 'Jo Wurd is my in lampe foar de foet en in ljocht op it paad' (Psalm 119:105).

### *Gebeden en jeften*

Nei it (yn)seinigjen fan it trouferbûn giet de tsjinst fierder mei deselde ûnderdielen as sneins en op feestdagen. In taljochting dêrop is te finen yn TSJINSTBOEK – in oanset, diel I – Skrift, Miel, Gebed, siden 876-882. De ynhâld fan de foarbylden fan tanksizzing en foarbea dy't hjir opnommen binne, wurdt útmakke troch de fjouwer kearnwurden dy't de bibelske grûntoan fan alle oarders binne. De foarm kin foar safier ôfwike dat in tal foar it troupear wichtige minsken yn de tsjinst meiwurkje kin. Alden, tsjûgen, freonen en it troupear sels kinne dielnimme oan tanksizzing en foarbea.

### *Ynsammeljen fan de jeften*

Yn alle tsjerketsjinsten wurde jeften ynsammele foar de diakonij, de kristlike tsjinst fan barmhertichheid en gerjochtichheid yn de (wide) wrâld. Yn in troutsjinst sil yn in soad gefallen, nei oerlis mei de diakonij, (in part fan) de kollekte ornearre wurde kinne foar in doel dat it troupear sels keazen hat. It ynsammeljen hat gewoanwei in plak yn it ramt fan gebeden en jeften. Yn in tsjinst fan Skrift, seine en gebed kin de kollekte ek by it útgean holden wurde.

Dêr't de tsjinst net trochgiet mei de fiering fan it Miel fan de Hear, folge no in liet ta beslút, útstjoering en seine.

### *Miel fan de Hear*

Suver alle tafelgebeden út TSJINSTBOEK – in oanset, diel I kinne ek yn in troutsjinst brûkt wurde. In kritearium dêrby is de perioade yn it liturgysk jier dêr't de troufiering yn holden wurdt. Helder is dat der ek dagen binne dat in troufiering him min mei it betinken fan it lijen fan Jezus Kristus kombinearje lit, lykas yn de Stille Wike dy't oan Peaske foarôfgiet. De tafelgebeden dy't yn dit diel fan it tsjinstboek by de troufiering foarsteld wurde, hawwe bewurdigen en bibelske bylden dy't noch mear as de oare gebeden nei it grutte Brulloftsmiel fan de Hear ferwize.

Om yn in troufiering dêr't ek minsken út oare tsjerken of libbensskôglike tradysjes oanwêzich binne, misferstannen foar te kommen, sil by it noegjen om oan te gean leafst in dúdlike noeging brûkt wurde. Dy binne yn TSJINSTBOEK – in







oanset, diel I, siden 807-808 te finen. Nei de fiering fan it Miel fan de Hear folge in liet ta beslút, útstjoering en seine.

### **Wa spylje in rol yn de troutsjinst?**

Troupear, amtsdragers en gemeente kinne yn de troufiering har eigen rol spylje.

De beide partners fan it troupear sprekke de trougeloften út of beânturdzje de fragen; hja kinne in persoanlik tsjûgenis jaan en eventueel inoar in ring omdwaan; knibbelje foar it trougebed en de seine; in troukears en in húsbibel krije en yn de foarbean meidwaan.

*Famylje en freonen* fan it pear kinne de Skrift lêze; meidwaan yn de foarbea; ringen en húsbibel yndrage en musisearje.

De *predikant*, foargonger en gasthear/-frou út namme fan de Hear fan de Tsjerke, fersoarget de preek; jout lieding oan de gebeden; stelt de troufragen; seiniget it troupear en giet foar oan de tafel fan de Hear.

De *âlderling* hjit by de tsjerkedoar it troupear ek wolkom; giet foar yn it konsistoarjegebed; kin de húsbibel mei in koart persoanlik wurd oerjaan.

De *diaken* hjit by de tsjerkedoar it troupear ek wolkom; kin it kyriegebed bidde; kin de troukears oerjaan; fersoarget it ynsammeljen fan de jeften (kollekte, brea en wyn); is ek behelle by it útdielen fan brea en wyn.

De *tsjerkemusikus* jout lieding oan it muzikale part fan de tsjinst.

### **As ien fan beiden gjin kristen is**

Yn dit tsjinstboek binne ek in pear teksten opnommen foar in trouferbûn dêr't ien fan beide partners gjin kristen yn is. Dy tsjinst, dy't ek ûnder ferantwurdlikheid fan in tsjerkeried holden wurdt, kin yn tsjerke of yn in oare gaadlike romte holden wurde. Omdat troufragen gjin wetlike betsjutting hawwe, hawwe se wol tige doel, mar binne se net needsaaklik. Der sille gjin fragen steld (of geloften ôflein) wurde dy't de netkristlike partner yn ferlegenheid bringe. In seine, dêr't it pear by knibbelet, is ek net needsaaklik.

Pastorale wiisheid en liturgyske kreativiteit binne dêr grif by nedich. Sa is it de fraach of en wat der songen of spile wurdt. Yn alle gefallen wurdt der út de hillige Skrift lêzen en bidden en klinke de kearnwurden fan de kristlike fyzje op in trouferbûn: leafde, trou, ferbûn en frede.





As de gemeente wend is om houliken en oare libbensferbyntenissen te registrearjen, sil dit trouferbûn ek yn de registers opnommen wurde.

### **Troufiere yn de sneinske earetsjinst**

Der is in soad foar te sizzen om in ferbûn fan leafde en trou yn de sneinske earetsjinst fan de gemeente (yn) te seinigjen. De kearnmominten fan de troufieriing 'Skrift, seine en gebed' of 'Skrift, seine en Miel fan de Hear' ûnderskiede har ommers net fan de kearnmominten fan de earetsjinst op sneintemoarn. De troufieriing yn de sneinske earetsjinst hat boppedat âlde papieren. Fan de tiid nei de Reformaasje is bekend dat in aparte troufieriing op in dei yn de wike allinnich troch begoedige boargers frege waard en dat ienfâldigen har houlik op snein befêstigje lieten. Foar de troufieriing is dus gjin aparte tsjinst nedich. Troufieren op snein sil dan ek yn alle protestantske gemeenten ta de mooglikheden hearre.

Yn de sneinske gearkomste fan de gemeente kin de foarbea foar trouden gewoanwei by alle oare foarbeaen foege wurde, lykas foar it slagjen foar in eksamen, de freugde oer in genêzing of de eangst foar driigjende foarfällen. It plak fan it (yn) seinigjen yn de oarder fan de sneintemoarnstsjinst leit foar de hân: nei de tsjinst fan de Skrift (nei preek en liet), foarôfgeand oan de gebeden. Mei it gebrûkmeitsjen fan in trougebed of in ûnderwizing, de trougeloften of fragen en de trouseine, kin dizze rubryk as in koarte mar folweardige (yn)seiniging beskôge wurde.

It is fansels dat in troutsjinst op snein beskiedener fan aard is as in aparte tsjinst op in dei yn de wike. It pear mei famylje en freonen wurdt net by de doar ferwolkomme; de yntree hat in oar karakter trochdat it pear him by de ynkommende amtsdragers foeget; de klaaiïng fan it troupear en syn gefolch sil minder oermjittich wêze. Hja binne ommers op snein foar alles tsjerkegongers.

It karakter fan de tsjinst (yn it bysûnder fan de preek) sil dus ek minder op it troupear rjochte wêze as yn in aparte troutsjinst. Feitlik docht it pear allinnich by de foarbea, fragen of geloften en de seiniging in stapke nei foaren ta. Dêrnei nimme se gewoan har plak yn tsjerke wer yn.

### **By de betinkdei fan in houlik of oare libbensferbyntenis**

Der kin ferlet fan wêze om de betinkdei fan in houlik of oare libbensferbyntenis te fieren, benammen yn it gefal fan in jubi-





leum. Dat kin yn it fermidden fan de gemeente fan Kristus, yn de gearkomste op sneintemoarn, betocht wurde. Dan sille yn it ramt fan de gebeden tanksizzing en foarbea klinke.

It is ek mooglik dat it jubilearjende pear de tsjerkeried freget om in tsjerketsjinst op in dei yn de wike, dêr't se mei wa't harren leaf binne it jubileum op betinke kinne. Tsjerkeried en wykpredikant (of predikant nei foarkar fan it pear) sille graach op sa'n fraach yngean.

De oarder fan dy tsjinst is dy fan in gebedstsjinst. Dêr kin yn prinsipe elke kristen yn foargean. As de seine jûn wurdt, sil de foargonger in predikant mei foech fan de tsjerke wêze. De wichtichste ûnderdielen fan in gebedstsjinst binne psalmgebed, tankbea en foarbea. Dy ienfâldige struktuer kinne eleminten oan tafoege wurde, dêr't de tsjinst nei eigen ynsjoch en kreativiteit fierder mei 'útboud' wurde kin. Hjirûnder folgje by wize fan suggestje in stikmannich eleminten:

*Lêzing(en) út de hillige Skrift.* Der kin gebrûk makke wurde fan de skriftlêzingen dy't yn dit tsjinstboek foar troufieringen oanrikt wurde. It is ek mooglik de lêzingen en de troutekst fan foarhinne te nimmen.

*In koarte oertinking* troch de foargonger, foar of nei de lêzing(en) út de hillige Skrift.

*Fokale of ynstrumintale muzyk.* Omdat in soad lieten feitlik songen gebeden binne, kinne dy hjir royaal in plak hawwe.

*In persoanlik betinken ûnderweis.* It troupear of oare oanwêzigen kinne wurden sprekke of in gedicht lêze, dêr't se persoanlik utering oan gefoelens yn jouwe en/of by foarfallen fan de ôfrûne jierren yn stilsteane. Freugde en fertriet, rykdom en gemis fan beminden kinne hjir har plak krije.

*In ynlieding* dêr't de tsjerke yn útleit wat de kristlike fyzje op in ferbûn fan leafde en trou is. De bibelske kearnwurden binne hjir ek: ferbûn, leafde, trou en frede.

*It fernijen fan de trougelofte.* Krekt nei in soad jierren, eventueel yn it fermidden fan bern en bernsbern, kin der ferlet wêze om inoar (op 'e nij) leafde en trou ta te sizzen.

*De trouseine.* Der is fan liturgysk eachpunt út gjin reden om te stellen dat in trouseine mar foar ien kear is (de gemeente fan Kristus wurdt ommers ek alle sneinen seinje). It jubilearjende pear kin dêr, eventueel mei bern en bernsbern deromhinne, by knibbelje.

*De troukears.* As doedestiids op de troudei in troukears oerjûn is, sil dy yn de jubileumtsjinst op in stuit oan de peaske-



kears oanstutsen wurde. As it pear gjin troukears krige hat, kin de âlderling of foargonger no in troukears oerjaan.

As lêste mei neamd wurde dat dizze oarder ek brûkt wurde kin as in pear nei in tiid fan útinnoargroeien ferlet hat om har trouferbûn op 'e nij seinigje te litten.

Oarders  
foar de  
Ynseiniging fan in Houlik  
fan man en frou



# OPGONG

*Persoanlik tarieden op de troufiering*

Leave God,  
hjoed sille wy trouwe,  
N en ik.  
Wy hawwe elkoar socht en  
wy hawwe elkoar fûn.  
In protte tiid fan tarieden hat der west,  
in tiid fan plannen meitsjen en tinken,  
in tiid ek fan neitinken oer Jo:  
oer wat Jo mei ús foar hawwe,  
oer wa't wy foar elkoar wêze sille  
en foar de minsken om ús hinne.

Hjoed fiere wy,  
ûnthjitte wy,  
leauwe wy benammen,  
dat wy by elkoar hearre  
ús libben lang!

Wy sizze Jo tank, God.  
Jo binne de boarne fan alle leafde,  
yn jo ljocht sjogge wy elkoar,  
op jo wurd wolle wy ús hûs bouwe.

Om jo Geast fan leafde en trou bid ik,  
foar my en foar N,  
foar wa't ús grutbrocht hawwe  
en foar alle leave minsken om ús hinne.

Hear Jezus,  
wês – lykas doe yn Kana –  
ek by ús, op ús brulloftsfeest.  
Dan ûntbrekt ús hjoed neat.  
Amen.

*of*

Goede God,  
hjoed sille wy tegearre nei foaren komme  
om ús leafde út te sprekken.  
Wy bidde:  
wês de sinne yn ús libben,  
ferljochtsje de wei dy't wy gean sille,  
bewarje ús en ús leafsten  
by jo trou en leafde.  
Amen.



# Oarder I – Skrift, seine en gebed

## BEGROETING

Frede foar dy *N* en frede foar dy *N*.  
Mei alles wat goed is en lokkich makket  
oer jimme beiden komme.

Frede foar jimme allegearre, sa't wy hjir byinoar kommen  
binne,  
fan fierren en fan tichtby, elk op syn of har eigen wize.  
Om mei-elkoar te fieren,  
dêr't wy hjoed ta roppen binne:  
tsjûge te wurden fan it trouferbûn tusken *N* en *N*,  
binne wy hjir.

Wês wolkom yn de tsjerke fan Jezus Kristus,  
ús Hear en freon,  
dy't ús byinoar bringt yn syn Ryk.

*Karteksten 1-2*

## BEMOEDIGING of IEPENINGSFERS:

Us help is yn de Namme fan de HEARE  
**dy't himel en ierde makke hat,**  
[dy't trou bliuwt oant yn ivichheid  
**en net los lit wat syn hân begûn.**

*Ps 124:8*  
*Ps 146:8*  
*Ps 138:8]*

*of*

Lit ús priizgje God, ús Heit,  
Skepper fan alle goede jeften.  
**Heech te priizgjen binne Jo yn alle ieuwen.**  
Lit ús priizgje Kristus,  
boarne fan alle seinigiging.  
**Heech te priizgjen binne Jo yn alle ieuwen.**  
Lit ús priizgje de hillige Geast,  
dy't ús it libben jout.  
**Heech te priizgjen binne Jo yn alle ieuwen.**

*Karteksten 3*

## PSALM of GESANG

*Lietesuggestjes siden 871-875*





## (IEPENINGS)GEBED

Barmhertige God,  
 dy't minsken oan elkoar tabetrouwe –  
 in geskink út de himel is it  
 as minsken elkoar fine.  
 Mei *N* en *N* binne wy hjir byinoar kommen  
 om jo grutte Namme te seinigjen,  
 om't Jo ien en al leafde binne  
 en trou oan ús minsken.  
 Wy bidde Jo:  
 seinigje yn jo barmhertichheid dizze twa,  
 lis jo hân op harren  
 en beklaai harren mei jo frede,  
 dizze oere, en alle dagen fan har libben.  
**Amen.**

*Karteksten 4-9*

## LEZING út de hillige Skrift

*Skriftlêzingen side 869*

## PSALM of GESANG

*Lietesuggestjes siden 871-875*



## OERTINKING



## PSALM of GESANG

*Lietesuggestjes siden 871-875*



## TROUGEBED

### 'Jou de follens fan jo seine'

God, ús Heit, Skepper fan de wrâld,  
 Jo hawwe froulju en manlju  
 neffens jo byld makke  
 en harren omgong seinige.  
 Harren ferbûn sil in ôfspiegeling wêze fan it Ferbûn  
 dat Jo mei jo folk sletten hawwe  
 en hieltyd wer fernijd hawwe.  
 Mei harren leafde in likenis wêze fan de leafde  
 dy't jo Soan mei syn gemeente ferbynt.  
 Wy bidde foar dit pear:







stjoer jo hillige Geast oer harren  
 en jou harren de follens fan jo seine,  
 dat harren leafde waakse en rypje mei.  
 Stean harren by,  
 dat se elkoar yn it leauwen fuortsterkje,  
 yn trou neist elkoar steane,  
 lok en leed mei elkoar diele.  
 Jou dat se op goede dagen Jo loovje,  
 yn minne tiden by Jo help sykje,  
 in libben lang jo oanwêzigens ûnderfine;  
 dat se yn de mienskip fan jo tsjerke steande  
 in wis tsjûgenis fan Jo jouwe  
 yn de wrâld om har hinne.  
 Meie *N* en *N* yn sûnens âld wurde  
 en ienris yn frede hinnegean  
 om yn de freugde fan it himelsk brulloftsmiel te dielen.  
**Amen.**

[PERSOANLIKE FERANTWURDING]

TASIZZING of FRAGEN

*Breid en breugeman komme oerein en jouwe elkoar de rjochterhân*



<i>man</i>	<i>frou</i>
<i>N,</i>	<i>N,</i>
ik nim dy, myn frou,	ik nim dy, myn man,
as in geskink oan	as in geskink oan
út de hân fan God	út de hân fan God
en ik wol dy	en ik wol dy
neffens it evangeelje	neffens it evangeelje
leafhawwe en trou wêze	leafhawwe en trou wêze
(yn moaie en minne dagen,	(yn moaie en minne dagen,
yn rykdom en earmoed,	yn rykdom en earmoed,
yn sûnens en sykte,	yn sûnens en sykte,
ûs libben lang).	yn sûnens en sykte,

*De foargonger freget no oan beiden tagelyk*  
 Wolle jimme soarch en ferantwurdlikheid drage  
 foar elkoar  
 en foar wa't oan jim tabetroud wurde?  
**Ja, dat wolle wy.**





*of*

*De foargonger freget oan de man*  
 N, nimme jo  
 jo frou N  
 as in geskink oan út de hân fan God  
 en wolle jo har  
 neffens it evangeelje  
 leafhawwe en trou bliuwe  
 (yn moaie en minne dagen,  
 yn rykdom en earmoed,  
 yn sûnens en sykte,  
*oant de dea jimme skiede sil/  
 salang't jim libje sille?*  
**Ja, fan herte (mei de help fan God).**

*De foargonger freget oan de frou*  
 N, nimme jo  
 jo man N  
 as in geskink oan út de hân fan God  
 en wolle jo him  
 neffens it evangeelje  
 leafhawwe en trou bliuwe  
 (yn moaie en minne dagen,  
 yn rykdom en earmoed,  
 yn sûnens en sykte,  
*oant de dea jimme skiede sil/  
 salang't jim libje sille?*  
**Ja, fan herte (mei de help fan God).**

*De foargonger freget no oan beiden tagelyk*  
 Wolle jimme soarch en ferantwurdlikheid drage  
 foar elkoar  
 en foar wa't oan jim tabetroud wurde?  
**Ja, dat wolle wy.**

*Karteksten 16-18*

[WIKSELJEN FAN DE RINGEN]

*as de ringen net yn it gemeentehûs wiksele binne*

*man en frou tsjin elkoar*

N, draach dizze ring as it teken fan myn leafde en trou.

*of foargonger ta it breidspear*

Draach dizze ring as it teken fan jim leafde en trou.





## SEINE

*Breid en breugeman knibbelje, de foargonger leit it breidspear de hannen op.*

De God fan Israel,  
de Heit fan ús Hear Jezus Kristus  
sil jimme seinigje en hoedzje,  
dat jimme yn frede en freugde byinoar wenje,  
al jim dagen,  
gâns minsken ta seine.

**Amen.**

*Karteksten 23-25*

## PSALM of GESANG

*Elkenien stiet; it breidspear kin op 'e knibbels sitten bliuwe.  
Dêrnei giet de gemeente sitten; breid en breugeman geane stean.  
Lietesuggestjes siden 871-875*

## [OERJAAN FAN DE TROUKEARS]

*De troukears wurdt oan de peaskekears oanstutsen.*

## OERJAAN FAN DE HUSBIBEL

*âlderling*

Alle dagen fan ús libben meie wy wis wêze  
fan de trou en leafde fan God.  
It wurd fan God is nea sûnder ynhâld  
mar hat altyd frijwat te sizzen.  
Hjoed hawwe wy bidden  
dat jimme leafde en trou  
likefolle sizzenkrêft hawwe meie,  
wjerspegeling fan de tawijing fan God.  
Om ek dy hiel gewoane dagen fan jim libben  
mei it ljocht fan de ferrizenis te beskinen  
jouwe wy jimme dizze hûsbibel mei.  
*of*  
jouwe wy jimme in kears mei, en dizze hûsbibel,  
dat jimme jim alle dagen bewarre witte  
by it wurd fan God, it wurd fan leafde en trou.

*Karteksten 26*

*Breid en breugeman geane sitten*

## YNSAMMELJEN FAN DE JEFTEN





TANKSIZZING en FOARBEA  
foargonger

Lit ús bidde.  
... *gebedsstilte* ...  
Skepper,  
boarne fan ús libben,  
wy tankje Jo  
foar de jefte fan de leafde  
en de jefte fan it lichem –  
Jo hawwe se ús jûn  
dat wy yn frede en frijheid  
fan elkoar genietsje  
en fan de minsken om ús hinne.  
**Amen.**

Meie *N* en *N* tegearre sa libje  
dat de krêft fan harren leafde  
in wjerspegeling fan jo leafde is  
en it libben fan ús allegearre ferriket.  
God, yn jo goedens,  
**hear ús bidden.**

Mei wa't iensum is, teloarsteld,  
en elkenien dy't it krap hat of bang is,  
troch Jo stipe wurde.  
God, yn jo goedens,  
**hear ús bidden.**

Jou oan ús allegearre, hjir byinoar  
wiisheid, geduld en moed  
om elkoar yn de namme fan Kristus te tsjinjen.  
God, yn jo goedens,  
**hear ús bidden.**

Lit freonen en famylje, dy't hjir byinoar binne,  
en harren dy't troch ôfstân fier fan ús skaat binne,  
dizze dei sterke en seinige wurde.  
God, yn jo goedens,  
**hear ús bidden.**

God fan genede, wy betinke  
harren dy't yn it leauwe yn Kristus stoarn binne  
en wy priizgje Jo om har leafde.  
Mei har foarbyld ús sterkje.

*Karteksten 27-33*





## STIL GEBED

*eventueel ôfsletten mei*

God, Jo, dy't neffens de macht dy't yn ús wurket,  
by steat binne om ûnwittend folle mear te dwaan  
as wy oait freegje of betinke, –  
oan Jo de hearlikheid  
yn 'e gemeente en yn Kristus Jezus,  
dy't ús leard hat om sa te bidden:

**Us Heit ...**

## UTGONGSLIET

*Lietesuggestjes siden 871-875*

## UTSTJOERING EN SEINE

Gean yn frede hjirwei,  
yn de ferwachting fan de takomst fan ús Hear.

De genede fan ús Hear Jezus Kristus  
en de leafde fan God  
en de mienskip fan de hillige Geast  
wês mei jimme allegearre.

**Amen.**

*Karteksten 39-43*

## [YNSAMMELJEN FAN DE JEFTEN

*As de jeften net yn de tsjinst ynsammele binne, kin dat by de útgong dien wurde.]*





## Oarder II – Skrift, seine en gebed

### BEGROETING

Frede foar dy *N* en frede foar dy *N*.  
Mei alles wat goed is en lokkich makket  
oer jimme beiden komme.

Frede foar jimme allegearre, sa't wy hjir byinoar kommen  
binne,  
fan fierren en fan tichtby, elk op syn of har eigen wize.  
Om mei-elkoar te fieren,  
dêr't wy hjoed ta roppen binne:  
tsjûge te wurden fan it trouferbûn tusken *N* en *N*.  
binne wy hjir kommen.

Wês wolkom yn de tsjerke fan Jezus Kristus,  
ús Hear en freon,  
dy't ús byinoar bringt yn syn Ryk.

*Karteksten 1-2*

### BEMOEDIGING of IEPENINGSFERS:

Us help is yn de Namme fan de HEARE  
**dy't himel en ierde makke hat,**  
[dy't trou bliuwt oant yn ivichheid  
**en net los lit wat syn hân begûn.**

*Ps 124:8*  
*Ps 146:8*  
*Ps 138:8*

*of*

Lit ús priizgje God, ús Heit,  
Skepper fan alle goede jeften.  
**Heech te priizgjen binne Jo yn alle ieuwen.**  
Lit ús priizgje Kristus,  
boarne fan alle seiniging.  
**Heech te priizgjen binne Jo yn alle ieuwen.**  
Lit ús priizgje de hillige Geast,  
dy't ús it libben jout.  
**Heech te priizgjen binne Jo yn alle ieuwen.**

*Karteksten 3*

### PSALM of GESANG

*Lietesuggestjes siden 871-875*





## (IEPENINGS)GEBED

Barmhertige God,  
 dy't minsken oan elkoar tabetrouwe –  
 in geskink út de himel is it  
 as minsken elkoar fine.  
 Mei *N* en *N* binne wy hjir byinoar kommen  
 om jo grutte Namme te seinigjen,  
 om't Jo ien en al leafde binne  
 en trou oan ús minsken.

Wy bidde Jo:  
 seinigje yn jo barmhertichheid dizze beide minsken,  
 lis jo hân op harren  
 en beklai harren mei jo frede,  
 dizze oere, en alle dagen fan har libben.

**Amen**

*Karteksten 4-9*

LEZING út de hillige Skrift

*Skriftlêzingen side 869*

PSALM of GESANG

*Lietesuggestjes siden 871-875*



OERTINKING

PSALM of GESANG

*Lietesuggestjes siden 871-875*

YNLIEDING

### **'Earbiedich en fleurich'**

Earbiedich en fleurich binne wy hjir byinoar kommen  
 om de oanwêzigens fan God te sykjen,  
 om syn seine te freegjen oer it trouferbûn fan *N* en *N*,  
 en yn harren freugde te dielen.  
 Us Hear Jezus Kristus,  
 ienris sels te gast op de brulloft te Kana yn Galiléa,  
 wol no troch syn Geast by ús wêze.

De bibel leart ús dat de ferbûnens fan minsken  
 in jefte is fan God, de Skepper.





Ja, neffens syn byld makke Er ús,  
 hast godlik hat Er ús makke.  
 Hy hat ús sà bedoeld:  
 dat minsken har oan elkoar jouwe,  
 har hiele libben,  
 ien fan geast en ien fan lichem.  
 Fruchtber sille hja wêze  
 yn leafde en trou, yn frede en geduld.  
 Want de Geast fan God wol wenje yn hûs en hert  
 fan wa't Him dêr hieltyd op 'e nij om bidde.

It houlik is jûn,  
 dat jimme elkoar treaste en helpe sille,  
 trou mei elkoar libje sille,  
 yn goede en minne tiden, yn freugde en fertriet,  
 en inoar nea wer ferlitte sille.  
 It is jûn, dat jimme elkoar kenne sille  
 mei útskroevenheid en yn tearens.  
 (It houlik is ek jûn om bern te krijen,  
 en om seinige te wurden troch harren oanwêzigens yn jim  
 hûs.  
 Jimme binne roppen om harren grut te bringen neffens de  
 wil fan God,  
 en yn de geast fan it Evangeelje fan Jezus Kristus.)

Gemeente, hjoed befêstigje *N* en *N* iepenlik  
 de kar foar elkoar  
 om alle dagen mei-inoar te libjen.  
 Hja jouwe elkoar dêrom dizze plechtige tasizzing fan trou  
 en lizze de hannen yninoar  
 en meitsje sa har ferbûnens sichtber.

Dêrom, *N* en *N/breid en breugeman*,  
 bidde wy op dizze dei mei jimme dat jimme,  
 sterk makke en laat troch de Geast fan God,  
 yn wierheid en leafde oanwinne meie,  
 foar elkoar en foar alle minsken, dy't God op jim paad  
 bringt.

*Karteksten 14-15*

[PERSOANLIKE FERANTWURDING]







TASIZZING of FRAGEN

*Breid en breugeman komme oerein en jouwe elkoar de rjochterhân*

*man*

*N,*

ik nim dy, myn frou,  
as in geskink oan  
út de hân fan God  
en ik wol dy  
neffens it evangeelje  
leafhawwe en trou wêze  
(yn moaie en minne dagen,  
yn rykdom en earmoed,  
yn sûnens en sykte,  
ús libben lang).

*frou*

*N,*

ik nim dy, myn man,  
as in geskink oan  
út de hân fan God  
en ik wol dy  
neffens it evangeelje  
leafhawwe en trou wêze  
(yn moaie en minne dagen,  
yn rykdom en earmoed,  
yn sûnens en sykte,  
ús libben lang).

*De foargonger freget no oan beiden tagelyk*

Wolle jimme soarch en ferantwurdlikheid drage  
foar elkoar  
en foar wa't oan jim tabetroud wurde?

**Ja, dat wolle wy.**



*of*



*De foargonger freget oan de man*

*N, nimme jo*

*jo frou N*

as in geskink oan út de hân fan God  
en wolle jo har  
neffens it evangeelje  
leafhawwe en trou bliuwe  
(yn moaie en minne dagen,  
yn rykdom en earmoed,  
yn sûnens en sykte,  
*oant de dea jimme skiede sil/  
salang't jim libje sille?*

**Ja, fan herte (mei de help fan God).**

*De foargonger freget oan de frou*

*N, nimme jo*

*jo man N*

as in geskink oan út de hân fan God  
en wolle jo him





neffens it evangeelje  
 leafhawwe en trou bliuwe  
 (yn moaie en minne dagen,  
 yn rykdom en earmoed,  
 yn sûnens en sykte,  
*oant de dea jimme skiede sil/  
 salang't jimme libje sille)?*

**Ja, fan herte (mei de help fan God).**

*De foargonger freget no oan beiden tagelyk*  
 Wolle jimme soarch en ferantwurdlikheid drage  
 foar elkoar  
 en foar wa't oan jim tabetroud wurde?  
**Ja, dat wolle wy.**

*Karteksten 16-18*

[WIKSELJEN FAN DE RINGEN]

*as de ringen net yn it gemeentehûs wiksele binne*

*man en frou tsjin elkoar*

*N, draach dizze ring as it teken fan myn leafde en trou.*

*of foargonger ta it breidspear*

*Draach dizze ring as it teken fan jim leafde en trou.*



GEBED

*Breid en breugeman knibbelje*

God fan Abraham, Izaäk en Jakob,  
 it hûs fan Israel hawwe Jo seinige  
 sa't Jo ûnthjitten hiene  
 en ivich bliuwe Jo trou oan jo ferbûn.

Wy bidde Jo:

wol ek dit breidspear *N* en *N* seinige  
 dat se tegearre, feriene yn leafde en trou,  
 út jo ferbûn libje meie.  
 Lis jo hân op harren.

Bring harren hûs ûnder jo bewâld  
 en lit jo freonlik antlit  
 harren foargean  
 as in ljocht dat oer har paad strielet.  
 Ja, sjoch yn goedens op harren del  
 en jou harren frede op al har wegen.  
 Meitsje harren fol fan jo hillige Geast,  
 dat se jo seine ûntfangje meie





yn in leauwich hert,  
troch Jezus Kristus, ús Hear.

**Amen.**

*Karteksten 19-22*

SEINE

*De foargonger leit it breidspear de hannen op.*

De God fan Israel,  
de Heit fan ús Hear Jezus Kristus  
sil jimme seinigje en hoedzje,  
dat jimme yn frede en freugde byinoar wenje,  
al jim dagen,  
gâns minsken ta seine.

**Amen.**

*Karteksten 23-25*

PSALM of GESANG

*Elkenien stiet; it breidspear kin op 'e knibbels sitten bliuwe.  
Dêrnei giet de gemeente sitten; breid en breugeman geane stean.  
Lietesuggestjes siden 871-875*

[OERJAAN FAN DE TROUKEARS]

*De troukears wurdt oan de peaskekears oanstutsen.*

OERJAAN FAN DE HUSBIBEL

*âlderling*

Alle dagen fan ús libben meie wy wis wêze  
fan de trou en leafde fan God.  
It wurd fan God is nea sûnder ynhâld  
mar hat altyd frijwat te sizzen.  
Hjoed hawwe wy bidden  
dat jimme leafde en trou  
likefolle sizzenskrêft hawwe meie,  
wjerspegeling fan de tawijing fan God.  
Om ek dy hiel gewoane dagen fan jim libben  
mei it ljocht fan de ferrizenis te beskinen  
jouwe wy jimme dizze húsbibel mei.

*of*

jouwe wy jim in kears mei, en dizze húsbibel,  
dat jimme jim alle dagen bewarre witte  
by it wurd fan God, it wurd fan leafde en trou.

*Karteksten 26*

*Breid en breugeman geane sitten*





## YNSAMMELJEN FAN DE JEFTEN

### TANKSIZZING en FOARBEA

#### *foargonger*

Lit ús bidde.

... *gebedsstilte* ...

Skepper,

boarne fan ús libben,

wy tankje Jo

foar de jefte fan de leafde

en de jefte fan it lichem –

Jo hawwe har oan ús jûn

dat wy yn frede en frijheid

fan elkoar genietsje

en fan de minsken om ús hinne.

*Amen.*

Meie *N* en *N* tegearre sa libje

dat de krêft fan harren leafde

in wjerspegeling fan jo leafde is

en it libben fan ús allegearre ferriket.

God, yn jo goedens,

**hear ús bidden.**

Mei wa't iensum is, teloarsteld,

en elkenien dy't it krap hat of bang is,

troch Jo stipe wurde.

God, yn jo goedens,

**hear ús bidden.**

Jou oan ús allegearre, hjir byinoar

wiisheid, geduld en moed

om elkoar yn de namme fan Kristus te tsjinjen.

God, yn jo goedens,

**hear ús bidden.**

Lit freonen en famylje, dy't hjir byinoar binne,

en harren dy't troch ôfstân fier fan ús skaat binne,

dizze dei sterke en seinige wurde.

God, yn jo goedens,

**hear ús bidden.**

God fan genede, wy betinke

harren dy't yn it leauwe yn Kristus stoarn binne



en wy priizgje Jo om har leafde.  
Mei har foarbyld ús sterkje.

*Karteksten 27-33*

#### STIL GEBED

*eventueel ôfsletten mei*

God, Jo, dy't neffens de macht dy't yn ús wurket,  
by steat binne om ûnwittend folle mear te dwaan  
as wy oait freegje of betinke,  
oan Jo de hearlikheid  
yn 'e gemeente en yn Kristus Jezus,  
dy't ús leard hat om sa te bidden:

**Us Heit ...**

#### UTGONGSLIET

*Lietesuggestjes siden 871-875*

#### UTSTJOERING EN SEINE

Gean yn frede hjirwei,  
yn de ferwachting fan de takomst fan ús Hear.

De genede fan ús Hear Jezus Kristus  
en de leafde fan God  
en de mienskip fan de hillige Geast  
wês mei jimme allegearre.

**Amen.**

*Karteksten 39-43*

#### [YNSAMMELJEN FAN DE JEFTEN

*As de jeften net yn de tsjinst yn sammele binne, kin dat by de  
útgong dien wurde.]*

## Oarder III – Skrift, seine en gebed

BEMOEDIGING en GROET

Us help is yn de Namme fan de HEARE,  
**dy't himel en ierde makke hat,**  
[dy't trou bliuwt oant yn ivichheid  
**en net los lit wat syn hân begûn.**

*Ps 124:8*  
*Ps 146:6*  
*Ps 138:8]*

Genede wês jimme en frede  
fan God, de Heit,  
en fan Jezus Kristus, de Hear.  
**Amen.**

PSALM of GESANG

*Lietesuggestjes siden 871-875*

GEBED

Heare ús God, himelske Heit,  
wy tankje Jo  
dat wy op dizze feestlike dei  
yn jo hûs komme meie.  
Want jo hûs is in hûs fan gebed,  
en om jo antlit te sykjen,  
om jo seine te freegjen  
binne wy hjir.

Wy loovje en tankje Jo  
dat Jo yn jo goedens  
de minske makke hawwe  
neffens jo byld,  
man en frou,  
en dat Jo *N* en *N* ek  
ta it houlik roppen hawwe.

Wy bidde Jo,  
wol harren en ús allegearre  
jo hillige Geast skinke,  
dat wy ús liede litte  
troch jo Wurd.  
Rjochtsje ús tinken

op jo goedens en trou,  
dy't Jo bewize,  
fan generaasje op generaasje,  
oan elkenien dy 't Jo leafhat  
en jo heil ferwachtet.  
Wol ek op dizze dei  
it ljocht fan jo Wurd  
foar ús oanstekke,  
dat wy yn leauwe  
de wei sjen meie  
dy't Jo ús wize,  
troch Jezus Kristus, ús Hear.  
**Amen.**

LEZING út de hillige Skrift

*Skriftlêzungen side 869*

PSALM of GESANG

*Lietesuggestjes siden 871-875*

PREEK

PSALM of GESANG

*Lietesuggestjes siden 871-875*

UNDERWIZING

*De ynstelling fan it houlik*

Wy binne hjir byelkoar kommen  
om N en N hinne  
om mei harren  
Gods seine oer harren houlik te freegjen.

As kristlike gemeente belide wy  
dat it houlik troch God sels ynsteld is  
as in ferbûn foar it hiele libben.  
Hy hat de minske makke  
as man en frou.  
'It is net goed', sa spriek Er,  
'dat de minske allinnich bliuwt;  
Ik sil in help foar him meitsje,  
dy't by him past.  
Dêrom giet in man  
by syn heit en mem wei  
en hinget syn frou oan  
en hja wurde folslein ien.'

*Gen 2:18, 24*



De Hear Jezus Kristus heakket dêroan ta:  
'Wat God ferbûn hat,  
mei de minske net skiede.'

*Mt 19:5-7*

De apostel Paulus neamt dat in grut heimnis.  
Hy beskriuwt de ienheid tusken man en frou  
as in ôfspiegeling fan de ienheid  
tusken Kristus en de gemeente.

*Ef 5:22-32*

Dêrom sil men it houlik net lichtfeardich oangean,  
mar allinnich yn in tankber witten  
fan wat God mei dy ynsetting bedoelt.  
En by alle tsjinspoed en fertriet,  
dy't ús yn it houlik ek oerkomme kinne,  
meie wy betrouwe op de help fan God,  
dy't ommers sels it houlik jûn hat.

*It doel fan it houlik*

Sille jimme yn it houlik  
ûnder Gods beloften en neffens syn geboaden libje,  
sa wolle wy no sjen  
mei hokker doel God it houlik ynsteld hat.  
It doel fan it houlik is:

Yn it foarste plak  
dat man en frou,  
yn leafde ferbûn,  
wier ien wêze sille.  
Hja hearre byelkoar  
om elkoar lok te jaan  
en om elkoar trou te stypjen en te helpen  
yn alles dat by it tydlike  
en it ivige libben heart.

It twadde is  
dat man en frou,  
as ynstruminten yn 'e hân fan de Skepper,  
meiwerkje sille oan it trochgean  
fan it minsklik libben.

*Gen 1:28*

As harren de seine fan bern skonken wurdt,  
sille se in kristlike húshâlding foarmje,  
in boustien yn de gemeente en yn de mienskip.  
Hja sille elkenien dy't by harren gastfrijheid genietet,  
foargean as learlingen fan Jezus Kristus.







It tredde is  
 dat it geskink fan de seksualiteit  
 yn it ferbûn fan it houlik  
 hillich, tankber en yn burgen-wêzen  
 geniete wurde sil.  
 Us lichem is ommers  
 in timpel fan de hillige Geast.

1 Kor 6:18-20

*De ferantwurdlikheid yn it houlik*

Fierders moatte jim ek witte  
 yn hokker ferantwurdlikheid  
 God jimme beiden set hat.

God hat jim oan elkoar ferbûn  
 sa't Kristus en de gemeente ferbûn binne.  
 As haad fan syn tsjerke  
 sette Er him folslein yn foar har heil:  
 as breid fan Kristus  
 is de gemeente roppen  
 om har Hear te folgjen en te tsjinjen.

Sa moatte jimme jim foar elkoar ynsette  
 om elkoar leaf te hawwen en trou te wêzen,  
 om elkoar foar te gean en te folgjen,  
 om elkoar te tsjinjen en te earjen.  
 En lykas Kristus it haad fan de tsjerke is,  
 sa is Er ek it haad fan jimme beiden  
 en de Hear fan jim hûs.

*of*

Breugeman,  
 haw jo frou leaf  
 sa't Kristus de gemeente leafhân hat.  
 Sa't Kristus it haad fan de gemeente is  
 en Him folslein foar har heil ynsette,  
 sa binne jo it haad fan jo frou  
 om har fol leafde  
 te tsjinjen, te lieden en te respekt earjen.

Breid,  
 God hat jo oan dizze man ferbûn





sa't de gemeente oan Kristus ferbûn is.  
 Sa't de gemeente har Hear leafhat,  
 Him tsjinnet en folget,  
 sa moatte jo jo man leafhawwe,  
 him helpe en respektearje.

Neffens it gebod fan God  
 moatte jimme beiden  
 mei trou en tawijing jim taak dwaan.  
 Yn betrouwen op God  
 moatte jimme goede soarch oan jim hûshâlding jaan,  
 dat elkenien  
 dy't oan jim soarch tabetroud wurdt,  
 dêr tankber foar wêze sil.  
 Ferjit dêr net by  
 dat jimme hûshâlding diel útmakket  
 fan in gruttere mienskip.  
 Jimme drage dêrom ek  
 in bredere ferantwurdlikheid:  
 foar de meiminske yn need,  
 foar de tsjerke en de maatskippij.

Ta beslút:  
 bliuw trou en tear mei elkoar omgean  
 en slút jim herten net foar elkoar ôf,  
 want dan kinne jimme net mear bidde.  
 Bliuw elkoar as bern fan God sjen,  
 roppen ta ivich libben.

*1 Petr 3:7*

PSALM of GESANG

*Lietesuggestjes siden 871-875*

TASIZZING of FRAGEN

*Breid en breugeman komme oerein en jouwe elkoar de rjochter-  
 hân.*

*breugeman ta de breid*

N, ik beliid  
 foar God en syn gemeente  
 dat ik dy oannim  
 as in gesink út Gods hân  
 en ik sis ta dat ik dy neffens Gods gebod  
 yn leafde en trou



tsjinje, liede en respektearje sil,  
yn moaie en minne dagen  
(yn rykdom en earmoed,  
yn sûnens en sykte,  
oant de dea ús skiede sil.)

*breid ta de breugeman*

N, ik beliid  
foar God en syn gemeente  
dat ik dy oannim  
as in geskink út Gods hân  
en ik sis ta dat ik dy neffens Gods gebod  
yn leafde en trou  
tsjinje, liede en respektearje sil,  
yn moaie en minne dagen  
(yn rykdom en earmoed,  
yn sûnens en sykte,  
oant de dea ús skiede sil.)

*of foargonger ta de breugeman*

N, belide jo  
foar God en syn gemeente  
dat jo N oannimme  
as in geskink út Gods hân  
en sizze jo ta dat jo har neffens Gods gebod  
yn leafde en trou  
tsjinje, liede en respektearje sille,  
yn moaie en minne dagen  
(yn rykdom en earmoed,  
yn sûnens en sykte,  
oant de dea jim skiede sil.)

Wat is dêrop jo antwurd?  
*breugeman*  
Ja.

*foargonger ta de breid*

N, belide jo  
foar God en syn gemeente  
dat jo N oannimme  
as in geskink út Gods hân  
en sizze jo ta dat jo him neffens Gods gebod  
yn leafde en trou

tsjinje, liede en respektearje sille,  
yn moaie en minne dagen  
(yn rykdom en earmoed,  
yn sûnens en sykte,  
oant de dea jim skiede sil.)

Wat is dêrop jo antwurd?  
*breid*  
Ja.

[WIKSELJEN FAN DE RINGEN]  
*as de ringen net yn it gemeentehûs wiksele binne*

*man en frou ta elkoar*  
N, draach dizze ring as it teken fan myn leafde en trou.  
  
*of foargonger ta it breidspear*  
Draach dizze ring as it teken fan jim leafde en trou.

GEBED

*Breid en breugeman knûbbelje*

God fan Abraham, Izaäk en Jakob,  
it hûs fan Israel hawwe Jo seinige  
sa't Jo ûnthjitten hiene  
en ivich bliuwe Jo trou oan jo ferbûn.  
Wy bidde Jo:  
wol ek dit breidspear *N* en *N* seinigje,  
dat se tegearre, feriene yn leafde en trou,  
út jo ferbûn libje meie.  
Lis jo hân op harren.

Bring harren hûs ûnder jo bewâld  
en lit jo freonlik antlit  
harren foargean  
as in ljocht dat oer harren paad strielet.  
Ja, sjoch yn goedens op harren del  
en jou harren frede op al har wegen.  
Meitsje harren fol fan jo hillige Geast,  
dat se jo seine ûntfange meie  
yn in leauwich hert,  
troch Jezus Kristus, ús Hear.  
**Amen.**



## SEINE

*Breid en breugeman knibbelje, de foargonger leit it breidspear de hannen op.*

De HEARE sil jimme seinigje en behoedzje.

De HEARE sil jimme mei it ljocht fan syn antlit beskinen en is jimme genedich.

De HEARE keart syn antlit nei jimme ta en sil jimme frede jaan!

**Amen.**

## PSALM of GESANG

*Elkenien stiet; it breidspear kin op 'e knibbels sitten bliuwe.*

*Dêrnei giet de gemeente sitten; breid en breugeman steane.*

*Lietesuggestjes siden 871-875*

## [OERJAAN FAN DE TROUKEARS]

*De troukears wurdt oan de peaskekears oanstutsen.*

## OERJAAN FAN DE HUSBIBEL

*âlderling*

Alle dagen fan ús libben meie wy wis wêze fan de trou en leafde fan God.

It wurd fan God is nea sûnder ynhâld mar hat altyd frijwat te sizzen.

Hjoed hawwe wy bidden

dat jimme leafde en trou

likefolle sizzenskrêft hawwe meie,

wjerspegeling fan de tawijing fan God.

Om ek dy hiel gewoane dagen fan jim libben

mei it ljocht fan de ferrizenis te beskinen

jouwe wy jimme dizze húsbibel mei.

*of*

jouwe wy jim in kears mei, en dizze húsbibel,

dat jimme jim alle dagen bewarre witte

by it wurd fan God, it wurd fan leafde en trou.

*Karteksten 26*

*Breid en breugeman geane sitten*

## YNSAMMELJEN FAN DE JEFTEN



TANKSIZZING en FOARBEA

*foargonger*

Lit us bidde.

... *gebedsstilte* ...

Heit yn 'e himel,

wy tankje Jo

foar jo lieding en soarch,

foar jo goedens en trou

yn it libben fan *N* en *N*.

Wy tankje Jo

dat Jo harren byinoar brocht hawwe

om tegearre man en frou te wêzen.

Wy tankje Jo

dat Jo oer harren libbenspaad

jo seine jaan wolle.

Hear Jezus Kristus,

op de brulloft yn Kana

woene Jo komme

om bliid mei de bliden te wêzen

en om in teken te jaan

fan jo Keninkryk;

wy bidde Jo,

wol ek foar dit breidspear

it wetter fan it deistich libben

ta de wyn fan jo Keninkryk meitsje,

fonkeljend fan freugde

en fol fan jo frede.

Skink harren dêrta

alle dagen wer jo hillige Geast,

en jou dat se yn freugde en fertriet,

ja, foar tiid en ivichheid,

har burgen witte meie yn jo genede

en droegen troch jo trou.

Mei dit breidspear sizze wy Jo tank

foar de âlden,

dy't se fan Jo krigen hawwe.

Wy sizze Jo tank

foar alle leafde en soarch,

dy't troch harren en troch oaren

yn har libben ynvestearre is.



Op dizze dei fan feest en tankberens  
 bidde wy Jo yn it bysûnder  
 foar alle minsken  
 dy't yn it houlikslibben teloarsteld binne;  
 foar elkenien  
 dy't nea in libbenspartner fûn hat;  
 foar elkenien  
 dy't de man of de frou kwytrekke is  
 oan de dea of oan it libben.  
 Jou dat se net iensum wêze sille  
 en lit harre boppe-al by Jo, barmhertige Heit,  
 har taflecht fine meie.

En mei de wurden dy't Jo ús sels leard hawwe  
 bidde wy Jo:  
**Us Heit ...**

#### UTGONGSLIET

*Lietesuggestjes siden 871-875*

#### SEINE



Gean yn frede hjir wei,  
 yn de ferwachting fan de takomst fan ús Hear.



De genede fan ús Hear Jezus Kristus  
 en de leafde fan God  
 en de mienskip fan de hillige Geast  
 wês mei jimme allegearre.  
**Amen.**



#### [YNSAMMELJEN FAN DE JEFTEN

*As de jeften net yn de tsjinst ynsammele binne, kin dat by de  
 útgong dien wurde.]*



# Oarder IV – Skrift, seine en Miel fan de Hear

YNTREE - A

[YNTREELIET]

*Lietesuggestjes siden 871-875*

BEGROETING

Frede foar dy *N* en frede foar dy *N*.  
Mei alles wat goed is en lokkich makket  
oer jimme beiden komme.  
Frede foar jimme allegearre, sa't wy hjir byinoar kommen  
binne,  
fan fierren en fan tichtby, elk op syn of har eigen wize.  
Om mei-elkoar te fieren,  
dêr't wy hjoed ta roppen binne:  
tsjûge te wurden fan it trouferbûn tusken *N* en *N*,  
binne wy hjir.

Wês wolkom yn de tsjerke fan Jezus Kristus,  
ús Hear en freon,  
dy't ús byinoar bringt yn syn Ryk.

*Karteksten 1-2*

BEMOEDIGING

Us help is yn de Namme fan de HEARE,  
**dy't himel en ierde makke hat,**  
[dy't trou bliuwt oant yn ivichheid  
**en net los lit wat syn hân begûn.**

*Ps 124:8*

*Ps 146:6*

*Ps 138:8]*

[YNTREELIET]

*Lietesuggestjes siden 871-875*

KYRIE

Lit ús op dizze freugdefolle dei  
de Hear om ûntferming oanroppe

740

*Leafde en trou*



foar wa't gjin frede kenne,  
gjin frede dy't harren libben doel en gearhing jout.  
Sa roppe wy om ferbûnens  
oer ús grinzen hinne,  
en priizgje wy de Namme fan de Hear,  
want syn barmhertichheid is de ein fan wei.

*Karteksten 10-11*

GLORIA

GEBED FAN DE DEI

Barmhertige God,  
dy't minsken oan elkoar tabetrouwe –  
in geskink út de himel is it  
as minsken elkoar fine.  
Mei *N* en *N* binne wy hjir byinoar kommen  
om jo grutte Namme te seinigjen,  
om't Jo ien en al leafde binne  
en trou oan ús minsken.

Wy bidde Jo:

seinigje yn jo barmhertigens dizze twa,  
lis jo hân op harren  
en beklaai harren mei jo frede,  
dizze oere, en alle dagen fan har libben.

**Amen.**

*Karteksten 4-9*



## YNTREE – B

[YNTREELIET]

*Lietesuggestjes siden 871-875*

BEGROETING

Frede foar dy *N* en frede foar dy *N*.  
Mei alles wat goed is en lokkich makket  
oer jimme beiden komme.

Frede foar jimme allegearre, sa't wy hjir byinoar kommen  
binne,  
fan fierren en fan tichtby, elk op syn of har eigen wize.  
Om mei-elkoar te fieren,  
dêr't wy hjoed ta roppen binne:  
tsjûge te wurden fan it trouferbûn tusken *N* en *N*,  
binne wy hjir.

Wês wolkom yn de tsjerke fan Jezus Kristus,  
ús Hear en freon,  
dy't ús byinoar bringt yn syn Ryk.

*Karteksten 1-2*



BEMOEDIGING

Us help is yn de Namme fan de HEARE,  
**dy't himel en ierde makke hat,**  
[dy't trou bliuwt oant yn ivichheid  
**en net los lit wat syn hân begûn.**

*Ps 124:8*

*Ps 146:6*

*Ps 138:8*

[YNTREELIET]

*Lietesuggestjes siden 871-875*

FEROATMOEDIGING

Foar Jo belide wy, almachtige God,  
**foar jo hiele tsjerke en foar elkoar,**  
**dat wy sûndige hawwe**  
**yn wat wy tochten, seine en diene.**  
*... gebedsstilte ...*  
Untfermje Jo oer ús,  
**ferjou ús ús sûnden**



**en lied ús ta it ivige libben,**  
troch Jezus Kristus, ús Hear.  
**Amen.**

LOFFERHEFFING, DE TSIEN WURDEN

*sjoch Tsjinstboek – in oanset, diel I siden 159-160*

GEBED OM FERLJOCHTING MEI DE HILLIGE GEAST

Ferburgene God,  
wy libje mei it each op Jo,  
ús hert is fol fan ferlangst  
nei jo bywêzichheid.  
Harkje dêrom nei ús bidden.  
Kom mei it libbensljocht fan jo Geast  
yn ús fermidden.  
Opfleurje sille wy  
yn jo waarme leafde.  
Wy tankje en priizgje Jo  
foar it foltôgjen fan ús libben.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear.  
**Amen.**

*Karteksten 12-13*



## DE HILLIGE SKRIFT

*Ien of mear*

LEZINGEN (mei lieten) út de hillige Skrift.

*Skriflêzingen side 869*

*Lietesuggestjes siden 871-875*

PREEK

PSALM of GESANG

*Lietesuggestjes siden 871-875*

## YNSEINIGING

TROUGEBED

### **'Jou de follens fan jo seine'**

God, ús Heit, Skepper fan de wrâld,  
 Jo hawwe froulju en manlju  
 neffens jo byld makke  
 en har omgong seinige.  
 Harren ferbûn sil in ôfspiegeling wêze fan it Ferbûn  
 dat Jo mei jo folk sletten hawwe  
 en hieltyd wer fernijd hawwe.  
 Mei harren leafde in likenis wêze fan de leafde  
 dy't jo Soan mei syn gemeente ferbynt.  
 Wy bidde foar dit pear:  
 stjoer jo hillige Geast oer harren  
 en jou harren de follens fan jo seine,  
 dat harren leafde waakse en rypje mei.  
 Stean harren by,  
 dat se elkoar yn it leauwen fuortsterkje,  
 yn trou neist elkoar steane,  
 lok en leed mei elkoar diele.  
 Jou dat se op goede dagen Jo loovje,  
 yn minne tiden by Jo help sykje,  
 in libben lang jo oanwêzigens ûnderfine;  
 dat se yn de mienskip fan de tsjerke steande  
 in wis tsjûgenis fan Jo jouwe  
 yn de wrâld om har hinne.  
 Meie *N* en *N* yn súnens âld wurde  
 en ienris yn frede hinnegean



om yn de freugde fan it himelsk brulloftsmiel te dielen.

**Amen.**

[PERSOANLIKE FERANTWURDING]

TASIZZING of FRAGEN

*Breid en breugeman komme oerein en jouwe elkoar de tjochterhân*

*man*

*N*

ik nim dy, myn frou,

as in geskink oan

út de hân fan God

en ik wol dy

neffens it evangeelje

leafhawwe en trou wêze

(yn moaie en minne dagen,

yn rykdom en earmoed,

yn sûnens en sykte,

ús libben lang).

*frou*

*N*

ik nim dy, myn man,

as in geskink oan

út de hân fan God

en ik wol dy

neffens it evangeelje

leafhawwe en trou wêze

(yn moaie en minne dagen,

yn rykdom en earmoed,

yn sûnens en sykte,

ús libben lang).

*De foargonger freget no oan beiden tagelyk*

Wolle jimme soarch en ferantwurdlikheid drage

foar elkoar

en foar wa't oan jim tabetroud wurde?

**Ja, dat wolle wy.**

*of*

*De foargonger freget oan de man*

*N*, nimme jo

jo frou *N*

as in geskink oan út de hân fan God

en wolle jo har

neffens it evangeelje

leafhawwe en trou bliuwe

(yn moaie en minne dagen,

yn rykdom en earmoed,

yn sûnens en sykte,

*oant de dea jimme skiede sil/*

*salang't jim libje sille)?*

**Ja, fan herte (mei de help fan God).**



*De foargonger freget oan de frou*  
 N, nimme jo  
 jo man N  
 as in geskink oan út de hân fan God  
 en wolle jo him  
 neffens it evangeelje  
 leafhawwe en trou bliuwe  
 (yn moaie en minne dagen,  
 yn rykdom en earmoed,  
 yn súnens en sykte,  
*oant de dea jimme skiede sil/  
 salang't jim libje sille?*  
**Ja, fan herte (mei de help fan God).**

*De foargonger freget no oan beiden tagelyk*  
 Wolle jimme soarch en ferantwurdlikheid drage  
 foar elkoar  
 en foar wa't oan jim tabetroud wurde?  
**Ja, dat wolle wy.**

*Karteksten 16-18*

[WIKSELJEN FAN DE RINGEN]

*as de ringen net yn it gemeentehûs wiksele binne*

*man en frou sizze ta elkoar*

N, draach dizze ring as it teken fan myn leafde en trou.

*of foargonger ta it breidspear*

Draach dizze ring as it teken fan jim leafde en trou.

SEINE

*Breid en breugeman knibbelje, de foargonger leit it breidspear  
 de hannen op.*

De God fan Israel,

de Heit fan ús Hear Jezus Kristus

sil jimme seinigje en behoedzje,

dat jimme yn frede en freugde byinoar wenje,

alle dagen,

gâns minsken ta seine.

**Amen.**

*Karteksten 23-25*

PSALM of GESANG

*Elkenien stiet; it breidspear kin op 'e knibbels sitten bliuwe.*





*Dêrnei giet de gemeente sitten; breid en breugeman steane.*

*Lietesuggestjes 871-875*

[OERJAAN FAN DE TROUKEARS]

*De troukears wurdt oan de peaskekears oanstutsen.*

OERJAAN FAN DE HUSBIBEL

*âlderling*

Alle dagen fan ús libben meie wy wis wêze  
fan de trou en leafde fan God.

It wurd fan God is nea sûnder ynhâld  
mar hat altyd frijwat te sizzen.

Hjoed hawwe wy bidden  
dat jimme leafde en trou

likefolle sizzenskrêft hawwe meie,  
wjerspegeling fan de tawijing fan God.

Om ek dy hiel gewoane dagen fan jim libben  
mei it ljocht fan de ferrizenis te beskinen  
jouwe wy jimme dizze húsbibel mei.

*of*

jouwe wy jim in kears mei, en dizze húsbibel,  
dat jimme jim alle dagen bewarre witte  
by it wurd fan God, it wurd fan leafde en trou.

*Karteksten 26*

*Breid en breugeman geane sitten*

MIEL FAN DE HEAR

*Sjoch ek Tsjinstboek – in oanset, diel I, side 165f.*

FOARBEA

Lit ús bidde:

*... gebedsstilte ...*

Almachtige God,

sjoch genedich om nei de wrâld

dy't Jo makke hawwe,

en dêr't jo Soan syn libben foar jûn hat.

Meie N en N tegearre sa libje

dat de krêft fan harren leafde

in wjerspegeling fan jo leafde is

en it libben fan ús allegearre ferriket.

God, yn jo goedens,

**hear ús bidden.**



Mei wa't iensum is, teloarsteld,  
en elkenien dy't it krap hat of bang is,  
troch Jo stipe wurde.  
God, yn jo goedens,  
**hear ús bidden.**

Jou oan ús allegearre, hjir byinoar  
wiisheid, geduld en moed  
om elkoar yn de namme fan Kristus te tsjinjen.  
God, yn jo goedens,  
**hear ús bidden.**

Lit freonen en famylje, dy't hjir byinoar binne,  
en harren dy't troch ôfstân fier fan ús skaat binne,  
dizze dei sterke en seinige wurde.  
God, yn jo goedens,  
**hear ús bidden.**

God fan genede, wy betinke  
harren dy't yn it leauwe yn Kristus stoarn binne  
en wy priizgje Jo om har leafde.  
Mei har foarbyld ús sterkje.

*Karteksten 27-33*

STIL GEBED  
*eventueel ôfsletten mei*

God, Jo, dy't neffens de macht dy't yn ús wurket,  
by steat binne om ûnwittend folle mear te dwaan  
as wy oait freegje of betinke,  
oan Jo de hearlikheid  
yn 'e gemeente en yn Kristus Jezus,  
oant yn alle geslachten  
fan ivichheid ta ivichheid.  
**Amen.**

UTNOEGING

De Hear hat syn tafel reemakke  
foar wa't op Him betrouwe en Him leafhawwe.  
Kristus noaget ús  
om tankber en leauwich  
mei de lofprizing fan syn tsjerke yn te stimmen  
en brea en wyn út syn hân oanrikt te krijen.





## FREDEGROET

*Elkenien stiet*

De frede fan de Hear wês altyd mei jimme.

**En mei jo geast.**

Bring inoar de fredegroet.

*of*

Jou inoar in teken fan frede.

*De gemeenteleden bringe inoar de fredegroet.*

*Elkenien giet sitten.*

## YNSAMMELJEN FAN DE JEFTEN

*Under it ynsammeljen fan de jeften meitsje de foargonger en de diakens de tafel mei de jeften fan brea en wyn ree. Under it ynsammeljen kin in liet songen wurde en/of muzyk makke wurde.*

## GEBED OER DE JEFTEN

Himelske Heit,

Jo dy't genedich en barmhertich binne,

wy komme ta Jo

mei de jeften fan jo skepping

(dit brea en dizze wyn).

Wy bidde Jo:

meitsje yn dizze tekens

it geheim fan jo leafde iepenbier.

Lit ús diele yn it libben

fan jo iennichstberne Soan

en jou ús jo hillige Geast

dy't nije minsken fan ús makket,

dizze dei en alle dagen,

oant yn ivichheid.

**Amen.**

## TAFELGEBED

De Hear sil by jim wêze.

**De Hear sil jo bewarje.**

De herten heech.

**Wy hawwe ús hert by de Hear.**



Bringe wy tank oan de Hear, ús God.  
**Hy is ús tankberens weardich.**

Wy loovje Jo, o ús God,  
Jo kening fan dizze wrâld,  
want by Jo is de welle fan it libben,  
yn jo ljocht sjogge wy it ljocht.

Wy loovje Jo dat Jo  
minsken makke hawwe,  
wy loovje Jo dat Jo  
harren neffens jo byld meitsje.

Wy loovje Jo dat Jo  
de wrâld behâlde  
troch de leafde op ierde  
iepenbiere.

Wy loovje Jo dat Jo  
de freugde wollen hawwe,  
it brea dat wy diele,  
de wyn fan it keninkryk.

O Hear, lit dan  
yn stêd en lân  
oant yn de strjitten fan Jeruzalem  
de lofsang wjerklinke,

want Jo hawwe ús ferblide  
mei jo bywêzigens,  
jo trou lit ús libje  
en wy besteane allinnich yn jo byld.

Sa sjonge wy mei freugde  
de lofsang dy't wjerklinkt  
wêr't jo Namme plak  
fynt op ierde:  
**Hillich, hillich, hillich ...**

*ferfolch TAFELGEBED, sjoch Tsjinstboek – in oanset diel I,  
side 275 of 276-277*

*Karteksten 34-37*



## GEBED FAN DE HEAR

*ynlaat mei de lêste wurden fan it Tafelgebed, of*

Lit ús bidde ta God, ús Heit,  
mei de wurden dy't Jezus ús leard hat:

### **Us Heit ...**

## MIENSKIP FAN BREA EN WYN

### GEBED NEI IT MIEL

Jo, dy't yn minsken  
jo wolbehagen hawwe,  
ferhear ús gebeden  
en skink ús  
alles dêr't wy ferlet fan hawwe  
om libje te kinnen:  
geastkrêft en freugde,  
hope en goedens, dy't minsken ferbine  
en de wei folgje litte fan Him  
dy't ús ljocht is: Jezus, ús broer,  
hjoed en oant de ein fan ús dagen.

**Amen.**

*Karteksten 38*



## UTGONGSLIET

*Lietesuggestjes 871-875*

## UTSTJOERING EN SEINE

Gean yn frede hjir wei,  
yn de ferwachting fan de takomst fan ús Hear.

De genede fan ús Hear Jezus Kristus  
en de leafde fan God  
en de mienskip fan de hillige Geast  
wês mei jimme allegearre.

**Amen.**

*Karteksten 39-43*



# Oarder V – Skrift, seine en Miel fan de Hear

YNTREE - A

[YNTREELIET]

*Lietesuggestjes siden 871-875*

BEGROETING

Frede foar dy *N* en frede foar dy *N*.  
Mei alles wat goed is en lokkich makket  
oer jimme beiden komme.

Frede foar jimme allegearre, sa't wy hjir byinoar kommen  
binne,  
fan fierren en fan tichtby, elk op syn of har eigen wize.  
Om mei-elkoar te fieren,  
dêr't wy hjoed ta roppen binne:  
tsjûge te wurden fan it trouferbûn tusken *N* en *N*.  
binne wy hjir.

Wês wolkom yn de tsjerke fan Jezus Kristus,  
ús Hear en freon,  
dy't ús byinoar bringt yn syn Ryk.

*Karteksten 1-2*

BEMOEDIGING

Us help is yn de Namme fan de HEARE,  
**dy't himel en ierde makke hat,**  
[dy't trou bliuwt oant yn ivichheid  
**en net los lit wat syn hân begûn.**

*Ps 124:8*

*Ps 146:6*

*Ps 138:8*

[YNTREELIET]

*Lietesuggestjes siden 871-875*

KYRIE

Lit ús op dizze freugdefolle dei  
de Hear om ûntferming oanroppe

foar wa't gjin frede kenne,  
gjin frede dy't harren libben doel en gearhing jout.  
Sa roppe wy om ferbûnens  
oer ús grinzen hinne,  
en priizgje wy de Namme fan de Hear,  
want syn barmhertichheid is de ein fan wei.

*Karteksten 10-11*

GLORIA

GEBED FAN DE DEI

Barmhertige God,  
dy't minsken oan elkoar tabetrouwe –  
in geskink út de himel is it  
as minsken elkoar fine.  
Mei *N* en *N* binne wy hjir byinoar kommen  
om jo grutte Namme te seinigjen,  
om't Jo ien en al leafde binne  
en trou oan ús minsken.  
Wy bidde Jo:  
seinigje yn jo barmhertichheid dizze twa,  
lis jo hân op harren  
en beklaai harren mei jo frede,  
dizze oere, en alle dagen fan har libben.

**Amen.**

*Karteksten 4-9*



## YNTREE – B

[YNTREELIET]

*Lietesuggestjes siden 871-875*

### BEGROETING

Frede foar dy *N* en frede foar dy *N*.  
 Dat alles wat goed is en lokkich makket  
 oer jimme beiden komme mei.  
 Frede foar jimme allegearre, sa't wy hjir byinoar kommen  
 binne,  
 fan fierren en fan tichtby, elk op syn of har eigen wize.  
 Om mei-elkoar te fieren,  
 dêr't wy hjoed ta roppen binne:  
 tsjûge te wurden fan it trouferbûn tusken *N* en *N*,  
 binne wy hjir.

Wês wolkom yn de tsjerke fan Jezus Kristus,  
 ús Hear en freon,  
 dy't ús byinoar bringt yn syn Ryk.

*Karteksten 1-2*



### BEMOEDIGING



Us help is yn de Namme fan de HEARE,  
**dy't himel en ierde makke hat,**  
 [dy't trou bliuwt oant yn ivichheid  
**en net los lit wat syn hân begûn.**

*Ps 124:8*

*Ps 146:6*

*Ps 138:8*

[YNTREELIET]

*Lietesuggestjes siden 871-875*

### FEROATMOEDIGING

Foar Jo belide wy, almachtige God,  
**foar jo hiele tsjerke en foar elkoar,**  
**dat wy sûndige hawwe**  
**yn wat wy tochten, seine en diene.**  
 ... *gebedsstilte* ...  
 Unfermje Jo oer ús,  
**ferjou ús ús sûnden**  
**en lied ús ta it ivige libben:**



troch Jezus Kristus, ús Hear,  
**Amen.**

LOFFERHEFFING, DE TSIEN WURDEN

*sjoch Tsjinstboek – in oanset, diel I siden 159-160*

GEBED OM FERLJOCHTING MEI DE HILLIGE GEAST

Ferburgene God,  
wy libje mei it each op Jo,  
ús hert is fol fan ferlangst  
nei jo bywêzichheid.  
Harkje dêrom nei ús bidden.  
Kom mei it libbensljocht fan jo Geast  
yn ús fermidden.  
Opfleurje sille wy  
yn jo waarme leafde.  
Wy tankje en priizgje Jo  
foar it foltôgjen fan ús libben.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear.  
**Amen.**

*Karteksten 12-13*



## DE HILLIGE SKRIFT

*Ien of mear*

LEZINGEN (mei lieten) út de hillige Skrift.

*Skriflêzingsen side 869*

*Lietesuggestjes siden 871-875*

PREEK

PSALM of GESANG

*Lietesuggestjes siden 871-875*

## YNSEINIGING

YNLIEDING

### **'Earbiedich en fleurich'**

Earbiedich en fleurich binne wy hjir byinoar kommen  
om de oanwêzigens fan God te sykjen,  
om syn seine te freegjen oer it trouferbûn fan N en N,  
en yn harren freugde te dielen.

Us Hear Jezus Kristus,  
ienris sels te gast op de brulloft te Kana yn Galiléa,  
wol no troch syn Geast by ús wêze.

De bibel leart ús dat de ferbûnens fan minsken  
in jefte is fan God, de Skepper.

Ja, neffens syn byld makke Er ús,  
hast godlik hat Er ús makke.

Hy hat ús sà bedoeld:

dat minsken har oan elkoar jouwe,  
har hiele libben,

ien fan geast en ien fan lichem.

Fruchtber sille hja wêze  
yn leafde en trou, yn frede en geduld.

Want de Geast fan God wol wenje yn hûs en hert  
fan wa't Him dêr hieltyd op 'e nij om bidde.

It houlik is jûn,

dat jimme elkoar treaste en helpe sille,

trou mei elkoar libje sille,

yn goede en minne tiden, yn freugde en fertriet,







en inoar nea wer ferlitte sille.  
 It is jûn, dat jimme elkoar kenne sille  
 mei útskroevenheid en yn tearens.  
 (It houlik is ek jûn om bern te krijen,  
 en om seinige te wurden troch harren oanwêzigens yn  
 jim hûs.  
 Jimme binne roppen om harren grut te bringen neffens  
 de wil fan God,  
 en yn de geast fan it Evangeelje fan Jezus Kristus.)

Gemeente, hjoed befêstigje *N* en *N* iepenlik  
 de kar foar elkoar  
 om alle dagen mei-inoar te libjen.  
 Hja jouwe elkoar dêrom dizze plechtige tasizzing fan trou  
 en lizze de hannen ynoar  
 en meitsje sa har ferbûnens sichtber.

Dêrom, *N* en *N/breid en breugeman*,  
 bidde wy op dizze dei mei jimme  
 dat jimme, sterk makke en laat troch de Geast fan God,  
 yn wierheid en leafde oanwinne meie,  
 foar elkoar en foar alle minsken, dy't God op jim paad  
 bringt.

*Karteksten 14-15*



[PERSOANLIKE FERANTWURDING]

TASIZZING of FRAGEN

*Breid en breugeman komme oerein en jouwe elkoar de rjochterhân*

<i>man</i>	<i>frou</i>
<i>N,</i>	<i>N,</i>
ik nim dy, myn frou,	ik nim dy, myn man,
as in geskink oan	as in geskink oan
út de hân fan God	út de hân fan God
en ik wol dy	en ik wol dy
neffens it evangeelje	neffens it evangeelje
leafhawwe en trou wêze	leafhawwe en trou wêze
(yn moaie en minne dagen,	(yn moaie en minne dagen,
yn rykdom en earmoed,	yn rykdom en earmoed,
yn sûnens en sykte,	yn sûnens en sykte,
ús libben lang).	ús libben lang).





*De foargonger freget no oan beiden tagelyk*  
 Wolle jimme soarch en ferantwurdlikens drage  
 foar elkoar  
 en foar wa't oan jim tabetroud wurde?  
**Ja, dat wolle wy.**

*of*

*De foargonger freget oan de man*  
*N, nimme jo*  
*jo frou N*  
 as in geskink oan út de hân fan God  
 en wolle jo har  
 neffens it evangeelje  
 leafhawwe en trou bliuwe  
 (yn moaie en minne dagen,  
 yn rykdom en earmoed,  
 yn sûnens en sykte,  
*oant de dea jimme skiede sil/  
 salang't jimme libje sille)?*  
**Ja, fan herte (mei de help fan God).**



*De foargonger freget oan de frou*  
*N, nimme jo*  
*jo man N*  
 as in geskink oan út de hân fan God  
 en wolle jo him  
 neffens it evangeelje  
 leafhawwe en trou bliuwe  
 (yn moaie en minne dagen,  
 yn rykdom en earmoed,  
 yn sûnens en sykte,  
*oant de dea jimme skiede sil/  
 salang't jimme libje sille)?*  
**Ja, fan herte (mei de help fan God).**



*De foargonger freget no oan beiden tagelyk*  
 Wolle jimme soarch en ferantwurdlikens drage  
 foar elkoar  
 en foar wa't jim tabetroud wurde?  
**Ja, dat wolle wy.**

*Karteksten 16-18*





[WIKSELJEN FAN DE RINGEN]

*as de ringen net yn it gemeentehûs wiksele binne*

*man en frou ta elkoar*

N, draach dizze ring as it teken fan myn leafde en trou.

*of foargonger ta it breidspear*

Draach dizze ring as it teken fan jim leafde en trou.

GEBED

*Breid en breugeman knibbelje*

God fan Abraham, Izaäk en Jakob,

it hûs fan Israel hawwe Jo seinige

sa't Jo ûnthjitten hawwe

en ivich bliuwe Jo trou oan jo ferbûn.

Wy bidde Jo:

wol ek dit breidspear N en N seinige

dat se tegearre, feriene yn leafde en trou,

út jo ferbûn libje meie.

Lis jo hân op harren.

Bring harren hûs ûnder jo bewâld

en lit jo freonlik antlit

harren foargean

as in ljocht dat oer harren paad strielet.

Ja, sjoch yn goedens op harren del

en jou harren frede op al harren wegen.

Meitsje harren fol fan jo hillige Geast,

dat se jo seine ûntfange meie

yn in leauwich hert,

troch Jezus Kristus, ús Hear.

**Amen.**

*Karteksten 19-22*

SEINE

*De foargonger leit it breidspear de hannen op.*

De God fan Israel

De Heit fan ús Hear Jezus Kristus

sil jimme seinige en behoedzje,

dat jimme yn frede en freugde byinoar wenje,

al jim dagen,

gâns minsken ta seine.

**Amen.**

*Karteksten 23-25*





PSALM of GESANG

*Elkenien stiet; it breidspear kin op 'e knibbels sitten bliuwe.  
Dêrnei giet de gemeente sitten; breid en breugeman steane.  
Lietesuggestjes siden 871-875*

[OERJAAN FAN DE TROUKEARS]

*De troukears wurdt oan de peaskekears oanstutsen.*

OERJAAN FAN DE HUSBIBEL

*âlderling*

Alle dagen fan ús libben meie wy wis wêze  
fan de trou en leafde fan God.  
It wurd fan God is nea sûnder ynhâld  
mar hat altyd frijwat te sizzen.  
Hjoed hawwe wy bidden  
dat jimme leafde en trou  
likefolle sizzenskrêft hawwe meie,  
wjerspegeling fan de tawijing fan God.  
Om ek dy hiel gewoane dagen fan jim libben  
mei it ljocht fan de ferrizenis te beskinen  
jouwe wy jimme dizze húsbibel mei.

*of*

jouwe wy jim in kears mei, en dizze húsbibel,  
dat jimme jim alle dagen bewarre witte  
by it wurd fan God, it wurd fan leafde en trou.

*Karteksten 26*

*Breid en breugeman geane sitten*

MIEL FAN DE HEAR

*sjoch ek Tsjinstboek – in oanset, diel I side 165f.*

FOARBEA

*foargonger*

Lit ús bidde:  
... *gebedsstilte* ...  
Almachtige God,  
sjoch genedich om nei dizze wrâld  
dy't Jo makke hawwe,  
en dêr't jo Soan syn libben foar jûn hat.  
Meie N en N tegearre sa libje  
dat de krêft fan harren leafde





in wjerspegeling fan jo leafde is  
 en it libben fan ús allegearre ferriket.  
 God, yn jo goedens,  
**hear ús bidden.**

Mei wa't iensum is, teloarsteld,  
 en elkenien dy't it krap hat of bang is,  
 troch Jo stipe wurde.  
 God, yn jo goedens,  
**hear ús bidden.**

Jou oan ús allegearre, hjir byinoar  
 wiisheid, geduld en moed  
 om elkoar yn de namme fan Kristus te tsjinjen.  
 God, yn jo goedens,  
**hear ús bidden.**

Lit freonen en famylje, dy't hjir byinoar binne,  
 en harren dy't troch ôfstân fier fan ús skaat binne,  
 dizze dei sterke en seinige wurde.  
 God, yn jo goedens,  
**hear ús bidden.**



God fan genede, wy betinke  
 harren dy't yn it leauwe yn Kristus stoarn binne  
 en wy priizgje Jo om harren leafde.  
 Mei harren foarbyld ús sterkje.



*Karteksten 27-33*



STIL GEBED  
*eventueel ôfsletten mei*

God, Jo, dy't neffens de macht dy't yn ús wurket,  
 by steat binne om ûnwittend folle mear te dwaan  
 as wy oait freegje of betinke,  
 oan Jo de hearlikheid  
 yn 'e gemeente en yn Kristus Jezus,  
 oant yn alle geslachten  
 fan ivichheid oant ivichheid.  
**Amen.**

UTNOEGING

De Hear hat syn tafel reemakke  
 foar wa't op Him betrouwe en Him leafhawwe.



Kristus noeget ús  
om tankber en leauwich  
mei de lofprizing fan syn tsjerke yn te stimmen  
en brea en wyn út syn hân oanrikt te krijen.

#### FREDEGROET

*Elkenten stiet*

De frede fan de Hear wês altyd mei jimme.

**En mei jo geast.**

Bring inoar de fredegroet.

*of*

Jou inoar in teken fan frede.

*De gemeenteleden bringe inoar de fredegroet.*

*Elkenten giet sitten.*

#### YNSAMMELJEN FAN DE JEFTEN

*Under it ynsammeljen fan de jeften meitsje de foargonger en de diakens de tafel mei de jeften fan brea en wyn ree. Under it ynsammeljen kin in liet songen wurde en/of muzyk makke wurde.*

#### GEBED OER DE JEFTEN

Himelske Heit,

Jo dy't genedich en barmhertich binne,

wy komme ta Jo

mei de jeften fan jo skepping

(dit brea en dizze wyn).

Wy bidde Jo:

meitsje yn dizze tekens

it geheim fan jo leafde iepenbier.

Lit ús diele yn it libben

fan jo iennichstberne Soan

en jou ús jo hillige Geast

dy't nije minsken fan ús makket,

dizze dei en alle dagen,

oant yn ivichheid.

**Amen.**

#### TAFELGEBED

De Hear sil by jim wêze.

**De Hear sil jo bewarje.**



De herten heech.

**Wy hawwe ús hert by de Hear.**

Bringe wy tank oan de Hear, ús God.

**Hy is ús tankberens weardich.**

Wy loovje Jo, o ús God,

Jo kening fan dizze wrâld,

want by Jo is de welle fan it libben,

yn jo ljocht sjogge wy it ljocht.

Wy loovje Jo dat Jo

minsken makke hawwe,

wy loovje Jo dat Jo

harren neffens jo byld meitsje.

Wy loovje Jo dat Jo

de wrâld behâlde

troch de leafde op ierde

iepenbiere.

Wy loovje Jo dat Jo

de freugde wollen hawwe,

it brea dat wy diele,

de wyn fan it keninkryk.

O Hear, lit dan

yn stêd en lân

oant yn de strjitten fan Jeruzalem

de lofsang wjerklinke,

want Jo hawwe ús ferblide

mei jo bywêzigens,

jo trou lit ús libje

en wy besteane allinnich yn jo byld.

Sa sjonge wy mei freugde

de lofsang dy't wjerklinkt

dêr't jo Namme plak

fynt op ierde:

**Hillich, hillich, hillich ...**

*ferfolch TAFELGEBED, sjoch Tsjinstboek – in oanset diel I, side  
275 of 276-277*

*Karteksten 34-37*





## GEBED FAN DE HEAR

*ynlaat mei de lêste wurden fan it Tafelgebed, of*

Lit ús bidde ta God, ús Heit,  
mei de wurden dy't Jezus ús leard hat:

**Us Heit ...**

## MIENSKIP FAN BREA EN WYN

### GEBED NEI IT MIEL

Jo, dy't yn minsken  
in wolbehagen hawwe,  
ferhear ús gebeden  
en skink ús  
alles dêr't wy ferlet fan hawwe  
om libje te kinnen:  
geastkrêft en freugde,  
hope en goedens, dy't minsken ferbine  
en de wei folgje litte fan Him  
dy't ús ljocht is: Jezus, ús broer,  
hjoed en oant de ein fan ús dagen.

**Amen.**

*Karteksten 38*



## UTGONGSLIET

*Lietesuggestjes siden 871-875*

### UTSTJOERING EN SEINE

Gean yn frede hjirwei,  
yn de ferwachting fan de takomst fan ús Hear.

De genede fan ús Hear Jezus Kristus  
en de leafde fan God  
en de mienskip fan de hillige Geast  
wês mei jimme allegearre.

**Amen.**

*Karteksten 39-43*







## Formulier om it houlik foar de gemeente fan Kristus te befêstigen

N en N, jimme dy't jim houlik hjir yn tsjerke yn it iepenbier yn Gods Namme befêstigje litte wolle, hear út it Wurd fan God hoe earfol it houlik is, en dat it in ynstelling fan God is dy't Him haget. Dêrom meie jimme yn jim hert wis wêze fan de help fan God dy't jim ûnthjitten is yn jim fertriet, om't ek de trouden yn de praktyk fan it libben as gefolch fan de sûnde alderhanne tsjinslach en leed oerkomt. De trouden wol Hy seinigje en bystean, sa't Er tasein hat; harren dy't yn ûntucht libje en oerhoer bedriuwe, wol Er dêrfoaroer oardielje en straffe.

Alderearst hearre jimme te witten dat God, ús Heit, nei't Er himel en ierde en alles wat dêryn is, makke hie, de minske skoep neffens Syn byld en Syn likenis, om te hearskjen oer de dieren op it fjild, oer de fisken yn de see en de fûgels yn de loft. Nei't Er de minske skepen hie, spriek Er: 'It is net goed dat de minske allinnich is; Ik sil in help foar him meitsje dy't foar him oer is. (...) En de HEARE God liet in djippe sliep oer de minske falle, en hy sliepte; en Hy naam ien fan syn ribben, en sleat it stee mei fleis. En de HEARE God boude de ribbe, dy't Er fan de minske nommen hie, ta in frou en Hy brocht har ta de minske. En de minske sei: Dizze einlings is it! Bien fan myn biente en fleis fan myn fleis! Dizze sil manninne neamd wurde, want fan de man is hja nommen. Dêrom ferlit in man syn heit en syn mem en hinget syn frou oan, en hja wurde ta ien fleis.' (Gen 2:18, 21-24)

Dêrom moatte jimme der net oan twivelje dat it houlik God de Heare haget. Hy hat ommers foar Adam syn frou skepen, har Sels nei him ta brocht en him as frou jûn. Dêrmei betsjûget God dat Er ek hjoed noch in elk syn frou as mei Syn hân nei him tabringt. Dêrom hat de Heare Jezus Kristus it houlik ek sa heech eare mei Syn oanwêzichheid, jeften en wûndertekens te Kana yn Galiléa [Joh 2:1-11]. Hy hat dêrmei betsjûge dat it houlik troch elkenien yn eare holden wurde moat en dat Er de trouden Syn help en bystân altyd bewize wol, ek as men dat hielendal net ferwachtet.

Om yn jimme houlik godfreezjend libje te meien, hearre jimme





nei it foargeande te witten mei hokker bedoelingen God it houlik ynsteld hat.

De earste is dat man en frou inoar trou helpe en bysteane yn alle dingen dy't by it tydlike en ivige libben hearre. De twadde is dat hja harren bern, as hja dy krije, yn de wiere kennis en freze fan God grutbringe, ta Syn eare en ta har sillichheid. De tredde is dat elkenien alle ûnreinens en kweade begearren út 'e wei gean sil en mei in goed en rêstich gewisse libje sil. Om de huorkerijen sil elke man syn eigen frou hawwe en elke frou har eigen man [1 Kor 7:2]. Sa is elkenien dy't de jierren hat en de jefte fan de ûnthâlding net hat, neffens Gods gebod needsake en roppen en gean it houlik oan. Dat moatte hja dwaan neffens kristlike regel, mei meiwitten en ynstimming fan har âlden, of fâden en freonen. Sa sil de timpel fan God, ús lichem, net besmodzge wurde, want as immen de timpel fan God skeint, him sil God skeine [1 Kor 3:17].

Fierders moatte jimme witte hoe't de iene him foar de oare oer neffens it Wurd fan God te hâlden hat.

Alderearst moatte jo, brêgeman, witte dat God jo as haad fan de frou steld hat. Sa't de holle it lichem bestjoert, ja, lykas Kristus it haad, de wiisheid, de treast en de bystân fan Syn gemeente is, sa moatte jo jo frou sa goed as jo kinne ferstannich liede, ûnderrjochtsje, treaste en beskermje. Boppedat moatte jo jo frou leafhawwe as jo eigen lichem, lykas Kristus Syn gemeente leafhân hat [Ef 5:22-30]. Jo sille net ferbittere tsjin har wurde, mar mei ferstân by har wenje, as by it swakkere diel, har yn eare hâldende, as mei-erfgenamten fan it genedelibben, dat jimme gebeden net ferhindere wurde [1 Petr 3:7]. En omdat God wol dat de man mei it swit op 'e foarholle brea-yt, moatte jo trou en iverich jo wurk dwaan yn it berop dêr't jo troch God yn steld binne om jim hûshâlding mei Gods help earfol ûnderhâlde te kinnen en boppedat de needlijenden dêryn diele te litten.

Dêrnjonken moatte jo, breid, witte hoe't, neffens it Wurd fan God, jo hâlding foar jo man oer wêze moat. Lykas it lichem oan de holle en de gemeente oan Kristus ûnderhearrich is, moatte jo jo wettige man leafhawwe, respektearje en yn alle dingen dy't goed en rjochtfeardich binne folgje, as jo hear. Jo moatte oer jo man net de baas spylje, mar jo yn wiisheid stil hâlde [1 Tim 2:11-12]. Want Adam is earst makke, doe Eva, Adam ta help. En nei de sûndefal hat God ta Eva en yn har persoan ta it hiele froulik slachte sprutsen: Ta dyn man sil dyn bearte wêze en hy sil oer dy hearskje [Gen 3:16]. Tsjin dy beskikking fan God





moatte jo net yngean, mar earder it gebod fan God en it foarbyld neifolge fan de hillige froulju, dy't op God fertrouden en har ûnder har manlju deljoegen, lykas Sara Abraham hearrich wie en him hear neamde [1Petr 3:6]. Jo moatte jo man ek yn alle goede en rjochtfeardeige dingen helpe, oan jim húshâlding goede soarch besteegje en suver en earber libje, sûnder te pronkjen, om oare lju in foarbyld fan dimmenens te jaan.

*N* en *N*, no't jimme heard hawwe dat God it houlik ynsteld hat en wat Er jimme dêryn opdraacht, hawwe jimme it fêste foarnimmen om yn dat hillich houlik sa te libjen as jimme hjir mei klam foar de kristlike gemeente ferklearje, en wolle jimme dat jim houlik befêstige wurdt?

*Antwurd:*

Ja.

*Dêrnei seit de tsjinner tsjin de gemeente:*

Ik nim jimme allegearre dy't hjir no byinoar binne, as tsjûgen dat der gjin wettige beswieren ynbrocht binne.

*Dan seit er tsjin de trouden:*

Omdat it goed en foechsum is dat jim houlik befêstige wurdt, mei sa ús Heare God jim foarnimmen, dat Hy jimme joech, befêstige. Mei jim begjin wêze yn de Namme fan de Heare dy't himel en ierde makke hat.

*Brêgeman en breid jouwe elkoar de rjochterhân.*

*Eerst seit de tsjinner tsjin de brêgeman:*

*N*, ferklearje jo hjir foar God en Syn hillige gemeente dat jo nommen hawwe en nimme ta jo wettige frou: *N*, hjir oanwê-zich?

Unthjitte jo har dat jo har nea ferlitte sille, har leafhawwe sille en trou foar har soargje sille sa't in trou en godfreezjend man oan syn wettige frou ferskuldige is?

Unthjitte jo dat jo hillich mei har libje wolle, har trou bliuwe sil-le en har yn alles fertrouwe sille, neffens it hillich evangeelje?

*Antwurd:*

Ja.

*Dan seit de tsjinner tsjin de breid:*

*N*, ferklearje jo hjir foar God en Syn hillige gemeente dat jo nommen hawwe en nimme ta jo wettige man: *N*, hjir oanwê-zich?





Unthjitte jo him dat jo him hearrich wêze sille, him tsjinje en helpe sille, him nea ferlitte sille, hillich mei him libje sille, him trou bliuwe sille en him yn alles fertrouwe sille, sa't in leauwige en trouwe frou har wettige man ferskuldige is neffens it hillich evangeelje?

*Antwurd:*

Ja.

*It breidspear knûbbelet.*

*Dan seit de tsjinner:*

Mei de Heit fan de barmhertichheid dy't jimme troch Syn genede ta dit hillige houlik roppen hat, jimme mei oprjochte leafde en trou oaninoar ferbine en jimme Syn seine jaan. Amen.

Hear no út it evangeelje hoe sterk de bân fan it houlik is, lykas Mattéus dat beskriuwt, haadstik 19:3-9: 'En dêr kamen Fariseeërs ta him om him te hifkjen, sizzende: Stiet it frij om elke reden fan jins frou te skieden? Hy antwurde en sei: Hawwe jimme net lêzen, dat de Skepper, fan it oanbegjin ôf, harren man en frou makke hat, en dat Er sein hat: Dêrom sil in man syn heit en mem ferlitte en syn frou oanhingje, en dy twa sille ta ien fleis wêze? Sadwaande binne hja dan net mear twa, mar ien fleis. Wat God dan gearfoege hat, mei in minske net skiede. Hja seine tsjin Him: Wêrom hat Mozes dan hjitten in skiedelbrief te jaan en har sa gean te litten? Hy sei tsjin harren: Mozes hat jimme om jimme hurdhertichheid tastien jimme frou gean te litten, mar fan it oanbegjin hat dat sa net west. Mar ik sis jimme: Dy't syn frou gean lit oars as om troubrek, en in oarenien trout, dy docht troubrek; en dy't de ferlittene trout, dy docht ek troubrek.'

Leau dizze wurden fan de Heare Jezus Kristus en wês der wis fan dat God, ús Heare, jimme gearfoege hat ta dizze hillige houlikssteat. Dêrom moatte jimme ek alles wat jimme yn jim houlik ûnderfine, mei geduld en tanksizzing út 'e hân fan God oannimme. Sa sil alles foar jimme ek te'n goede meiwurkje en ta sillichheid tsjinje. Amen.

Lit ús bidde.

Almachtige God, Jo bewize Jo goedens en wiisheid yn al Jo wurk en oarderingen. Jo hawwe fan it begjin ôf sein dat it net goed is dat de man allinnich wêze soe. Jo hawwe him dêrom in help makke dy't foar him oer is. Jo hawwe





ynsteld dat wa't twa wiene ien wêze soene en Jo straffe alle ûnreinens.

Wy bidde Jo: Wol dizze twa minsken, dy't Jo ta it hillich houlik roppen en gearbûn hawwe, Jo Hillige Geast jaan, dat hja hillich yn in wier en stânfêst leauwe neffens Jo godlike wil libje en tsjin alle kwea stride. Wol harren dan ek seinigje, sa't Jo de leauwige foarfaars, Jo freonen en trouwe tsjinnern Abraham, Izaäk en Jakob seinigje hawwe, dat hja as mei-erfgenamten fan it ferbûn dat Jo mei dy foarfaars oangien binne, de bern, as it Jo haget om harren dy te jaan, godfreesjend grutbringe meie. Dat alles ta eare fan Jo hillige Namme, ta opbou fan Jo gemeente en ta fersprieding fan Jo hillich evangeelje.

Wol ús ferhearre, o Heit fan alle barmhertichheid, troch Jezus Kristus, Jo beminde Soan, ús Heare, yn waans Namme wy ús gebeden beslute:

Us Heit, Dy't yn de himelen binne,

Jins Namme wurde hillige;

Jins Keninkryk komme;

Jins wollen barre allyk yn 'e himel sa ek op ierde;

jou ús hjoed ús deistich brea;

en ferjou ús ús skulden,

allyk ek wy ferjouwe ús skuldners;

en lied ús net yn fersiking,

mar ferlos ús fan 'e kweade;

want Jowes is it Keninkryk

en de krêft

en de hearlikheid

oant yn ivichheid. Amen.

Hear no de belofte fan God út Psalm 128:

'Loksillich in elk dy't de HEARE frezet,

dy't yn syn wegen wannelet!

Want do silst ite

de arbeid fan dyn hannen;

loksillich do!

It giet dy goed.

Dyn frou is in fruchtbere wynstok allyk

midden yn dyn hûs;


dyn bern olivestekken

om dyn tafel.

Sjoch, sa wurdt de man seinigje

dy't de HEARE frezet.





De HEARE mei dy seinigje út Sion,  
en oanskôgje it goede fan Jeruzalem  
al de dagen fan dyn libben.  
En sjoch dyn bernsbarn!  
Frede oer Israel!

*De tsjinner of de âlderling langet no de húsbibel oer en sprekt in Skriftwurd, bygelyks Psalm 119:105: 'Jo Wurd is in lampe foar myn foet en in ljocht foar myn paad.'*

Mei ús leave Heare God jimme mei Syn genede ferfolje en jim jaan, dat jimme yn alle godsillichheid, leafde en ienheid, lang en hillich mei-inoar libje. Amen.

# Karteksten

## Begroeting

- 1 Wolkom *N* en *N*,  
wolkom allegearre, famylje, freonen,  
minskan fan tichtby en minskan fan fierren,  
minskan dy't leauwe en minskan dy't sykje,  
minskan rekke troch leafde,  
bytiden ek ferwûne  
en lykwols kommen.  
Wolkom allegearre!

Wy binne hjir byinoar yn it hûs fan God.  
Yn dizze romte klinke hieltyd wer  
de oerâlde wurden fan frede, leafde en trou.  
(Yn it brekken fan it brea  
kenne wy Jezus Kristus werom,  
de Libbene yn ús fermidden.)

Yn dizze romte binne wy byinoar kommen  
om *N* en *N* hinne.

Underskate wegen hawwe jim hjirhinne laat.  
Te gearre wolle jim fierder op 'en paad.

Jim slute hjoed in ferbûn  
yn leafde, út tagedienens.

Dat mei-inoar ferbûn wêzen wolle jimme mei ús  
en mei God diele.

Hy sil jimme seinigje.

- 2 *N* en *N*, famylje en freonen,  
gemeente fan Kristus,  
yn dizze tsjerke wolle wy mei-elkoar bidde  
om de seine fan God.  
Want jimme wolle hjoed jim gearlibjen  
ûnder Gods hoede bringe, Him tankje  
en bidde dat Hy jim liede  
en yn moaie en minne dagen bystean sil.  
Jimme binne fan ferskillende tsjerken,  
mar it fûnemint fan it leauwe is itselde.  
Der is foar ús allegearre mear dat ús bynt  
as dat ús skiedt.



Wy binne hjir hjoed ek byinoar kommen  
om jimme sjen te litten  
dat jimme net allinnich op 'en paad hoege.  
Dat jim houlik in teken wêze mei  
fan it ferlangst fan safolle kristenen  
en oare minsken fan goede wil  
om yn frede en gerjochtichheid op ierde mei-elkoar te libjen.

### Iepeningsfers

- 3 Wês hjir oanwêzich,  
God fan de machten,  
Ljocht yn ús fermidden.  
Wês ús Heilân,  
dat wy wer libje;  
wês hjir oanwêzich.

### Iepeningsgebed / Gebed fan de dei

- 4 Himelheech, Hear, is jo leafde,  
oant yn de wolken rikt jo trou.  
Jo rjochtfeardichheid stiet fêst as in berch,  
jo rjochtsoarder is rom as de oseaan.  
Jo rêde minske en dier.  
Hoe kostber, God, is jo leafde:  
minsken kinne beskûl fine  
yn it skaad fan jo wjukken.  
Hja sêdzje har mei de oerfloed fan jo hûs:  
Jo ferkwikke har mei de stream fan freugde.  
Ja, by Jo is de boarne fan it libben,  
yn jo ljocht sjogge wy it ljocht.  
Jo Namme loovje wy,  
troch Jezus Kristus, ús Hear.  
**Amen.**

*Psalm 36:6-10*

- 5 Blier binne wy hjirhinne kommen  
yn dit hûs fan Jo, o God.  
Want dêr't minsken inoar beminne,  
binne Jo te finen.  
Sjoch del op dizze beide, op har leafde,  
dy't byld is fan jo leafde.  
Meitsje har ien mei elkoar,  
nim besit fan harren, dei oan dei,







dat wy – noch jierren neitiid – útsprekke:  
grut is jo hert en goet is jo hân  
dy't *N* en *N* byinoar brocht hat,  
yn Kristus, ús Hear.

**Amen.**

- 6 Heare ús God, himelske Heit,  
wy tankje Jo  
dat wy op dizze feestlike dei  
yn jo hûs komme meie.  
Want jo hûs is in hûs fan gebed  
en om jo antlit te sykjen,  
en jo seine te freegjen,  
binne wy hjir.

Wy loovje Jo en wy tankje Jo,  
dat Jo yn jo goedens  
de minske nei jo byld makke hawwe,  
man en frou,  
en dat Jo *N* en *N* ek  
ta it houlik roppen hawwe.



Wy bidde Jo,  
wol harren en ús allegearre  
jo hillige Geast skinke,  
dat wy ús liede litte troch jo Wurd.  
Rjochtsje ús tinken  
op jo goedens en trou,  
dy't Jo bewize, fan generaasje op generaasje,  
oan elts dy 't jo leafhat  
en jo heil ferwachtet.  
Wolle Jo op dizze dei ek  
it ljocht fan jo Wurd foar ús oanstekke,  
dat wy yn leauwe de wei sjen meie  
dy't Jo ús wize  
troch Jezus Kristus, ús Hear.



**Amen.**

- 7 Ivige, ús God,  
jo trou en leafde foar de minske  
komme ús yn minsklike wurden yn 'e mjitte;  
sa binne Jo ús God.  
Wy bidde Jo



dat wy oandachtich harkje meie  
nei de wurden fan jo ferbûn mei minsken  
om sa mei hert en siel by Jo te wêzen,  
troch ús Hear Jezus Kristus, jo Soan,  
dy 't mei Jo yn de ienheid fan de hillige Geast  
libbet en regearret yn alle ivichheid.

**Amen.**

- 8 Hear, ús God,  
Jo dy't bewarje alles wat libbet,  
Jo dy't de minskebern makke hawwe  
yn jo byld en neffens jo likenis,  
Jo, dy't de leafde yn ús herten ûntflamje litte,  
Jo, dy't ús sa genedich binne dat wy dizze dei  
mei dizze twa minsken fiere meie,  
wy bidde Jo:  
hâld ús by de freugde  
om de leafde dy't herten iepenet  
en minsken oan elkoar jout,  
en lit jo gemeente as in freondinne wêze  
dy't nei har leafste útsjocht,  
dat se de belofte net ferjit  
en de stim net kwytrekket  
om yn dizze wrâld fan jo leafde te tsjûgjen.  
Troch ús Hear Jezus Kristus, jo Soan,  
dy't mei Jo yn de ienheid fan de hillige Geast  
libbet en regearret yn alle ivichheid.

**Amen.**

- 9 Goede God,  
Namme dy't mei ús meigiet,  
Jo roppe wy oan  
oer dizze beide minskebern:  
hja nimme elkoar oan as geskink,  
as út jo hân ûntfongen.  
By elkoar fine se  
thús en takomst,  
en dêryn wolle se  
mei elkoar seinige wêze.  
Mei harren binne wy ferwûndere  
en mei harren  
tankje wy Jo  
dat se foar elkoar



ijo teken wêze meie  
 dat gjin minske om 'e nocht bestiet  
 en allinnich foar himsels libbet.

Net sûnder it ljocht fan jo eagen  
 en net sûnder it witten fan seine  
 wolle se tegearre libje.  
 Wês Jo foar harren de boarne  
 dêr't se út putte  
 en elkoars toarst út ferslane.  
 Dat se dêrtroch  
 Jo by elkoar fine meie,  
 dat bidde wy harren ta  
 by de leafde fan jo Soan, Jezus Kristus.  
**Amen.**

### Kyrie

10 Lit ús op dizze lokkige dei  
 de Hear om ûntferming oanroppe  
 foar wa't net lokkich binne,  
 om't net ien harren antwurd jout,  
 gjin hân harren beethâldt en streaket.

Sa roppe en loovje wy de Namme fan de Hear,  
 want syn barmhertichheid is de ein fan wei.

11 Lit ús ek op dizze fleurige dei  
 de Hear om ûntferming oanroppe  
 foar wa't gjin gelok kenne dat harren draacht,  
 gjin hoop dy't libjen docht,  
 gjin leafde dy't ta beântwurdzjen útdaget  
 en dy't it hert bliid makket.

Sa roppe en loovje wy de Namme fan de Hear,  
 want syn barmhertichheid is de ein fan wei.

### Gebed om ferljochting mei de hillige Geast

12 God, ús Heit,  
 wy leauwe  
 dat Jo by ús binne,  
 dat Jo ús hearre.



Dêrom bidde wy:  
lit ús by Jo wêze  
en Jo hearre.  
Fertel ús it geheim  
fan jo leafde  
foar alle minsken.  
Help ús  
dat wy it fleurich fierder fertelle,  
hjoed en moarn  
en hieltiid op 'e nij,  
lykas ek Jezus die,  
jo Soan, ús Hear.  
**Amen.**

- 13 Hear, ús God,  
lit jo Geast oer ús komme  
en fan ús hert besit nimme.  
Rjochtsje ús tinken  
en lear ús neffens jo wil te dwaan.  
Lit ús net gean sûnder jo seine,  
dat bidde wy yn it bysûnder foar *N* en *N*:  
jou harren de krêft troch tichteby harren te wêzen,  
dizze oere en alle dagen dy't komme  
yn ivichheid.  
**Amen.**

### **Ynlieding** (oarder II en V)

#### 14 **'Byld en teken fan it ferbûn'**

De minske, troch God út de ierde boetsearre  
en libjend op de amme fan syn Skepper,  
is roppen ta mienskip mei God.  
Yn dat ferbûn jout de HEARE God de minske  
syn beloften en geboaden;  
Hy wiist in wei om te gean, jout in wurd om te dwaan.  
Yn it antwurd fan leafde en hearrigens  
leit de bestimming fan de minske.  
Dêrmei is er net ienlik tusken himel en ierde.  
As er ropt, antwurdet de Hear.  
Mar God, dy't foar de minske in helper is,  
achte it net goed dat de minske allinnich bliuwe soe.  
Hy skonk him de dieren,



lykas hy, út de ierde nommen.  
 De minske joech de dieren nammen,  
 mar ta in helper dy't by him paste, waarden se net.  
 Doe joech de HEARE God dy iene oan de minske  
 dy't by him passe soe.  
 Hja wie lykas him, hy wie lykas har.  
 Yn geast en lichem moeten se elkoar.  
 Se rôpen nei elkoar  
 en hearden har stimmen yn blide harmony.  
 Hja gongen hân yn hân de takomst yn 'e mjitte.  
 Dat geheim fan minske ta minske wjerspegelt op ierde  
 wa't God foar ús wêze wol.  
 It tegearre gean fan dizze twa minsken  
 is in teken fan leafde,  
 in byld fan it ferbûn fan God  
 mei alle minsken dy't Him as Skepper earje.  
 Byld en teken fan it ferbûn fan God  
 mei Israel, syn folk  
 en ferwizing nei it breidsgeheim fan de gemeente.  
 De doopte gemeente is ommers de breid fan Kristus,  
 dy't Him oan har yn leafde ferbûn hat –  
 en dat ferbûn is troch syn dea fersegele.  
 Op dy wize is de gemeente de peaskebreid fan de Messias,  
 libjend troch syn Geast.  
 'Want de leafde is sterk as de dea,  
 de hertstocht is hurd as it deaderyk;  
 de gloede dêrfan is in fjoergloed,  
 it binne flammen fan de HEARE.'  
 Sa wurdt de leafde tusken twa minsken  
 'in hillich heimenis, in lofsang, in gelikenis.'  
 De seine fan God sil op sa'n ferbûn rêste.  
 Hy jout syn belofte en syn opdracht.  
 Freugde, leafde en trou  
 binne de goede jeften fan syn Geast.  
 God skinkt dy jeften oan wa't elkoar oannimme  
 as in geskink út de himel.  
 Takomst en libben is der foar sokke minsken  
 en ek foar de bern  
 dy't de Hear harren yn syn goedens tabetrouwe wol.  
 Yn it ferbûn foar it libben ûnthjitte minsken elkoar  
 trou en leafde,  
 mei earbied foar elkoars lichem en geast.  
 Hja sille elkoar trou tsjinje

*Hchl 8:6b*

*Ges. 479*



en dêrmei eare bewize oan harren Skepper en Kening.  
Sa libje se op de dei ta dat de gemeente fan God  
de breid fan de Messias wêze sil,  
in breid fersierd mei it wite kleed  
fan de gerjochtichheid.

### 15 'Reisgenoat yn leafde en trou'

Hjoed moetsje jimme, *N* en *N*  
elkoar net foar it earst,  
krekt oarsom, al *safolle jierren/langer lyn*  
hawwe jimme elkoar sjoen  
en geandewei waarden jimme elkoars reisgenoat,  
yn leafde en trou.

Sa gongen jimme tegearre in wei,  
sêde, sa hawwe jimme ûnderfûn,  
troch de trou en goedens fan de Ivige,  
treastge en skerpe troch Gods Geast,  
gearbûn troch godlike leafde.

Hjoed wolle jimme lûd en klear útsprekke  
hoe't jimme elkoar as in jefte ûnderfine,  
as in geskink út de himel.

Yn alle iepenheid wolle jimme hjir elkoars namme neame  
as dè reisgenoat foar de tiid dy't komt,  
om op de wei, troch God jûn, troch te gean,  
om tegearre leauwe, hope en leafde te dielen en út te  
strieljen.

### Tasizzing of fragen

#### 16 *De trouden sizze elkoar ta*

*N*, God is myn tsjûge  
wannear't ik dy hjoed  
út 'e grûn fan myn hert sis  
dat ik net mear sûnder dy kin.  
Sûnder dy kin ik mysels net mear wêze.  
Mei grutte tankberens tink ik werom  
oan de dei datsto yn myn libben kommen bist.  
Do bist it bêste dat my oerkommen is.  
Ik soe dan ek neat leaver wolle  
as dat wy der foar elkoar wêze sille,  
alle dagen dy't ús tegearre jûn wurde sille.



17 *De foargonger freget oan de trouden ien foar ien*

N, nimsto N út Gods hân oan  
 as maat, dy skonken  
 foar no en foar de tiid dy't komt  
 en wolsto *him/har*  
 mei dyn hiele wêzen leafhawwe en trou wêze  
 yn freugde en fertriet,  
 droegen troch Gods leafde?

Wat is dêrop dyn antwurd?

*antwurd*  
 Ja.

*De foargonger freget no oan beide tagelyk*

Wolle jimme soarch en ferantwurdlikheid drage  
 foar elkoar  
 en foar wa't oan jim tabetroud wurde?

*antwurd*  
**Ja, dat wolle wy.**

18 *De foargonger freget de trouden ien foar ien*

N, beliidsto datst troch God sels  
 roppen bist ta leafde en trou oan N,  
 en seisto ta om tegearre mei *har/him*  
 trou te sykjen nei de wil fan God,  
 stânfêstich te bliuwen  
 oan wat de Hear jim jaan sil,  
 en dy te oefenjen yn it mei omtinken harkjen  
 en mei dieden respons te jaan  
 oan elkoar en oan jim neisten,  
 en bisto ree  
 om dy mienskiplike wei te gean  
 oant de Hear komme sil?

Wat is dêrop dyn antwurd?

*antwurd*  
 Ja.





## Gebed (oarders II en V)

19 God fan it ferbûn,  
 wy bidde Jo foar dizze twa, man en frou,  
 yn jo namme ferbûn:  
 jou harren jo hillige Geast  
 en help harren  
 dat se elkoar ta help wêze sille.  
 Bewarje en fernij harren leafde en trou  
 troch tichtby harren te wêzen  
 en jou harren jo frede,  
 troch Jezus Kristus, ús Hear.  
**Amen.**

*Dêrnei kin seine nû. 23 folgje.*

20 Wy priizgje Jo, God,  
 Jo dy't de minsken makke hawwe  
 ta leafde foar elkoar.  
 Wy priizgje Jo, Jezus Kristus,  
 Jo wolle wenje yn ús hûs en hert.  
 Wy priizgje Jo, hillige Geast,  
 Jo bringe ús yn beweging  
 en fernije ús leafde.  
 Wy bidde Jo, seinigje *N* en *N*,  
 skink harren frede en freugde byinoar.  
 Lit harren sykhelje en libje yn jo Geast.  
 Sa sil harren leafde bliuwend en fruchtber wêze  
 en útstrielje nei elkenien dy't se moetsje.  
**Amen.**

*Dêrnei kin seine nû. 24 folgje.*

21 Almachtige en barmhertige God,  
 Jo hawwe de minske makke neffens jo byld en likenis,  
 Jo skinke de minsken oan elkoar  
 om troch leafde en trou jo Namme te ferhearlikjen.

Jo jouwe troch jo genede  
 dat wy yn it ferbûn fan twa minsken  
 in ôfbylding sjen meie  
 fan de libbensmienskip fan Kristus mei syn tsjerke.  
 Wy bidde Jo:  
 jit jo oerfloedige seine oer *N* en *N* út,  
 meitsje harren fol mei jo hillige Geast,







lit jo leafde oer harren wêze  
 as in mantel om harren skouders hinne,  
 as in kroan op harren holle,  
 as in fjoer yn harren hert.  
 Seinigje harren yn al har tinken, dwaan en litten,  
 by dei en by nacht,  
 yn freugde en fertriet,  
 yn rykdom en earmoede,  
 yn libjen en stjerren.  
 Beskermje harren tsjin alle ûnheil,  
 bewarje harren aloan yn jo goedens  
 en lit harren hûs  
 in wenplak fan frede en trou wêze.  
 Bring harren op it lêst thús yn jo himelske brulloftsseal,  
 dêr't al jo hilligen altiten bliid binne  
 om jo leafde sûnder ein.  
 Troch Kristus, ús Hear.  
**Amen.**

*Dêrnei kin seine nû. 25 folgje.*

22 Hear fan de himel en fan de ivige leafde,  
 wy tankje Jo dat dizze twa yn elkoar  
 sa'n grutte leafde en trou fûn hawwe  
 dat hja harren libbens ferienje wolle  
 en foar altyd tegearre wenje wolle.  
 En om't wy sûnder jo help neat kinne  
 bidde wy Jo dat Jo harren  
 de genede fan jo hillige Geast jaan wolle.  
 Help harren dat se harren mei bernlik betrouwen  
 ûnder jo leafderike hoede stelle  
 en dat se dêryn harren ferbûn bouwe  
 op jo ûnferoarlike genede,  
 troch Jezus Kristus, ús Hear.  
**Amen.**

### **Seine**

23 Wês sa oan elkoar tawijd  
 yn in hillige ferbûnens –  
 en de seine fan de almachtige God,  
 Heit, Soan en hillige Geast  
 sil oer jimme komme  
 en altyd mei jimme bliuwe.  
**Amen.**





24 Us leave God, dy't jimme roppen hat  
om elkoar leaf te hawwen  
en trou te wêzen,  
Hy sil jimme seinigje en behoedzje  
en jimme syn frede jaan.

**Amen.**

25 Wês dan seinige, jimme beiden,  
ta ien hûs feriene;  
ûntfermje jimme oer alle libbene siel  
dy't God op jim wei bringe sil,  
en wês fleurich foar it antlit fan Him  
dy't jimme beskermet op al jim wegen  
en dy't net loslit it wurk dat syn hân  
oan jim libben begûn is.

**Amen.**

### **Oerjaan fan de húsbibel**

*De folgjende tekst kin eventueel yn de húsbibel opnommen wurde.*

26 God hat foar himsels in hûs boud mei wurden.  
Hy wennet yn de taal,  
de ferhalen binne de keamers, dêr't Er yn tahâldt,  
ûnder it dak fan de grammatika fûn Er beskûl,  
lieten tsjinje Him ta in troan.

Yn dat hûs is ek Jezus kommen te wenjen,  
dêr groeide Er op en kaam Er ta bloei.  
Fan it dak ôf seach Er út oer syn wrâld,  
Hy ferkende de tsjustere kelders,  
it nije foarjier trof Him oan yn de tún.  
Hy joech kleur oan de ferhalen,  
mei Him kaam it hûs ta libben.

Doarren en finsters steane hjir altyd iepen,  
der waait in frisse wyn  
dy't it hûs trochsiket oant yn punten en komma's.  
Ek om it hûs hinne rûzet de wyn,  
de bledsiden risselje.  
De Geast lústert ús yn it ear  
wat Hja heard en lêzen hat.  
Sa rekken party minsken thús yn dy ferhalen.  
Hjir wennen minsken mei harren God, –





it hûs fan God hat in protte keamers.  
 Hjir ieten beminden har brea fan ellinde  
 en waard de beker fan de wille trochjûn.  
 Hjir sliepten djipladen wurden  
 oant de oere dat sy oerein kamen yn leafde en passy;  
 hjir bivakkearre in earlike taal  
 dy't neaken en kwetsber makke  
 doe't se útsprutsen waard;  
 hjir wachte in treastende poëzij  
 dy't fertriet ûnder wurden brocht  
 en de takomst iepene.

It bestek fan dit hûs stiet beskreaun  
 yn it hillige boek dat ik jim jou  
 mei it doel dat jimme tegearre thús reitsje yn syn sinferbân,  
 en spraak en tsjinspraak wurde  
 foar elkoar en foar de God dy't jim ropt.

### **Tanksizzing**

27 Himelske Heit,  
 oarsprong, sin en doel fan ús bestean,  
 wy tankje Jo  
 foar alle goede jeften,  
 de jefte fan de leafde,  
 de jefte fan de geast,  
 de jefte fan it lichem.

Wy tankje Jo  
 foar de jefte fan it wurd,  
 dat wy elkoar hearre,  
 en foar de jefte fan it swijen,  
 dat wy elkoar fersteane.

Wy tankje Jo  
 foar de jefte fan de freugde  
 dy't dield wurdt,  
 foar de jefte fan de moederaasje  
 om alles wat skeind wurdt:  
 al jo goede jeften  
 dy't har boarne fine  
 yn jo ûneinige goedens.





Wy tankje Jo  
 dat Jo se ús jûn hawwe,  
 dat wy fleurich en frij mei-elkoar libje,  
 mei it each op de ûnderlinge freonskip  
 en de ferbûnens mei gâns minsken om ús hinne.

Dat wy de tankberens net ôflearre  
 alle dagen fan ús libben,  
 dat bidde wy Jo hjoed  
 troch Jezus Kristus, jo Soan, ús Hear.

**Amen**

28 Wy tankje Jo, Hear, ús God,  
 Skepper fan alle dingen,  
 dat Jo dizze beide minsken oan elkoar jûn hawwe,  
 dat hja elkoar fine mochten  
 en de kar makke hawwe om ien libben te libjen.

Wy tankje Jo, Hear, foar al dyjingen  
 dy't dizze minsken laat en grutbrocht hawwe,  
 foar de noed dy't om harren hinne is,  
 foar alle freonskip om harren hinne,  
 foar it leauwe dat yn harren siedde waard,  
 foar it fertrouwen dêr't hja no dizze wei mei gean wolle.

Sa bidde wy Jo:  
 hâld har byinoar, sa't Jo Jo mei ús ferbûn hawwe,  
 en sa't jo gemeente net mear fan Jo los te skuorren is;  
 dat bidde wy Jo yn de namme fan Jezus Kristus,  
 jo Soan, ús Hear.

**Amen.**

*Hjir kinne oare foarbea-yntinsjes folgje.*

### **Foarbea**

29 God fan ús hert,  
 Jo hawwe Jo mei ús ferbûn  
 ienris en foargoed op libben en dea:  
 jo libben diele Jo mei ús  
 en ús dea is jo grutte soarch.  
 God fan ús hert,  
 hâld ús fêst, as wy Jo driigje los te litten,  
 fjurje ús hieltyd wer oan, as wy de moed ferlieze,





dat wy ús steande hâlde kinne as bûnsgenoaten fan Jo,  
like betrouber as Jo.

... *gebedsstilte* ...

Sa bidde wy Jo mei-elkoar:

**Hear, ûntfermje Jo.**

Meitsje ús bûnsgenoaten fan elkoar,  
dat wy fan ús ferskillen gjin skeel meitsje,  
mar bliid binne mei it ferskaat,  
ree binne om fan elkoar te learen  
en mei elkoar te sykjen nei wat ús hjir en no te dwaan stiet.

... *gebedsstilte* ...

Sa bidde wy Jo mei-elkoar:

**Hear, ûntfermje Jo.**

Meitsje ús ek bûnsgenoaten  
fan wa't neat of nimmen hawwe,  
dat wy ynsteane en opkomme foar elk minske,  
fierôf en tichtby,  
dy't slachtoffer is fan ús macht en rykdom.

... *gebedsstilte* ...

Sa bidde wy Jo mei-elkoar:

**Hear, ûntfermje Jo.**



Meitsje ús bûnsgenoaten fan elkenien,  
dy't op in oare wize tinkt en leaut,  
dat wy mei-elkoar beseffe  
dat minsken gerjochtichheid wolle en dwaan moatte,  
dat frede stichte wurde moat,  
dat de hielens fan de skepping libbe wurde moat  
en dat wy minsken troch Jo  
dêrta roppen en bemoedige wurde.

... *gebedsstilte* ...

Sa bidde wy Jo mei-elkoar:

**Hear, ûntfermje Jo.**

God fan ús hert,  
bring ús yn 't sin dat brekke en diele  
de wurden binne fan jo ferbûn mei ús,  
foardien troch Him, dy't ús foargien is,  
jo leafde, jo ferbûn libbensliif.

... *gebedsstilte* ...

Sa bidde wy Jo mei-elkoar:

**Hear, ûntfermje Jo.**





30 *Ut de neikommende yntinsjes kin in kar makke wurde.*

God fan alle genede  
 freon en reisgenoat,  
 sjoch yn jo goedens del op *N* en *N*  
 en alle minsken dy't yn trou ferbûn binne.  
 Ferdjipje troch jo leafde harren leafde,  
 fersterkje harren langst om harren wurd te hâlden.  
 Hear, yn jo goedens,  
**hear ús gebed.**

God, ús Skepper,  
 wy tankje Jo foar de jefte fan leafde en lichem,  
 dat dizze twa genietsje kinne fan elkoar.  
 Lit *N* en *N* bliid wêze  
 mei it nije libben dat se elkoar jouwe  
 yn frede en freugde, alle libbensdagen.  
 Hear, yn jo goedens,  
**hear ús gebed.**

God, dy't as in heit en mem foar ús binne,  
 seinigje de heit en mem fan *N* en *N*  
 dy't de bern grutbrocht hawwe yn leafde, yn leauwe.  
 Jou dizze âlden – no't se hjoed tsjûgen binne  
 fan de trougeloften fan de bern –  
 dat harren libben ek ferrike wurdt.  
 Seinigje de beide famyljes fan dit pear,  
 dat se groeie meie yn leafde en freonskip.  
 Hear, yn jo goedens,  
**hear ús gebed.**

Ivige God, skinker fan alle goede dingen,  
 jou *N* en *N* wiisheid en tawijing  
 om it libben mei-elkoar foarm te jaan.  
 Dat se alle dagen wenje meie yn leafde en frede,  
 de freugden fan elkoar diele meie  
 en de lêsten fan elkoar drage meie,  
 lykas Jezus Kristus mei ús dien hat.  
 Hear, yn jo goedens,  
**hear ús gebed.**

Goede God, Jo jouwe minsken oan elkoar.  
 Wy bidde Jo:





meitsje *N* en *N* fol fan leafde en blydskip  
 dat se elkoar en oaren in wolkom thús binne.  
 Meitsje harren libben tegearre  
 ta in teken fan de leafde fan Kristus  
 yn de mienskip fan jo Tsjerke  
 en yn dizze brutsen wrâld.  
 Hear, yn jo goedens,  
**hear ús gebed.**

31 *foargonger*

Hear, ús God, wy tankje Jo  
 dat Jo de wrâld leafhawwe  
 en dat minsken elkoar leafhawwe.  
 Wy bidde Jo:  
 wês tichtby dizze twa,  
 wês mei jo goedens om har hinne,  
 dat se har by Jo burgen witte.

*breid of breugeman*

Lokkich binne wy  
 dat wy elkoar fûn hawwe.  
 Bliuw mei jo trou tichtby ús.  
 Help ús, dat wy hieltyd begryp foar elkoar hawwe,  
 dat we elkoar leafhawwe en ferjaan kinne.  
 Bring ús ta ús bestimming.

*âlden, famyljeleden, freonen, eventueel oaren*  
 Oan jo beskerming betrouwe wy dizze twa ta.  
 Bring harren yn kontakt mei minsken  
 dy't harren oanfiele en begripe,  
*dy't harren mei ried en died bysteane.*  
 Jou ús de wiisheid om help te jaan  
 wannear't se dêr ferlet fan hawwe,  
 en efterhâldend te wêzen  
 as se sels beslissingen nimme moatte.

*breid of breugeman*

Wês mei ús famyljeleden en freonen,  
 dy't ús hjoed begeliede.  
 Wy tankje Jo foar alles  
 dat Jo ús yn harren jûn hawwe.  
 Bewarje ús yn jo leafde,  
 lit ús mei harren ferbûn bliuwe.





*foargonger*

Hear, ús God, wy bidde foar dit pear,  
 foar harren famylje en freonen,  
 foar allegearre dy't harren oan elkoar ferbûn hawwe  
 en foar wa't allinnich stiet en giet.  
 Help ús om elkoar heech te hâlden,  
 bring bynoar dy't ferlet fan elkoar hawwe,  
 bewarje de ienriedigens tusken harren dy't bynoar hearre.  
 Hâld ús allegear bynoar yn de gemeente,  
 dat wy Jo loovje en tankje foar jo goedens.

- 32 Lit ús de Hear fan it ferbûn bidde  
 foar manlju en froulju dy't op eigen wize  
 foarm jouwe oan in libben yn it ferbûn,  
 minsken dy't bewust der bewust foar kieze  
 om har net oan in partner te binen  
 en dy't net in húshâlding stichtsje wolle,  
 mar yn in ferskaat oan relaasjes  
 ta har rjocht hoopje te kommen  
 en oaren ta seine wêze wolle.

Sa bidde wy:

**God fan leafde, ûntfermje Jo oer ús.**

- 33 Trouwe God, wy tankje Jo foar dizze dei mei hiel ús hert.  
 Wy ûnderfine it as in geskink dat Jo minsken oan elkoar  
 tabetrouwe. Yn ús ienheid komt jo byld tichteby ús, teart  
 jo wurd him iepen as de taal fan it ferbûn, de taal fan de  
 leafde. Dêrom is jo ûntferming de mjitte fan ús leafde, is jo  
 trou de mjitte fan ús trou.

Trouwe God, wy tankje Jo om de leafde dy't ús út ússels  
 weihellet, dy't ús ta frede bringt en ús in namme jout. Wy  
 tankje Jo foar de trou en freonskip, dy't N en N fan elkoar  
 en fan oaren krige hawwe, yn gauris pynlike en drege tiden.  
 Wês mei elkenien dy't gjin part hawwe kin yn de freugde fan  
 leafde foar in oarenien.

Trouwe God, behoedzje ús derfoar dat wy allinnich mar  
 by de dei libje, sûnder doel, sûnder takomst. Bewarje ús  
 libben op goed gelok, bewarje ús foar it grize bestean, dêr't  
 wy net mear in kar yn meitsje. Bewarje ús derfoar dat wy  
 der mar wat hinne libje sûnder ferwachting. Meitsje ús mei  
 jo omtinken ta in hûs dêr't oaren har feilich yn fiele, fol  
 omtinken, leafde en frede.







## Tafelgebed

### 34 'Frede foar dy, en frede foar dy'

Frede foar dy, en frede foar dy,  
alles wat goed is en lokkich makket,  
dat it oer jimme beiden komme mei.  
Frede mei ús allegearre  
en yn de hiele wrâld.

As Jo, dêr yn jo ûntagonklik ljocht,  
dy God binne, as Jo ús hjir hearre en sjogge,  
as wy foar Jo besteane,  
nim dan ús wurden fan tank oan,  
dit liet fan ferwûndering, op dizze dei  
dy't Jo makke hawwe.

Wy dy't Jo nea sjoen hawwe,  
samar minsken, samar wei,  
wy doare it oan en sjonge jo Namme  
en yn wurden fan minsken  
neame wy Jo, mei nammen sûnt ieuwen  
sykje wy Jo,  
o ivige libbene God.

Jo dy't roppen hawwe 'ljocht'  
en it ljocht waard berne;  
dy't seagen dat it goed wie,  
it lân fan 'e moarn, ierde en himel,  
en alle ferwulften fan wetter en fjoer;  
dy't seagen dat de beammen goed wiene,  
en alle dieren tige goed,  
en de fûgels folmakke;  
Jo dy't roppen hawwe 'o minske'  
en de minske waard berne;  
Jo dy't de minske sjoen hawwe,  
ûntreastber en iensum;  
Jo dy't ús doe man en frou makke hawwe.  
Jo dy't alle paden ombûgd hawwe,  
dat dizze twa elkoar fine soene:  
wy tankje Jo, dat Jo it sà  
en net oars dien hawwe.





Ik bid Jo God, foltôgje en seinigje harren,  
meitsje harren minske, aloan mear,  
en lit harren libbensliif ûnderfine  
dat se roppen binne om foar elkoar  
sa goed as God te wêzen;  
dat se aloan mear lykje meie  
op Him dy't jo byld is, jo Soan,  
Jezus fan Nazaret, de nije minske,  
dy't ús foardien hat,  
wat libjen is, wat leafde docht;  
dy't in minske foar oaren wurden is  
en Him mei hert en siel  
oan dizze wrâld jûn hat;

dy't de jûns foar syn lijen en dea  
as teken fan de geast dy't Him besiele,  
it brea nommen en brutsen hat,  
en oan syn freonen omparte hat  
mei dizze wurden:  
nim en yt, myn lichem foar jimme,  
doch dat om My te betinken;

dy't ek de beker nommen hat  
mei de wurden:  
dit is de beker fan it nije ferbûn,  
myn bloed foar jim fergetten  
ta ferjouwing fan jim sûnden,  
doch dat om My te betinken.

O God dy't grutter binne  
as alle sûnde, alle dea,  
Jo dy't de minskesoan ferrize litten hawwe,  
Jo sille ek dizze twa  
nea ferlern gean litte.

Lit neat yn harren ferlern gean  
om 'e wille fan hjoed.  
Hâld harren yn libben, lit de dea  
dy't alles skiedt en leech en tsjuster makket  
net oer harren komme.

Bewarje harren tsjin de lange doer;  
dat se net stroffelje, want dizze wrâld giet foarby,



mar net de leafde, dy is as de see,  
flitsend as fjoer en sterker as de dea.

Bewarje harren yn 'e leafde,  
skriuw harren nammen  
yn 'e palm fan jo hân,  
skriuw harren yn jo hert,  
om 'e wille fan har freonen dy't wy binne,  
om 'e wille fan jo Soan, de minskesoan,  
dy't by Jo libbet, no en yn ivichheid.

Sa bidde wy Jo, God,  
en mei de wurden  
dy't Jezus ús jûn hat  
geane wy ta Jo en sjonge 'ús heit'.

### **Us Heit ...**

Untfang dit brea  
en part it mei elkoar  
en drink út dizze beker.  
En wit dat Hy jimme God wêze sil  
yn ivichheid.

### **35 'Fan alle dagen dizze moarntyd'**

*sjoch Tsjinstboek – in oanset, diel I, side 304f.*

### **36 'Ivige Wysheid'**

*sjoch Tsjinstboek – in oanset, diel I, side 317f.*

### **37 'Mei hiel ús hert'**

Jo, God, tankje wy hjoed  
mei hiel ús hert,  
om't Jo minsken oan elkoar jouwe.  
Wy meie elkoar oannimme  
as út jo hân.  
Net foar de iensumheid,  
net foar de helplezens  
hawwe Jo ús makke,  
mar ta ferfoling fan elkoar.  
Yn ús ienheid  
komt jo byld tichteby ús,

teart jo wurd him iepen  
as de taal fan it ferbûn,  
de sprake fan de leafde;  
is jo trou  
de mjitte fan ús trou.

Jo tankje wy  
om de leafde  
dy't ús út ússels weihellet,  
dy't ús ta frede bringt  
en ús in namme jout.  
Wat wy fan Jo krije  
wurdt aloan mear  
ta romte foar in mannichte.  
Dat makket ús blier om te sjongen!  
In heechliet fan freugde  
mei hjir heard wurde  
as wy op it spoar bliuwe  
fan elkenien dy't fan jo leafde libbe hat:  
**Hillich, hillich, hillich...**

In liet boppe-al  
om Him, jo leave Soan,  
dy't himsels mei hert en siel  
jûn hat  
en sa de wrâld foar him wûn hat.  
Hy, dy't minsken syn freonen neamde,  
harren rôp  
ta seinige frijheid.  
It geheim  
fan leafde dy't har jaan kin,  
dy't wer iepen makket wat sletten is  
en hiel makket wat brutsen is,  
hat Hy ús dúdlik makke  
en foar ús ferfolle,  
doe't Er  
yn de nacht dat Er ferret waard,  
it brea yn 'e hannen naam,  
Jo tank sei,  
it brea briek en dield  
en dêrby sei:  
'Dit is myn lichem,  
foar jim brutsen.

Nim it, en yt dêrfan, allegear.  
Ek de beker naam Er  
by it tanksizzen.  
Hy joech him troch en sei:  
'Dit is myn bloed,  
fergetten foar jimme  
en foar gâns minsken,  
om sûnden te ferjaan  
en it libben te hieljen.  
Doch dat  
om My te betinken.'

Hâld de amme fan jo Geast net by ús wei  
alle dagen fan ús byinoar wêzen.  
Meitsje de trou  
ta deistich brea  
dat wy diele,  
ta in beker  
dy't oerrint fan freugde,  
hieltyd wer.  
Bliuw ús foar eagen  
dat ús leafde sjoen wurde mei  
en waarmte jout  
oan wa't de wei mei ús geane.  
Seinigje ús  
dat wy elkoar seinigje meie  
mei de namme fan Him, jo Soan,  
dy't ús foargiet, as wy bidde:

**Us Heit.....**

### **Gebed nei it miel**

38 Wy sizze Jo tank, Hear,  
dat Jo ús byinoar bine wolle  
yn de hillige tekens fan it lichem en bloed  
fan jo Soan Jezus Kristus.  
Jou dat wy troch elkoar leaf te hawwen  
yn jo leafde bliuwe meie,  
alle dagen dy't Jo ús jouwe.  
**Amen.**



## Utstjoering en seine

39 De HEARE sil dy seinigje en behoedzje.  
De HEARE sil dy mei it ljocht fan syn antlit beskine  
en is dy genedich.  
De HEARE keart syn antlit nei dy ta en sil dy frede jaan!  
**Amen.**

40 De almachtige en barmhertige God,  
Heit, Soan en hillige Geast,  
sil jimme seinigje.  
**Amen.**

41 De frede fan God,  
dêr't wy mei al ús ferstân net by kinne,  
sil jimme herten en tinken behoedzje  
yn Kristus Jezus, ús Hear.  
**Amen.**

42 God sil foar jim wêze,  
om jim de goede wei te wizen.  
God sil efter jim wêze,  
om jim yn 'e earmen te sluten  
en tsjin gefaar te beskermjen.  
God sil ûnder jim wêze,  
om jim op te fangen as jimme wankje te fallen.  
God sil yn jim wêze,  
om jim te treastgjen by fertriet.  
God sil om jim hinne wêze,  
as in beskermjende muorre, wannear't alles omfalt.  
God sil boppe jim wêze,  
om jim te seinigjen.  
Sa sil God jim sa seinigje,  
hjoed, moarn en yn ivichheid.  
**Amen.**

43 De seine fan de God fan Sara en Abraham,  
de seine fan Jezus, de Soan, berne út Maria,  
de seine fan de hillige Geast,  
dy't ús ferwaarmet as in mem har bern.  
wês mei jim allegearre.  
**Amen.**



Oarders  
foar de  
Seiniging fan oare  
Libbensferbyntenissen



## OPGONG

*Persoanlik tarieden op de troufiering*

Goede God,  
hjoed sille wy tegearre nei foaren komme  
om ús leafde út te sprekken.  
Wy bidde  
wês de sinne yn ús libben,  
ferljochtsje de wei dy't wy gean sille,  
bewarje ús en ús leafsten  
by jo trou en leafde.  
Amen.





## Oarder I – Skrift, seine en gebed

### BEGROETING EN YNLIEDEND WURD

Frede foar dy *N* en frede foar dy *N*.  
Mei alles wat goed is en lokkich makket  
oer jimme beiden komme.

Frede foar jimme allegearre, sa't wy hjir byinoar kommen  
binne,  
fan fierren en fan tichtby, elk op syn of har eigen wize.  
Om mei-elkoar te fieren,  
dêr't wy hjoed ta roppen binne:  
tsjûge te wurden fan it trouferbûn tusken *N* en *N*,  
binne wy hjir.

Wês wolkom yn de tsjerke fan Jezus Kristus,  
ús Hear en freon,  
dy't ús byinoar bringt yn syn Ryk.

*Karteksten 1-2*



### BEMOEDIGING of IEPENINGSFERS:



Us help is yn de Namme fan de HEARE

**dy't himel en ierde makke hat,**  
[dy't trou bliuwt oant yn ivichheid  
**en net los lit wat syn hân begûn.**

*Ps 124:8*

*Ps 146:6*

*Ps 138:8*

*of*

Lit ús priizgje God, ús Heit,  
Skepper fan alle goede jeften.

**Heech te priizgjen binne Jo yn alle ieuwen.**

Lit ús priizgje Kristus,  
boarne fan alle seiniging.

**Heech te priizgjen binne Jo yn alle ieuwen.**

Lit ús priizgje de hillige Geast,  
dy't ús it libben jout.

**Heech te priizgjen binne Jo yn alle ieuwen.**

*Karteksten 3*





PSALM of GESANG

*Lietesuggestjes siden 871-875*

(IEPENINGS)GEBED

Barmhertige God,  
 dy't minsken elkoar tabetrouwe –  
 in geskink út de himel is it  
 as minsken elkoar fine.  
 Mei *N* en *N* binne wy hjir byinoar kommen  
 om jo grutte Namme te seinigjen,  
 om't Jo ien en al leafde binne  
 en trou oan ús minsken.  
 Wy bidde Jo:  
 seinigje yn jo barmhertigens dizze twa,  
 lis jo hân op harren  
 en beklaai harren mei jo frede,  
 dizze oere, en alle dagen fan har libben.  
**Amen.**

*Karteksten 4-8*

LEZING út de hillige Skrift

*Skriftlêzingen side 869*



PSALM of GESANG

*Lietesuggestjes siden 871-875*



OERTINKING

PSALM of GESANG

*Lietesuggestjes siden 871-875*

TROUGEBED

**'Hja sykje jo seine'**

O leave God,  
 wy bidde Jo  
 foar de befêstiging  
 fan dizze trou,  
 want it is in jefte fan jo ferbûn  
 om it hillige fjoer fan de leafde te bewarjen,  
 om it geande te hâlden  
 en ta te wijen.





Stjoer jo skeppende Geast  
oer dizze twa tsjanners fan Jo  
en oer harren ienwêzen.

Jo hawwe har byinoar brocht,  
salvje har mei jo genede!  
Hja sykje jo seine  
op harren ferbûn,  
jou har dy seine,  
bidde wy,  
o ús Heit,  
troch Him dy't ús foargonger is  
yn trou en leafde sûnder ein,  
Jezus Kristus, jo Soan, ús Hear.  
**Amen.**

*Karteksten 13-14*

[PERSOANLIKE FERANTWURDING]

TASIZZING of FRAGEN

*De partners komme oerein, jouwe elkoar de rjochterhân en sizze  
ien foar ien*



N,  
ik nim dy, myn *frou/man*,  
as in geskink oan út de hân fan God  
en ik wol dy neffens it evangeelje  
leafhawwe en trou wêze  
(yn moaie en minne dagen,  
yn rykdom en earmoed,  
yn sûnens en sykte,  
ús libben lang).



*De foargonger freget no oan beiden tagelyk*  
Wolle jim soarch en ferantwurdlikens drage  
foar elkoar  
en foar wa't oan jim tabetroud wurde?  
**Ja, dat wolle wy.**

*of*

*De foargonger freget de partners ien foar ien*  
N, nimme jo  
jo *frou/man* N  
as in geskink oan út de hân fan God





en wolle jo *har/him*  
 neffens it evangeelje  
 leafhawwe en trou bliuwe  
 (yn moaie en minne dagen,  
 yn rykdom en earmoed,  
 yn sûnens en sykte,  
 oant de dea jimme skiede sil/  
 salang't jim libje sille)?  
**Ja, fan herte (mei de help fan God).**

*De foargonger freget no oan beiden tagelyk*  
 Wolle jim soarch en ferantwurdlikens drage  
 foar elkoar  
 en foar wa't oan jim tabetroud wurde?  
**Ja, dat wolle wy.**

*Karteksten 16-19*

[WIKSELJEN FAN DE RINGEN]

*as de ringen net yn it gemeentehûs wiksele binne*

*partners ta elkoar*

N, draach dizze ring as it teken fan myn leafde en trou.

*of foargonger ta it pear*

Draach dizze ring as it teken fan jim leafde en trou.

SEINE

*It pear knibbelet, de foargonger leit de hannen op.*

De God fan Israel,  
 de Heit fan ús Hear Jezus Kristus  
 sil jimme seinigje en hoedzje,  
 dat jimme yn frede en freugde byinoar wenje,  
 al jim dagen,  
 gâns minsken ta seine.

**Amen.**

*Karteksten 24-26*

PSALM of GESANG

*Elkten stiet; it pear kin op 'e knibbels sitten bliuwe.*

*Dêrnei giet de gemeente sitten; it pear stiet.*

*Suggestjes foar lieten 871-875*

[OERJAAN TROUKEARS]

*De troukears wurdt oan de peaskekears oanstutsen.*





## OERJAAN FAN DE HUSBIBEL

*âlderling*

Alle dagen fan ús libben meie wy wis wêze  
fan de trou en leafde fan God.

It wurd fan God is nea sûnder ynhâld  
mar hat altyd frijwat te sizzen.

Hjoed hawwe wy bidden  
dat jimme leafde en trou

likefolle sizzenkrêft hawwe meie,  
wjerspegeling fan de tawijing fan God.

Om ek dy hiel gewoane dagen fan jim libben  
mei it ljocht fan de ferrizenis te beskinen  
jouwe wy jimme dizze húsbibel mei.

*of*

jouwe wy jim in kears mei, en dizze húsbibel,  
dat jimme jim alle dagen bewarre witte  
*by it wurd fan God, it wurd fan leafde en trou.*

*Karteksten 27*

*It pear giet sitten*

## YNSAMMELJEN FAN DE JEFTEN

### TANKSIZZING en FOARBEA

*foargonger*

Lit ús bidde.

*... gebedsstilte ...*

Skepper,

boarne fan ús libben,

wy tankje Jo

foar de jefte fan de leafde

en de jefte fan it lichem –

Jo hawwe har oan ús jûn

dat wy yn frede en frijheid

fan elkoar genietsje

en fan de minsken om ús hinne.

*Amen.*

Meie N en N tegearre sa libje  
dat de krêft fan harren leafde  
in wjerspegeling fan jo leafde is  
en it libben fan ús allegearre ferriket.

God, yn jo goedens,

**hear ús bidden.**





Mei wa't iensum is, teloarsteld,  
 en elkenien dy't it krap hat of bang is,  
 troch Jo stipe wurde.  
 God, yn jo goedens,  
**hear ús bidden.**

Jou oan ús allegearre, hjir byinoar  
 wiisheid, geduld en moed  
 om elkoar yn de namme fan Kristus te tsjinjen.  
 God, yn jo goedens,  
**hear ús bidden.**

Lit freonen en famylje, dy't hjir byinoar binne,  
 en harren dy't troch ôfstân fier fan ús skaat binne,  
 dizze dei sterke en seinige wurde.  
 God, yn jo goedens,  
**hear ús bidden.**

God fan genede, wy betinke  
 harren dy't yn it leauwe yn Kristus stoarn binne  
 en wy priizgje Jo om harren leafde.  
 Mei harren foarbyld ús sterkje.

*Karteksten 28-35*



#### STIL GEBED

*eventueel ôfsletten mei*

God, Jo, dy't neffens de macht dy't yn ús wurket,  
 by steat binne om ûnwittend folle mear te dwaan  
 as wy oait freegje of betinke,  
 oan Jo de hearlikheid  
 yn de gemeente en yn Kristus Jezus,  
 dy't ús leard hat om sa te bidden:

**Us Heit ...**

#### UTGONGSLIET

*Suggestjes foar lieten 871-875*

#### UTSTJOERING EN SEINE

Gean yn frede hjir wei,  
 yn de ferwachting fan de takomst fan ús Hear.

De genede fan ús Hear Jezus Kristus  
 en de leafde fan God



en de mienskip fan de hillige Geast  
wês mei jimme allegearre.

**Amen.**

*Karteksten 40-44*

[YNSAMMELJEN FAN DE JEFTEN

*As de jeften net yn de tsjinst ynsammele binne, kin dat by de  
útgong dien wurde.]*



## Oarder II – Skrift, seine en gebed

### BEGROETING

Frede foar dy *N* en frede foar dy *N*.  
 Mei alles wat goed is en lokkich makket  
 oer jimme beiden komme.

Frede foar jimme allegearre, sa't wy hjir byinoar kommen  
 binne,  
 fan fierren en fan tichtby, elk op syn of har eigen wize.  
 Om mei-elkoar te fieren,  
 dêr't wy hjoed ta roppen binne:  
 tsjûge te wurden fan it trouferbûn tusken *N* en *N*.  
 binne wy hjir.

Wês wolkom yn de tsjerke fan Jezus Kristus,  
 ús Hear en freon,  
 dy't ús byinoar bringt yn syn Ryk.

*Karteksten 1-2*

### BEMOEDIGING of IEPENINGSFERS:

Us help is yn de Namme fan de HEARE  
**dy't himel en ierde makke hat,**  
 [dy't trou bliuwt oant yn ivichheid  
**en net los lit wat syn hân begûn.**

*Ps 124:8*

*Ps 146:6*

*Ps 138:8*

*of*

Lit ús priizgje God, ús Heit,  
 Skepper fan alle goede jeften.  
**Heech te priizgjen binne Jo yn alle ieuwen.**

Lit ús priizgje Kristus,  
 boarne fan alle seining.  
**Heech te priizgjen binne Jo yn alle ieuwen.**

Lit ús priizgje de hillige Geast,  
 dy't ús it libben jout.  
**Heech te priizgjen binne Jo yn alle ieuwen.**

*Karteksten 3*

### PSALM of GESANG

*Lietesuggestjes siden 871-875*







## (IEPENINGS)GEBED

Barmhertige God,  
 dy't minsken elkoar tabetrouwe –  
 in geskink út de himel is it  
 as minsken elkoar fine.  
 Mei *N* en *N* binne wy hjir byinoar kommen  
 om jo grutte Namme te seinigjen,  
 om't Jo ien en al leafde binne  
 en trou oan ús minsken.  
 Wy bidde Jo:  
 seinigje yn jo barmhertichheid dizze beide minsken,  
 lis jo hân op harren  
 en beklai harren mei jo frede,  
 dizze oere, en alle dagen fan har libben.  
**Amen.**

*Karteksten 4-8*

LEZING út de hillige Skrift

*Skriftlêzings side 869*

PSALM of GESANG

*Lietesuggestjes siden 871-875*



OERTINKING

PSALM of GESANG

*Lietesuggestjes siden 871-875*

YNLIEDING

### **'It is net goed dat de minske allinnich is'**

'It is net goed dat de minske allinnich is' *Gen 2:18*

'Mei jins beiden is better as allinnich, want tegearre hat men in goed lean fan it wurk. Sa kinne ek twa dy't har deljouwe, de waarmte krije, mar hoe kin ien allinnich waarm wurde? As immen it fan ien man wol winne kin, dan sille twa it dochs tsjin him hâlde kinne; en in trijetrieds snoer sil net maklik brekke.'

*Prek 4:9,11-12*

*Seiniging oare libbensferbyntenissen – Oarder II*

805





'In trouwe freon is in sterke skûle; dy't sa'n ien fûn hat, hat grutte rykdom fûn. In trouwe freon is net te beteljen, tsjin syn wearde is neat ôf te weagen. In trouwe freon is medisyn foar it libben, en dy't de Hear foar eagen hâlde, sille dy fine.'

*Sir 6,14-16*

Freonskip en tagedienens brochten David en Jonatan derta om in ferbûn oan te gean, dêr't se elkoar help en beskerming yn taseine.

*1 Sam 19,1; 20:13-17*

De freonskip fan Judit en har slavinne betsjutte de rêding fan Israel.

*Jud 8:10*

Freonen hat Jezus syn learlingen neamd; freonskip waard leafde, doe't Er syn libben ynsette.

*Joh 15:13-14*

Lazarus hearde mei Maria en har suster Marta ta de rûnte fan syn freonen, yn neifolging fan Him neame wy elkoar freonen, dy't yn wierheid leafhawwe en de oar frede tawinskje.

*Joh 11:11; 3 Joh 1:15*

Freonskip skinkt freugde en jout útsjoch op frede.

Dêr't minsken elkoar freonskip jouwe, dêr ferbine se har oan elkoar yn leafde.

Op sa'n freonskip rêst de seine fan de Alderheechste dy't Abraham en Mozes syn freonen neamt.

*Jes 41:8; Ex 33:11*

Sa sille dizze twa dy't hjir foar syn antlit steane, harren freonskip befêstigje yn in ferbûn dêr't se tagedienens foar elkoar yn útsprekke en trou yn tasizze. Mei de Hear harren freonskip seinigje.

*Karteksten 15*

#### [PERSOANLIKE FERANTWURDING]

#### TASIZZING of FRAGEN

*De partners komme oerein, jouwe elkoar de rjochterhân en sizze ien foar ien*

N,  
ik nim dy, myn *frou/man*,  
as in geskink oan út de hân fan God





en ik wol dy neffens it evangeelje  
leafhawwe en trou wêze  
(yn moaie en minne dagen,  
yn rykdom en earmoed,  
yn sûnens en sykte,  
ús libben lang).

*De foargonger freget no oan beiden tagelyk*  
Wolle jim soarch en ferantwurdlikens drage  
foar elkoar  
en foar wa't oan jim tabetroud wurde?  
**Ja, dat wolle wy.**

*of*

*De foargonger freget oan de partners ien foar ien*  
N, nimme jo  
jo *frou/man* N  
as in geskink oan út de hân fan God  
en wolle jo *har/him*  
neffens it evangeelje  
leafhawwe en trou bliuwe  
(yn moaie en minne dagen,  
yn rykdom en earmoed,  
yn sûnens en sykte,  
*oant de dea jimme skiede sil/  
salang't jim libje sille*)?  
**Ja, fan herte (mei de help fan God).**

*De foargonger freget no oan beiden tagelyk*  
Wolle jim soarch en ferantwurdlikheid drage  
foar elkoar  
en foar wa't oan jim tabetroud wurde?  
**Ja, dat wolle wy.**

*Karteksten 16-19*

[WIKSELJEN FAN DE RINGEN]  
*as de ringen net yn it gemeentehûs wiksele binne*

*partners ta elkoar*

N, draach dizze ring as it teken fan myn leafde en trou.

*of foargonger ta it pear*

Draach dizze ring as it teken fan jim leafde en trou.





## GEBED

*It pear knibbelet*

God fan Abraham, Izaäk en Jakob,  
 it hûs fan Israel hawwe Jo seinige  
 sa't Jo ûnthjitten hiene  
 en ivich bliuwe Jo trou oan jo ferbûn.  
 Wy bidde Jo:  
 wol ek dit pear *N* en *N* seinigje  
 dat se tegearre, feriene yn leafde en trou,  
 út jo ferbûn libje meie.  
 Lis jo hân op harren.

Bring harren hûs ûnder jo bewâld  
 en lit jo freonlik antlit  
 har foargean  
 as in ljocht dat oer har paad strielet.  
 Ja, sjoch yn goedens op harren del  
 en jou harren frede op al har wegen.  
 Meitsje harren fol fan jo hillige Geast,  
 dat se jo seine ûntfange meie  
 yn in leauwich hert,  
 troch Jezus Kristus, ús Hear.

**Amen.**

*Karteksten 20-23*



## SEINE

*De foargonger leit de partners de hannen op.*

De God fan Israel  
 de Heit fan ús Hear Jezus Kristus  
 sil jimme seinigje en hoedzje,  
 dat jimme yn frede en freugde byinoar wenje,  
 al jim dagen,  
 gâns minsken ta seine.

**Amen.**

*Karteksten 24-26*

## PSALM of GESANG

*Elkenien stiet; it pear kin op 'e knibbels sitten bliuwe.*

*Dêrnei giet de gemeente sitten; it pear stiet.*

*Lietesuggestjes siden 871-875*

[OERJAAN TROUKEARS]

*De troukears wurdt oan de peaskekears oanstutsen.*





## OERJAAN HUSBIBEL

### *âlderling*

Alle dagen fan ús libben meie wy wis wêze  
fan de trou en leafde fan God.

It wurd fan God is nea sûnder ynhâld  
mar hat altyd frijwat te sizzen.

Hjoed hawwe wy bidden

dat jimme leafde en trou

likefolle sizzenkrêft hawwe meie,

wjerspegeling fan de tawijing fan God.

Om ek dy hiel gewoane dagen fan jim libben

mei it ljocht fan de ferrizenis te beskinen

jouwe wy jimme dizze húsbibel mei.

*of*

jouwe wy jim in kears mei, en dizze húsbibel,

dat jimme jim alle dagen bewarre witte

by it wurd fan God, it wurd fan leafde en trou.

*Karteksten 27*

*It pear giet sitten.*

## YNSAMMELJEN FAN DE JEFTEN

### TANKSIZZING en FOARBEA

#### *foargonger*

Lit ús bidde.

*... gebedsstilte ...*

Skepper,

boarne fan ús libben,

wy tankje Jo

foar de jefte fan de leafde

en de jefte fan it lichem –

Jo hawwe har oan ús jûn

dat wy yn frede en frijheid

fan elkoar genietsje

en fan de minsken om ús hinne.

**Amen.**

Meie *N* en *N* tegearre sa libje

dat de krêft fan harren leafde

in wjerspegeling fan jo leafde is

en it libben fan ús allegearre ferriket.

God, yn jo goedens,

**hear ús bidden.**





Mei wa't iensum is, teloarsteld,  
 en allegearre dy't it krap hawwe of bang binne,  
 troch Jo stipe wurde.  
 God, yn jo goedens,  
**hear ús bidden.**

Jou oan ús allegearre, hjir byinoar  
 wiisheid, geduld en moed  
 om elkoar yn de namme fan Kristus te tsjinjen.  
 God, yn jo goedens,  
**hear ús bidden.**

Lit freonen en famylje, dy't hjir byinoar binne,  
 en harren dy't troch ôfstân fier fan ús skaat binne,  
 dizze dei sterke en seinige wurde.  
 God, yn jo goedens,  
**hear ús bidden.**

God fan genede, wy betinke  
 harren dy't yn it leauwe yn Kristus stoarn binne  
 en wy priizgje Jo om harren leafde.  
 Mei harren foarbyld ús sterkje.

*Karteksten 28-35*



#### STIL GEBED

*eventueel ôfsletten mei*

God, dy't – sa't út de krêft dy't yn ús wurket bliken docht –  
 by steat binne om folle mear te dwaan  
 as alles wat wy freegje of tinke –  
 oan Jo is de hearlikheid  
 yn de gemeente en yn Kristus Jezus,  
 dy't ús leard hat om sa te bidden:  
**Us Heit ...**

#### UTGONGSLIET

*Lietesuggestjes siden 871-875*

#### UTSTJOERING EN SEINE

Gean yn frede hjir wei,  
 yn de ferwachting fan de takomst fan ús Hear.

De genede fan ús Hear Jezus Kristus  
 en de leafde fan God



en de mienskip fan de hillige Geast  
wês mei jimme allegearre.

**Amen.**

*Karteksten 40-44*

[YNSAMMELJEN FAN DE JEFTEN

*As de jeften net yn de tsjinst ynsammele binne, kin dat by de  
útgong dien wurde.]*

# Oarder III – Skrift, seine en Miel fan de Hear

YNTREE - A

[YNTREELIET]

*Lietesuggestjes siden 871-875*

BEGROETING

Frede foar dy *N* en frede foar dy *N*.  
Mei alles wat goed is en lokkich makket  
oer jimme beiden komme.

Frede foar jimme allegearre, sa't wy hjir byinoar kommen  
binne,  
fan fierren en fan tichtby, elk op syn of har eigen wize.  
Om mei-elkoar te fieren,  
dêr't wy hjoed ta roppen binne:  
tsjûge te wurden fan it trouferbûn tusken *N* en *N*,  
binne wy hjir.

Wês wolkom yn de tsjerke fan Jezus Kristus,  
ús Hear en freon,  
dy't ús byinoar bringt yn syn Ryk.

*Karteksten 1-2*

BEMOEDIGING

Us help is yn de Namme fan de HEARE,  
**dy't himel en ierde makke hat,**  
[dy't trou bliuwt oant yn ivichheid  
**en net los lit wat syn hân begûn.**

*Ps 124:8*

*Ps 146:6*

*Ps 138:8*

[YNTREELIET]

*Lietesuggestjes siden 871-875*

KYRIE

Lit ús op dizze freugdefolle dei  
de Hear om ûntferming oanroppe



foar wa't gjin frede kenne,  
gjin frede dy't harren libben doel en gearhing jout.  
Sa roppe wy om ferbûnens  
oer ús grinzen hinne,  
en priizgje wy de Namme fan de Hear,  
want syn barmhertichheid is de ein fan wei.

*Karteksten 9-10*

## GLORIA

### GEBED FAN DE DEI

Barmhertige God,  
dy't minsken elkoar tabetrouwe –  
in geskink út de himel is it  
as minsken elkoar fine.  
Mei *N* en *N* binne wy hjir byinoar kommen  
om jo grutte Namme te seinigjen,  
om't Jo ien en al leafde binne  
en trou oan ús minsken.  
Wy bidde Jo:  
seinigje yn jo barmhertichheid dizze twa,  
lis jo hân op harren  
en beklaai harren my jo frede,  
dizze oere, en alle dagen fan har libben.  
**Amen.**

*Karteksten 4-8*



## YNTREE – B

[YNTREELIET]

*Lietesuggestjes siden 871-875*

### BEGROETING

Frede foar dy *N* en frede foar dy *N*.  
Mei alles wat goed is en lokkich makket  
oer jimme beiden komme.

Frede foar jimme allegearre, sa't wy hjir byinoar kommen  
binne,  
fan fierren en fan tichtby, elk op syn of har eigen wize.  
Om mei-elkoar te fieren,  
dêr't wy hjoed ta roppen binne:  
tsjûge te wurden fan it trouferbûn tusken *N* en *N*,  
binne wy hjir.

Wês wolkom yn de tsjerke fan Jezus Kristus,  
ús Hear en freon,  
dy't ús byinoar bringt yn syn Ryk.

*Karteksten 1-2*

### BEMOEDIGING

Us help is yn de Namme fan de HEARE,  
**dy't himel en ierde makke hat,**  
[dy't trou bliuwt oant yn ivichheid  
**en net los lit wat syn hân begûn.**

*Ps 124:8*

*Ps 146:6*

*Ps 138:8*

[YNTREELIET]

*Lietesuggestjes siden 871-875*

### FEROATMOEDIGING

Foar Jo belide wy, almachtige God,  
**foar jo hiele tsjerke en foar elkoar,**  
**dat wy sûndige hawwe**  
**yn wat wy tochten, seine en diene.**  
*... gebedsstilte ...*  
Untfermje Jo oer ús,  
**ferjou ús ús sûnden**



**en lied ús ta it ivige libben,**  
troch Jezus Kristus, ús Hear.  
**Amen.**

LOFFERHEFFING, DE TSIEN WURDEN

*sjoch Tsjinstboek – in oanset, diel I siden 159-160*

GEBED OM FERLJOCHTING MEI DE HILLIGE GEAST

Ferburgene God,  
wy libje mei it each op Jo,  
ús hert is fol fan ferlangst  
nei jo bywêzichheid.  
Harkje dêrom nei ús bidden.  
Kom mei it libbensljocht fan jo Geast  
yn ús fermidden.  
Opfleurje sille wy  
yn jo waarme leafde.  
Wy tankje en priizgje Jo  
foar it foltôgjen fan ús libben.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear.  
**Amen.**

*Karteksten 11-12*

## DE HILLIGE SKRIFT

*Ien of mear*

LEZINGEN (mei lieten) út de hillige Skrift.

*Skriftlêzingen side 869*

PREEK

PSALM of GESANG

*Lietesuggestjes siden 871-875*

## YNSEINIGING

TROUGEBED

### **'Hja sykje jo seine'**

O leave God,  
wy bidde Jo  
foar de befêstiging  
fan dizze trou,  
want it is in jefte fan jo ferbûn  
om it hillige fjoer fan de leafde te bewarjen,  
om it geande te hâlden  
en ta te wijen.

Stjoer jo skeppende Geast  
oer dizze twa tsjanners fan Jo  
en oer harren ienwêzen.

Jo hawwe har byinoar brocht,  
salvje har mei jo genede!  
Hja sykje jo seine  
op harren ferbûn,  
jou harren dy seine,  
bidde wy,  
o ús Heit,  
troch Him dy't ús foargonger is  
yn trou en leafde sûnder ein,  
Jezus Kristus, jo Soan, ús Hear.  
Amen.



[PERSOANLIKE FERANTWURDING]

TASIZZING of FRAGEN

*De partners komme oerein, jouwe elkoar de tjochterhân en sizze ien foar ien*

N,  
ik nim dy, myn *frou/man*,  
as in geskink oan út de hân fan God  
en ik wol dy neffens it evangelje  
leafhawwe en trou wêze  
(yn moaie en minne dagen,  
yn rykdom en earmoed,  
yn sûnens en sykte,  
ús libben lang).

*De foargonger freget no oan beiden tagelyk*  
Wolle jim soarch en ferantwurdlikens drage  
foar elkoar  
en foar wa't oan jim tabetroud wurde?  
**Ja, dat wolle wy.**

*of*

*De foargonger freget de partners ien foar ien*  
N, nimme jo  
jo *frou/man* N  
as in geskink oan út de hân fan God  
en wolle jo *har/him*  
neffens it evangelje  
leafhawwe en trou bliuwe  
(yn moaie en minne dagen,  
yn rykdom en earmoed,  
yn sûnens en sykte,  
*oant de dea jimme skiede sil/*  
*salang't jim libje sille*)?  
**Ja, fan herte (mei de help fan God).**

*De foargonger freget no oan beiden tagelyk*  
Wolle jimme soarch en ferantwurdlikheid drage  
foar elkoar  
en foar wa't oan jim tabetroud wurde?  
**Ja, dat wolle wy.**

*Karteksten 16-19*





[WIKSELJEN FAN DE RINGEN]

*as de ringen net yn it gemeentehûs wiksele binne*

*Partners ta elkoar*

N, draach dizze ring as it teken fan myn leafde en trou.

*of foargonger ta it pear*

Draach dizze ring as it teken fan jim leafde en trou.

SEINE

*It pear knibbelet; de foargonger leit de hannen op.*

De God fan Israel,

de Heit fan ús Hear Jezus Kristus

sil jimme seinigje en hoedzje,

dat jimme yn frede en freugde byinoar wenje,

al jim dagen,

gâns minsken ta seine.

**Amen.**

*Karteksten 24-26*

PSALM of GESANG

*Elkenien stiet; it pear kin op 'e knibbels sitten bliuwe.*

*Dêrnei giet de gemeente sitten; it pear stiet.*

*Lietesuggestjes siden 871-875*

[OERJAAN FAN DE TROUKEARS]

*De troukears wurdt oan de peaskekears oanstutsen.*

OERJAAN FAN DE HUSBIBEL

*âlderting*

Alle dagen fan ús libben meie wy wis wêze  
fan de trou en leafde fan God.

It wurd fan God is nea sûnder ynhâld  
mar hat altyd frijwat te sizzen.

Hjoed hawwe wy bidden

dat jimme leafde en trou

likefolle sizzenskrêft hawwe meie,

wjerspegeling fan de tawijing fan God.

Om ek dy hiel gewoane dagen fan jim libben

mei it ljocht fan de ferrizenis te beskinen

jouwe wy jimme dizze húsbibel mei.

*of*

jouwe wy jim in kears mei, en dizze húsbibel,



dat jimme jim alle dagen bewarre witte  
by it wurd fan God, it wurd fan leafde en trou.

*Karteksten 27*

*It pear giet sitten.*

## MIEL FAN DE HEAR

*Sjoch ek Tsjinstboek – in oanset, diel I, side 165f.*

### FOARBEA

Lit ús bidde:

... *gebedsstilte* ...

Almachtige God,

sjoch genedich om nei dizze wrâld

dy't Jo makke hawwe,

en dêr't jo Soan syn libben foar jûn hat.

Meie *N* en *N* tegearre sa libje

dat de krêft fan harren leafde

in wjerspegeling fan jo leafde is

en it libben fan ús allegearre ferriket.

God, yn jo goedens,

**hear ús bidden.**

Mei wa't iensum is, teloarsteld,

en elkenien dy't it krap hat of bang is,

troch Jo stipe wurde.

God, yn jo goedens,

**hear ús bidden.**

Jou oan ús allegearre, hjir byinoar

wisheid, geduld en moed

om elkoar yn de namme fan Kristus te tsjinjen.

God, yn jo goedens,

**hear ús bidden.**

Lit freonen en famylje, dy't hjir byinoar binne,

en harren dy't troch ôfstân fier fan ús skaat binne,

dizze dei sterke en seinige wurde.

God, yn jo goedens,

**hear ús bidden.**

God fan geneede, wy betinke

harren dy't yn it leauwe yn Kristus stoarn binne

en wy priizgje Jo om harren leafde.  
Mei harren foarbyld ús sterkje.

*Karteksten 30-35*

#### STIL GEBED

*eventueel ôfsletten mei*

God, Jo, dy't neffens de macht dy't yn ús wurket,  
by steat binne om ûnwittend folle mear te dwaan  
as wy oait freegje of betinke,  
oan Jo de hearlikheid  
yn 'e gemeente en yn Kristus Jezus  
oant yn alle geslachten  
fan ivichheid ta ivichheid.

**Amen.**

#### UTNOEGING

De Hear hat syn tafel reemakke  
foar wa't op Him betrouwe en Him leafhawwe.  
Kristus noaget ús  
om tankber en leauwich  
mei de lofprizing fan syn tsjerke yn te stimmen  
en brea en wyn út syn hân oanrikt te krijen

#### FREDEGROET

*Elkenien stiet*

Dat de frede fan de Hear altyd mei jim wêze mei.

**En mei jo geast.**

Bring inoar de fredegroet.

*of*

Jou inoar in teken fan frede.

*De gemeenteleden bringe inoar de fredegroet.*

*Elkenien giet sitten.*

#### YNSAMMELJEN FAN DE JEFTEN

*Under it ynsammeljjen fan de jeften meitsje de foargonger en  
de diakens de tafel mei de jeften fan brea en wyn ree. Under  
it ynsammeljjen kin in liet songen wurde en/of muzyk makke  
wurde.*





## GEBED OER DE JEFTEN

Himelske Heit,  
 Jo dy't genedich en barmhertich binne,  
 wy komme ta Jo  
 mei de jeften fan jo skepping  
 (dit brea en dizze wyn).  
 Wy bidde Jo:  
 meitsje yn dizze tekens  
 it geheim fan jo leafde iepenbier.  
 Lit ús diele yn it libben  
 fan jo iennichstberne Soan  
 en jou ús jo hillige Geast  
 dy't nije minsken fan ús makket,  
 dizze dei en alle dagen,  
 oant yn ivichheid.

**Amen.**

## TAFELGEBED

De Hear sil by jim wêze.  
**De Hear sil jo bewarje.**  
 De herten heech.  
**Wy hawwe ús hert by de Hear.**  
 Bringje wy tank oan de Hear, ús God.  
**Hy is ús tankberens waardich.**

Wy loovje Jo, o ús God,  
 Jo kening fan dizze wrâld,  
 want by Jo is de welle fan it libben,  
 yn jo ljocht sjogge wy it ljocht.

Wy loovje Jo dat Jo  
 minsken makke hawwe,  
 wy loovje Jo dat Jo  
 harren neffens jo byld meitsje.

Wy loovje Jo dat Jo  
 de wrâld behâlde  
 troch de leafde op ierde  
 iepenbiere.



Wy loovje Jo dat Jo  
de freugde wollen hawwe,  
it brea dat wy diele,  
de wyn fan it keninkryk.

O Hear, lit dan  
yn stêd en lân  
oant yn de strjitten fan Jeruzalem  
de lofsang wjerklinke,

want Jo hawwe ús ferblide  
mei jo bywêzigens,  
jo trou lit ús libje  
en wy besteane allinnich yn jo byld.

Sa sjonge wy mei freugde  
de lofsang dy't wjerklint  
dêr't jo Namme plak  
fynt op ierde:  
**Hillich, hillich, hillich ...**

*ferfolch sjoch Tsjinstboek – in oanset diel I, side 275 of 276-277  
Karteksten 34-37*

GEBED FAN DE HEAR  
*ynlaat mei de lêste wurden fan it Tafelgebed, of*  
Lit ús bidde ta God, ús Heit,  
mei de wurden dy't Jezus ús leard hat:

**Us Heit ...**

MIENSKIP FAN BREA EN WYN

GEBED NEI IT MIEL

Jo, dy't yn minsken  
jo wolbehagen hawwe,  
ferhear ús gebeden  
en skink ús  
alles dêr't wy ferlet fan hawwe  
om libje te kinnen:  
geastkrêft en freugde,  
hope en goedens, dy't minsken ferbine



en de wei folgje litte fan Him  
dy't ús ljocht is: Jezus, ús broer,  
hjoed en oant de ein fan ús dagen.  
**Amen.**

*Karteksten 39*

## UTGONGSLIET

*Lietesuggestjes siden 871-875*

## UTSTJOERING EN SEINE

Gean yn frede hjir wei,  
yn de ferwachting fan de takomst fan ús Hear.

De genede fan ús Hear Jezus Kristus  
en de leafde fan God  
en de mienskip fan de hillige Geast  
wês mei jimme allegearre.  
**Amen.**

*Karteksten 40-44*



# Oarder IV – Skrift, seine en Miel fan de Hear

YNTREE - A

[YNTREELIET]

*Lietesuggestjes siden 871-875*

BEGROETING

Frede foar dy *N* en frede foar dy *N*.  
Mei alles wat goed is en lokkich makket  
oer jimme beiden komme.

Frede foar jimme allegearre, sa't wy hjir byinoar kommen  
binne,  
fan fierren en fan tichtby, elk op syn of har eigen wize.  
Om mei-elkoar te fieren,  
dêr't wy hjoed ta roppen binne:  
tsjûge te wurden fan it trouferbûn tusken *N* en *N*.  
binne wy hjir.

Wês wolkom yn de tsjerke fan Jezus Kristus,  
ús Hear en freon,  
dy't ús byinoar bringt yn syn Ryk.

*Karteksten 1-2*

BEMOEDIGING

Us help is yn de Namme fan de HEARE,  
**dy't himel en ierde makke hat,**  
[dy't trou bliuwt oant yn ivichheid  
**en net los lit wat syn hân begûn.**

*Ps 124:8*

*Ps 146:6*

*Ps 138:8*

[YNTREELIET]

*Lietesuggestjes siden 871-875*

KYRIE

Lit ús op dizze freugdefolle dei  
de Hear om ûntferming oanroppe

foar wa't gjin frede kenne,  
gjin frede dy't harren libben doel en gearhing jout.  
Sa roppe wy om ferbûnens  
oer ús grinzen hinne,  
en priizgje wy de Namme fan de Hear,  
want syn barmhertichheid is de ein fan wei.

*Karteksten 9-10*

## GLORIA

### GEBED FAN DE DEI

Barmhertige God,  
dy't minsken elkoar tabetrouwe –  
in geskink út de himel is it  
as minsken elkoar fine.  
Mei *N* en *N* binne wy hjir byinoar kommen  
om jo grutte Namme te seinigjen,  
om't Jo ien en al leafde binne  
en trou oan ús minsken.

Wy bidde Jo:

seinigje yn jo barmhertichheid dizze twa,  
lis jo hân op harren  
en beklaai harren my jo frede,  
dizze oere, en alle dagen fan har libben.

**Amen.**

*Karteksten 4-8*



## YNTREE – B

[YNTREELIET]

*Lietesuggestjes siden 871-875*

### BEGROETING

Frede foar dy *N* en frede foar dy *N*.  
Mei alles wat goed is en lokkich makket  
oer jimme beiden komme.

Frede foar jimme allegearre, sa't wy hjir byinoar kommen  
binne,  
fan fierren en fan tichtby, elk op syn of har eigen wize.  
Om mei-elkoar te fieren,  
dêr't wy hjoed ta roppen binne:  
tsjûge te wurden fan it trouferbûn tusken *N* en *N*,  
binne wy hjir.  
Wês wolkom yn de tsjerke fan Jezus Kristus,  
ús Hear en freon,  
dy't ús byinoar bringt yn syn Ryk.

*Karteksten 1-2*



### BEMOEDIGING



Us help is yn de Namme fan de HEARE,  
**dy't himel en ierde makke hat,**  
[dy't trou bliuwt oant yn ivichheid  
**en net los lit wat syn hân begûn.**

*Ps 124:8*

*Ps 146:6*

*Ps 138:8*

[YNTREELIET]

*Lietesuggestjes siden 871-875*

### FEROATMOEDIGING

Foar Jo belide wy, almachtige God,  
**foar jo hiele tsjerke en foar elkoar,**  
**dat wy sûndige hawwe**  
**yn wat wy tochten, seine en diene.**  
*... gebedsstilte ...*  
Unfermje Jo oer ús,  
**ferjou ús ús sûnden**  
**en lied ús ta it ivige libben:**



troch Jezus Kristus, ús Hear,  
**Amen.**

LOFFERHEFFING, DE TSIEN WURDEN

*sjoch Tsjinstboek – in oanset, diel I siden 159-160*

GEBED OM FERLJOCHTING MEI DE HILLIGE GEAST

Ferburgene God,  
wy libje mei it each op Jo,  
ús hert is fol fan ferlangst  
nei jo bywêzichheid.  
Harkje dêrom nei ús bidden.  
Kom mei it libbensljocht fan jo Geast  
yn ús fermidden.  
Opfleurje sille wy  
yn jo waarme leafde.  
Wy tankje en priizgje Jo  
foar it foltôgjen fan ús libben.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear.  
**Amen.**

*Karteksten 11-12*



## DE HILLIGE SKRIFT

*Ien of mear*

LEZINGEN (mei lieten) út de hillige Skrift.

*Skriftlêzingen side 869*

PREEK

PSALM of GESANG

*Lietesuggestjes siden 871-875*

## YNSEINIGING

YNLIEDING

### **'It is net goed dat de minske allinnich is'**

'It is net goed dat de minske allinnich is'

*Gen 2:18*

'Mei jins beiden is better as allinnich, want tegearre hat men in goed lean fan it wurk. Sa kinne ek twa dy't har deljouwe, de waarmte krije, mar hoe kin ien allinnich waarm wurde? As immen it fan ien man wol winne kin, dan sille twa it dochs tsjin him hâlde kinne; en in trijetrieds snoer sil net maklik brekke.'

*Prek 4:9,11-12*

'In trouwe freon is in sterke skûle; dy't sa'n ien fûn hat, hat grutte rykdom fûn. In trouwe freon is net te beteljen, tsjin syn wearde is neat ôf te weagen. In trouwe freon is medisyn foar it libben, en dy't de Hear foar eagen hâlde, sille dy fine.'

*Sir 6,14-16*

Freonskip en tagedienens brochten David en Jonatan derta om in ferbûn te oan te gean, dêr't se elkoar help en beskerming yn taseine.

*1 Sam 19,1; 20:13-17*

De freonskip fan Judit en har slavinne betsjutte de rêding fan Israel.

*Jud 8:10*

Freonen hat Jezus hat syn learlingen neamd; freonskip waard leafde, doe't Er syn libben ynsette.

*Joh 15:13-14*







Lazarus hearde mei Maria en har suster Marta ta de rûnte fan syn freonen, yn neifolging fan Him neame wy elkoar freonen, dy't yn wierheid leafhawwe en de oar frede tawinskje. *Joh 11:11; 3 Joh 1:15*

Freonskip skinkt freugde en jout útsjoch op frede.  
 Dêr't minsken elkoar freonskip jouwe, dêr ferbine se har oan elkoar yn leafde.  
 Op sa'n freonskip rêst de seine fan de Alderheechste dy't Abraham en Mozes syn freonen neamt. *Jes 41:8; Ex 33:11*

Sa sille dizze twa dy't hjir foar syn antlit steane, harren freonskip befêstige yn in ferbûn dêr't se tagedienens foar elkoar yn útsprekke en trou yn tasizze. Mei de Hear harren freonskip seinigje.

*Karteksten 15*

[**PERSOANLIKE FERANTWURDING**]

**TASIZZING of FRAGEN**

*De partners komme oerein, jouwe elkoar de rjochterhân en sizze ien foar ien*

N,  
 ik nim dy, myn *frou/man*,  
 as in geskink oan út de hân fan God  
 en ik wol dy neffens it evangeelje  
 leafhawwe en trou wêze  
 (yn moaie en minne dagen,  
 yn rykdom en earmoed,  
 yn sûnens en sykte,  
 ús libben lang).

*De foargonger freget no oan beiden tagelyk*  
 Wolle jim soarch en ferantwurdlikens drage  
 foar elkoar  
 en foar wa't jim tabetroud wurde?  
**Ja, dat wolle wy.**

*of*

*De foargonger freget oan de partners ien foar ien*  
 N, nimme jo  
 jo *frou/man* N  
 as in geskink oan út de hân fan God





en wolle jo *har/him*  
 neffens it evangeelje  
 leafhawwe en trou bliuwe  
 (yn moaie en minne dagen,  
 yn rykdom en earmoed,  
 yn sûnens en sykte,  
 oant de *dea jimme skiede sil/*  
*salang't jim libje sille*)?  
**Ja, fan herte (mei de help fan God).**

*De foargonger freget no oan beiden tagelyk*  
 Wolle jim soarch en ferantwurdlikens drage  
 foar elkoar  
 en foar wa't oan jim tabetroud wurde?  
**Ja, dat wolle wy.**

*Karteksten 16-18*

[WIKSELJEN FAN DE RINGEN]  
*as de ringen net yn it gemeentehûs wiksele binne*

*partners ta elkoar*  
 N, draach dizze ring as it teken fan myn leafde en trou.

*of foargonger ta it pear*  
 Draach dizze ring as it teken fan jim leafde en trou.



GEBED

*It pear knibbelet*

God fan Abraham, Izaäk en Jakob,  
 it hûs fan Israel hawwe Jo seinige  
 sa't Jo ûnthjitten hiene  
 en ivich bliuwe Jo trou oan jo ferbûn.  
 Wy bidde Jo:  
 wol ek dit breidspear *N* en *N* seinigje  
 dat se tegearre, feriene yn leafde en trou,  
 út jo ferbûn libje meie.  
 Lis jo hân op harren.

Bring harren hûs ûnder jo bewâld  
 en lit jo freonlik antlit  
 har foargean  
 as in ljocht dat oer harren paad strielet.  
 Ja, sjoch yn goedens op harren del  
 en jou harren frede op al har wegen.  
 Meitsje harren fol fan jo hillige Geast,





dat se jo seine ûntfange meie  
yn in leauwich hert,  
troch Jezus Kristus, ús Hear.  
**Amen.**

*Karteksten 20-23*

SEINE

*De foargonger leit it pear de hannen op.*  
De God fan Israel,  
de Heit fan ús Hear Jezus Kristus  
sil jimme seinigje en hoedzje,  
dat jimme yn frede en freugde byinoar wenje,  
al jim dagen,  
gâns minsken ta seine.  
**Amen.**

*Karteksten 24-26*

PSALM of GESANG

*Elkenien stiet; it pear kin op 'e knibbels sitten bliuwe.*  
*Dêrnei giet de gemeente sitten; it pear stiet.*

*Lietesuggestjes siden 871-875*

[OERJAAN FAN DE TROUKEARS]

*De troukears wurdt oan de peaskekears oanstutsen.*

OERJAAN FAN DE HUSBIBEL

*âlderling*

Alle dagen fan ús libben meie wy wis wêze  
fan de trou en leafde fan God.  
It wurd fan God is nea sûnder ynhâld  
mar hat altyd frijwat te sizzen.  
Hjoed hawwe wy bidden  
dat jimme leafde en trou  
likefolle sizzenskrêft hawwe meie,  
wjerspegeling fan de tawijing fan God.  
Om ek dy hiel gewoane dagen fan jim libben  
mei it ljocht fan de ferrizenis te beskinen  
jouwe wy jimme dizze húsbibel mei.

*of*

jouwe wy jim in kears mei, en dizze húsbibel,  
dat jimme jim alle dagen bewarre witte  
by it wurd fan God, it wurd fan leafde en trou.

*Karteksten 26*

*It pear giet sitten.*





## MIEL FAN DE HEAR

*sjoch ek Tsjinstboek – in oanset, diel I side 165f.*

### FOARBEA

*foargonger*

Lit ús bidde:

*... gebedsstilte ...*

Almachtige God,

sjoch genedich om nei de wrâld

dy't Jo makke hawwe,

en dêr't jo Soan syn libben foar jûn hat.

Meie *N* en *N* tegearre sa libje

dat de krêft fan harren leafde

in wjerspegeling fan jo leafde is

en it libben fan ús allegearre ferriket.

God, yn jo goedens,

**hear ús bidden.**

Mei wa't iensum is, teloarsteld,

en elkenien dy't it krap hat of bang is,

troch Jo stipe wurde.

God, yn jo goedens,

**hear ús bidden.**

Jou oan ús allegearre, hjir byinoar

wisheid, geduld en moed

om elkoar yn de namme fan Kristus te tsjinjen.

God, yn jo goedens,

**hear ús bidden.**

Lit freonen en famylje, dy't hjir byinoar binne,

en harren dy't troch ôfstân fier fan ús skaat binne,

dizze dei sterke en seinige wurde.

God, yn jo goedens,

**hear ús bidden.**

God fan genede, wy betinke

harren dy't yn it leauwe yn Kristus stoarn binne

en wy priizgje Jo om harren leafde.

Mei harren foarbyld ús sterkje.

*Karteksten 30-35*

### STIL GEBED

*eventueel ôfsletten mei*

God, Jo, dy't neffens de macht dy't yn ús wurket,

by steat binne om ûnwittend folle mear te dwaan





as wy oait freegje of betinke,  
oan Jo de hearlikheid  
yn de gemeente en yn Kristus Jezus,  
oant yn alle geslachten  
fan ivichheid ta ivichheid.

**Amen.**

#### UTNOEGING

De Hear hat syn tafel reemakke  
foar wa't op Him betrouwe en Him leafhawwe.  
Kristus noeget ús  
om tankber en leauwich  
mei de lofprizing fan syn tsjerke yn te stimmen  
en brea en wyn út syn hân oanrikt te krijen.

#### FREDEGROET

*Elkenien stiet*

De frede fan de Hear wês altyd mei jimme.

**En mei jo geast.**

Bring inoar de fredegroet.

*of*

Jou inoar in teken fan frede.

*De gemeenteleden bringe inoar de fredegroet.*

*Elkenien giet sitten.*

#### YNSAMMELJEN FAN DE JEFTEN

*Under it ynsammeljen fan de jeften meitsje de foargonger en  
de diakens de tafel mei de jeften fan brea en wyn ree. Under it  
ynsammeljen kin in liet songen wurde en/of muzyk makke wurde.*

#### GEBED OER DE JEFTEN

Himelske Heit,  
Jo dy't genedich en barmhertich binne,  
wy komme ta Jo  
mei de jeften fan jo skepping  
(dit brea en dizze wyn).  
Wy bidde Jo:  
meitsje yn dizze tekens  
it geheim fan jo leafde iepenbier.  
Lit ús diele yn it libben



fan jo iennichstberne Soan  
en jou ús jo hillige Geast  
dy't nije minsken fan ús makket,  
dizze dei en alle dagen,  
oant yn ivichheid.

**Amen.**

#### TAFELGEBED

De Hear sil by jim wêze.

**De Hear sil jo bewarje.**

De herten heech.

**Wy hawwe ús hert by de Hear.**

Bringe wy tank oan de Hear, ús God.

**Hy is ús tankberens waardich.**

Wy loovje Jo, o ús God,  
Jo kening fan dizze wrâld,  
want by Jo is de welle fan it libben,  
yn jo ljocht sjogge wy it ljocht.

Wy loovje Jo dat Jo  
minsken makke hawwe,  
wy loovje Jo dat Jo  
harren neffens jo byld meitsje.

Wy loovje Jo dat Jo  
de wrâld behâlde  
troch de leafde op ierde  
iepenbiere.

Wy loovje Jo dat Jo  
de freugde wollen hawwe,  
it brea dat wy diele,  
de wyn fan it keninkryk.

O Hear, lit dan  
yn stêd en lân  
oant yn de strjitten fan Jeruzalem  
de lofsang wjerklinke,

want Jo hawwe ús ferblide  
mei jo bywêzigens,  
jo trou lit ús libje  
en wy besteane allinnich yn jo byld.  
Sa sjonge wy mei freugde  
de lofsang dy't wjerklinkt



dêr't jo Namme plak  
 fynt op ierde:  
**Hillich, hillich, hillich ...**

*ferfolch sjoch Tsjinstboek – in oanset diel I, side 275 of 276-277  
 Karteksten 36-38*

GEBED FAN DE HEAR  
*ynlaat mei de lêste wurden fan it Tafelgebed, of*  
 Lit ús bidde ta God, ús Heit,  
 mei de wurden dy't Jezus ús leard hat:

**Us Heit ...**

MIENSKIP FAN BREA EN WYN

GEBED NEI IT MIEL

Jo, dy't yn minsken  
 in wolbehagen hawwe,  
 ferhear ús gebeden  
 en skink ús  
 alles dêr't wy ferlet fan hawwe  
 om libje te kinnen:  
 geastkrêft en freugde,  
 hope en goedens, dy't minsken ferbine  
 en de wei folgje litte fan Him  
 dy't ús ljocht is: Jezus, ús broer,  
 hjoed en oant de ein fan ús dagen.  
**Amen.**

*Karteksten 39*

UTGONGSLIET

*Lietesuggestjes siden 871-875*

UTSTJOERING EN SEINE

Gean yn frede hjir wei,  
 yn de ferwachting fan de takomst fan ús Hear.

De genede fan ús Hear Jezus Kristus  
 en de leafde fan God  
 en de mienskip fan de hillige Geast  
 wês mei jimme allegearre.  
**Amen.**

*Karteksten 40-44*



# Karteksten

## Begroeting

- 1 Wolkom *N* en *N*,  
wolkom allegearre, famylje, freonen,  
minskan fan tichtby en minskan fan fierren,  
minskan dy't leauwe en minskan dy't sykje,  
minskan rekke troch leafde,  
bytiden ek ferwûne  
en lykwols kommen.  
Wolkom allegearre!

Wy binne hjir byinoar yn it hûs fan God.  
Yn dizze romte klinke hieltyd wer  
de oerâlde wurden fan frede, leafde en trou.  
(Yn it brekken fan it brea  
kenne wy Jezus Kristus werom,  
de Libbene yn ús fermidden.)  
Yn dizze romte binne wy byinoar kommen  
om *N* en *N* hinne.  
Underskate wegen hawwe jim hjirhinne laat.  
Tegearre wolle jim fierder op 'en paad.  
Jim slute hjoed in ferbûn  
yn leafde, út tagedienens.  
Dat mei-elkoar ferbûn wêzen wolle jimme mei ús  
en mei God diele.  
Hy sil jimme seinigje.

- 2 *N* en *N*, famylje en freonen,  
gemeente fan Kristus,  
yn dizze tsjerke wolle wy mei-elkoar bidde  
om de seine fan God.  
Want jimme wolle hjoed jim gearlibjen  
ûnder Gods hoede bringe, Him tankje  
en bidde dat Hy jim liede  
*en yn moaie en minne dagen bystean sil.*  
Jimme binne fan ferskillende tsjerken,  
mar it fûnemint fan it leauwe is itselde.  
Der is foar ús allegearre mear dat ús bynt  
as dat ús skiedt.





Wy binne hjir hjoed ek byinoar kommen  
om jimme sjen te litten  
dat jimme net allinnich op 'en paad hoege.  
Dat jim houlik in teken wêze mei  
fan it ferlangst fan safolle kristenen  
en oare minsken fan goede wil  
om yn frede en gerjochtichheid op ierde mei-elkoar te libjen.

### Iepeningsfers

- 3 Wês hjir oanwêzich,  
God fan 'e machten,  
Ljocht yn ús fermidden.  
Wês ús Heilân,  
dat wy wer libje;  
wês hjir oanwêzich.

### Iepeningsgebed/Gebed fan de dei

- 4 Himelheech, Hear, is jo leafde,  
oant yn de wolken rikt jo trou.  
Jo rjochtfeardichheid stiet fêst as in berch,  
jo rjochtsoarder is rom as de oseaan.  
Jo rêde minske en dier.  
Hoe kostber, God, is jo leafde:  
minsken kinne beskûl fine  
yn it skaad fan jo wjukken.  
Hja sêdzje har mei de oerfloed fan jo hûs:  
Jo ferkwikke har mei de stream fan freugde.  
Ja, by Jo is de boarne fan it libben,  
yn jo ljocht sjogge wy it ljocht.  
Jo Namme loovje wy,  
troch Jezus Kristus, ús Hear.  
**Amen.**

*Psalm 36:6-10*

- 5 Blier binne wy hjirhinne kommen  
yn dit hûs fan Jo, o God.  
Want dêr't minsken inoar beminne,  
binne Jo te finen.  
Sjoch del op dizze beide, op har leafde,  
dy't byld is fan jo leafde.  
Meitsje harren ien mei elkoar,  
nim besit fan harren, dei oan dei,





dat wy – noch jierren neitiid – útsprekke:  
grut is jo hert en goed is jo hân  
dy't *N* en *N* byinoar brocht hat,  
yn Kristus, ús Hear.

**Amen.**

- 6 Heare ús God, himelske Heit,  
wy tankje Jo  
dat wy op dizze feestlike dei  
yn jo hûs komme meie.  
Want jo hûs is in hûs fan gebed  
en om jo antlit te sykjen,  
en jo seine te freegjen,  
binne wy hjir.

Wy loovje Jo en wy tankje Jo,  
dat Jo yn jo goedens  
de minske nei jo byld makke hawwe,  
(man en frou.)  
en dat Jo *N* en *N* ek  
ta it houlik roppen hawwe.

Wy bidde Jo,  
wol harren en ús allegearre  
jo hillige Geast skinke,  
dat wy ús liede litte troch jo Wurd.  
Rjochtsje ús tinken  
op jo goedens en trou,  
dy't Jo bewize, fan generaasje op generaasje,  
oan elts dy't Jo leafhat  
en jo heil ferwachtet.  
Wol ek op dizze dei  
it ljocht fan jo Wurd foar ús oanstekke,  
dat wy yn leauwe de wei sjen meie  
dy't Jo ús wize  
troch Jezus Kristus, ús Hear.

**Amen.**

- 7 Ivige, ús God,  
jo trou en leafde foar de minske  
komme ús yn minsklike wurden yn 'e mjitte;  
sa binne Jo ús God.  
Wy bidde Jo





dat wy oandachtich harkje meie  
 nei de wurden fan jo ferbûn mei minsken  
 om sa mei hert en siel by Jo te wêzen,  
 troch ús Hear Jezus Kristus, jo Soan,  
 dy 't mei Jo yn de ienheid fan de hillige Geast  
 libbet en regearret yn alle ivichheid.

**Amen.**

- 8 Hear, ús God,  
 Jo dy't bewarje alles wat libbet,  
 Jo dy't de minskebern makke hawwe  
 yn jo byld en neffens jo likenis,  
 Jo, dy't de leafde yn ús herten ûntflamje litte,  
 Jo, dy't ús sa genedich binne dat wy dizze dei  
 mei dizze twa minsken fiere meie,  
 wy bidde Jo:  
 hâld ús by de freugde  
 om de leafde dy't herten iepenet  
 en minsken oan elkoar jout,  
 en lit jo gemeente as in freonddinne wêze,  
 dy't nei har leafste útsjocht,  
 dat se de belofte net ferjitt  
 en de stim net kwytrekket  
 om yn dizze wrâld fan jo leafde te tsjûgjen.  
 Troch ús Hear Jezus Kristus, jo Soan,  
 dy't mei Jo yn de ienheid fan de hillige Geast  
 libbet en regearret yn alle ivichheid.

**Amen.**

### **Kyrie**

- 9 Lit ús op dizze lokkige dei  
 de Hear om ûntferming oanroppe  
 foar wa't net lokkich binne,  
 om't net ien harren antwurd jout,  
 gjin hân harren beethâldt en streaket.

Sa roppe en loovje wy de Namme fan de Hear,  
 want syn barmhertichheid is de ein fan wei.

- 10 Lit ús ek op dizze fleurige dei  
 de Hear om ûntferming oanroppe  
 foar wa't gjin gelok kenne dat harren draacht,  
 gjin hoop dy't libjen docht,



gjin leafde dy't ta beântwurdzjen útdaget  
en dy't it hert bliid makket.

Sa roppe en priizgje wy de Namme fan de Hear,  
want syn barmhertichheid is de ein fan wei.

### **Gebed om ferljochting mei de hillige Geast**

11 God, ús Heit,  
wy leauwe  
dat Jo by ús binne,  
dat Jo ús hearre.  
Dêrom bidde wy:  
lit ús by Jo wêze  
en Jo hearre.  
Fertel ús it geheim  
fan jo leafde  
foar alle minsken.  
Help ús  
dat wy it fleurich fierder fertelle,  
hjoed en moarn  
en hieltyd op 'e nij,  
lykas ek Jezus die,  
jo Soan, ús Hear.

**Amen.**

12 Hear, ús God,  
lit jo Geast oer ús komme  
en fan ús hert besit nimme.  
Rjochtsje ús tinken  
en lear ús neffens jo wil te dwaan.  
Lit ús net gean sûnder jo seine,  
dat bidde wy yn it bysûnder foar N en N:  
jou harren de krêft troch tichtby harren te wêzen,  
dizze oere en alle dagen dy't komme  
yn ivichheid.

**Amen.**

### **Trougebed** (oorders I en III)

#### **13 'Jo hawwe ús oanrekke'**

Hear, ús God,  
Skepper fan alle minsken,



wy tankje Jo  
 dat Jo ús net oerlevere hawwe  
 oan de iensumens,  
 mar de minske set hawwe  
 yn in mienskip fan manlju en froulju.  
 Wy tankje Jo  
 dat Jo ús oanrekke hawwe  
 troch jo Geast fan libben en leafde  
 en ús de mooglikheid jouwe  
 om te dielen yn freonskip en trou,  
 leafde en frede.

Sa kinne wy elkoars libben helpe te ferfoljen.  
 Wy freegje Jo:  
 bewarje dizze twa dy't elkoar fûn hawwe  
 en har libben mei-inoar ferfrissele hawwe,  
 de iene mei de oare:  
 om tegearre te libjen, tegearre te hoopjen,  
 tegearre foarm te jaan  
 oan wat in minske wurde kinne soe  
 foar himsels, foar de oare  
 en foar alle skepsels fan jo hân.



Lit troch jo Geast  
 de grutte leafde,  
 dy't Jo sjen litten hawwe yn jo Soan  
 Jezus, de Messias,  
 ek harren besielje;  
 dat se elkoar leafhawwe  
 mei har hiele hert, har hiele siel  
 en alle krêften.



**Amen.**

#### 14 'God, seinigje dizze minsken'

God, seinigje dizze minsken *N* en *N*,  
 mei de jeften fan jo Geast.  
 Meitsje harren fruchtber.  
 Lit harren libben as in beam wêze,  
 dy't goede fruchten draacht  
 en skaad jout as dêr ferlet fan is.  
 Lit harren hûs in goede wente wêze,  
 in ûnderkommen yn kâlde nachten  
 en in skûlplak op waarme dagen.

*Gal 5:22*

*Ps 92:13-16*

*Hebr 13:2*



Lit harren libben as in rivierbêd wêze,  
dêr't ferkwikkend wetter yn streamt,  
dêr't wurgens yn ferlichte wurdt  
en wolwêzen yn fierd wurdt.

Lit harren arbeid fruchten drage,  
lit harren swijen sprekken wêze,  
lit harren wurden goedens ferspriede  
en lit harren sliepen genede wêze.

**Amen.**

*Ps 90:17*

*Prek 5:1*

*Jak 3:9*

*Ps 127:2*

## **Ynlieding** (oorders II en IV)

### 15 **'Roppen troch God'**

De tsjerke fan Jezus Kristus  
beliidt dat God – seinige mei Er wêze –  
minsken ropt om mei Him op wei te gean  
en dat Er sa dwaande  
harren libben ynhâld en rjochting jout.

Abraham rôp Er,  
om syn stêd, syn sibben  
– syn dierber thús –  
te ferlitten  
en op wei te gean  
nei in lân dat tasein wie.

Mozes rôp Er  
om it feilich ûntwyk  
dat er by syn skoanheit hie  
te ferlitten.

Syn eigen Soan rôp Er –

sa roppende  
makket God himsels in folk fan minsken  
dat Er befrije en liede sil  
in nije takomst yn 'e mjitte.

Nea lykwols  
lit Er minsken allinnich op wei.

Guonlju  
wurde yn it houlik roppen  
om as man en frou op te gean.

Sara gong ek op út Ur wei  
en joech har hiele betrouwen  
oan wat se fan de Hear heard hie;  
sa wie se ien fan lichem mei Abraham.

Oaren waarden roppen as bruorren.

Aäron waard oan de side fan Mozes set.

Johannes de Doper waard oan Jezus jûn –

In inkele kear binne minsken roppen  
om yntimer noch as bruorren  
oars noch as man en frou  
op te gean:

de tsjerke hat de skiednis  
fan Sergius en Bacchus kend:  
twa soldaten dy't sa oainoar ferknotte wiene  
dat se ta ien azem wurden binne  
yn ien azem stoarn binne,  
trou oan de Hear.

No dan, lykas harren  
binne jimme fan 'e middei hjirhinne kommen  
roppen troch God – seinige mei Er wêze –  
om mienskiplik syn takomst  
yn 'e mjitte te gean.

Sa sille jim dan yn alles syn wil trou sykje,  
elkoar yn leafde oantrúnje  
ta God, ta elkoar  
en ta jim neiste.

Wês stânfêst yn wat de Hear jim jout  
in gastfrij hûs foar elkoar  
en foar de neiste.

Oefenje jim yn de keunst om mei omtinken te harkjen  
nei elkoar  
en nei wa't oan jim jûn wurde sille  
en wês altyd ree  
fan herte en mei dieden respons te jaan.

Dêr't wy yn ús libben diel hawwe  
oan skuld en tebrutsenheid,  
leed en tsjinslach,  
sa meie wy wis wêze  
fan de langmoedigens fan God  
dy't Er ús yn syn Soan  
hieltyd wer jout.

*Dêrnei kinne de fragen nr. 19 folgje.*

### **Tasizzing of fragen**

#### *16 De partners sizze elkoar ta*

N,  
foar it antlit fan God  
neam ik mei leafde dyn namme  
en wol ik  
yn ien sike  
mei dy neamd wurde.  
Mei leafde sis ik dy ta:  
trou en stânfêstens,  
want mei dy wol ik seinige wurde  
alle dagen ûnder de sinne  
en ek yn it tsjuster  
wol ik fan dyn leafde witte.  
Tegearre mei dy  
wol ik de wei  
fan frede en rjocht gean,  
as bern fan it ljocht.  
Dat God sels  
ús dêrby foargiet!

#### *17 De partners sizze elkoar ta*

N, God is myn tsjûge  
wannear't ik dy hjoed  
út 'e grûn fan myn hert sis  
dat ik net mear sûnder dy kin.  
Sûnder dy kin ik mysels net mear wêze.  
Mei grutte tankberens tink ik werom  
oan de dei datsto yn myn libben kommen bist.  
Do bist it bêste dat my oerkommen is.  
Ik soe dan ek neat leaver wolle  
as dat wy der foar elkoar binne,  
alle dagen dy't ús tegearre jûn wurde sille.





18 *De foargonger freget de partners ien foar ien*

N, nimsto N út Gods hân oan  
 as maat dy skonken  
 foar no en foar de tiid dy't komt  
 en wolsto *har/him*  
 mei dyn hiele wêzen leafhawwe en trou wêze  
 yn freugde en fertriet,  
 droegen troch Gods leafde?

Wat is dêrop dyn antwurd?

*antwurd*  
 Ja.

*De foargonger freget dêrnei oan beiden tagelyk*

Wolle jimme soarch en ferantwurdlikheid drage  
 foar elkoar,  
 en foar wa't oan jim tabetroud wurde?

*antwurd*  
**Ja, dat wolle wy.**



19 *De foargonger freget de partners ien foar ien*



N, beliidsto datst troch God sels  
 roppen bist ta leafde en trou oan N,  
 en seisto ta om tegearre mei *har/him*  
 trou te sykjen nei de wil fan God,  
 stânfêstich te bliuwen  
 oan wat de Hear jim jaan sil,  
 en dy te oefenjen yn it mei omtinken harkjen  
 en mei dieden respons te jaan  
 oan elkoar en oan jim neisten,  
 en bisto ree  
 om dy mienskiplike wei te gean  
 oant de Hear komme sil?

Wat is dêrop dyn antwurd?

*antwurd*  
 Ja.





**Gebed** (oorders II en V)

20 God fan it ferbûn,  
 wy bidde Jo foar dizze twa, man en frou,  
 yn jo namme ferbûn:  
 jou harren jo hillige Geast  
 en help harren  
 dat se elkoar ta help wêze sille.  
 Bewarje en fernij harren leafde en trou  
 troch tichteby harren te wêzen  
 en jou harren jo frede,  
 troch Jezus Kristus, ús Hear.  
**Amen.**

*Dêrnei kin seine nû. 24 folgje.*

21 Wy priizgje Jo, God,  
 Jo dy't de minsken makke hawwe  
 ta leafde foar elkoar.  
 Wy priizgje Jo, Jezus Kristus,  
 Jo wolle wenje yn ús hûs en hert.  
 Wy priizgje Jo, hillige Geast,  
 Jo bringe ús yn beweging  
 en fernije ús leafde.  
 Wy bidde Jo, seinigje N en N,  
 skink harren frede en freugde byinoar.  
 Lit harren sykhelje en en libje yn jo Geast.  
 Sa sil harren leafde bliuwend en fruchtber wêze  
 en útstrielje nei elkenien dy't se moetsje.  
**Amen.**

*Dêrnei kin seine nû. 25 folgje.*

22 Almachtige en barmhertige God,  
 Jo hawwe de minske makke neffens jo byld en likenis,  
 Jo skinke de minsken oan elkoar  
 om troch leafde en trou jo Namme te ferhearlikjen.

Jo jouwe troch jo genede  
 dat wy yn it ferbûn fan twa minsken  
 in ôfbylding sjen meie  
 fan de libbensmienskip fan Kristus mei syn tsjerke.  
 Wy bidde Jo:  
 jít jo oerfloedige seine oer N en N út,  
 meitsje harren fol mei jo hillige Geast,  
 lit jo leafde oer harren wêze





as in mantel om harren skouders hinne,  
 as in kroan op harren holle,  
 as in fjoer yn harren hert.  
 Seinigje harren yn al har tinken, dwaan en litten,  
 by dei en by nacht,  
 yn freugde en fertriet,  
 yn rykdom en earmoede,  
 yn libjen en stjerren.  
 Beskermje harren tsjin alle ûnheil,  
 bewarje harren aloan yn jo goedens  
 en lit harren hûs  
 in wenplak fan frede en trou wêze.  
 Bring harren op it lêst thús yn jo himelske brulloftsseal,  
 dêr't al jo hilligen altiten bliid binne  
 om jo leafde sûnder ein.  
 Troch Kristus, ús Hear.

**Amen.**

*Dêrnei kin seine nû. 26 folgje.*

23 Hear fan de himel en fan de ivige leafde,  
 wy tankje Jo dat dizze twa yn elkoar  
 sa'n grutte leafde en trou fûn hawwe  
 dat se harren libbens ferienje wolle  
 en foar altyd tegearre wenje wolle.  
 En om't wy sûnder jo help neat kinne  
 bidde wy Jo dat Jo harren  
 de genede fan jo hillige Geast jaan wolle.  
 Help harren dat se harren mei bernlik betrouwen  
 ûnder jo leafderike hoede stelle  
 en dat se dêryn harren ferbûn bouwe  
 op jo ûnferoarlike genede,  
 troch Jezus Kristus, ús Hear.

**Amen.**

### **Seine**

24 Wês sa oan elkoar tawijd  
 yn in hillige ferbûnens –  
 en de seine fan de almachtige God,  
 Heit, Soan en hillige Geast  
 sil oer jimme komme  
 en altyd mei jimme bliuwe.

**Amen.**





25 Us leave God, dy't jimme roppen hat  
om elkoar leaf te hawwen  
en trou te wêzen,  
Hy sil jimme seinigje en behoedzje  
en jimme syn frede jaan.

**Amen.**

26 Wês dan seinige, jimme beiden,  
ta ien hûs feriene;  
ûntfermje jimme oer alle libbene siel  
dy't God op jim wei bringe sil,  
en wês fleurich foar it antlit fan Him  
dy't jimme beskermet op al jim wegen  
en dy't net loslit it wurk dat syn hân  
oan jim libben begûn is.

**Amen.**

### **Oerjaan fan de húsbibel**

*De folgjende tekst kin eventueel yn de húsbibel opnommen wurde.*

27 God hat foar himsels in hûs boud mei wurden.  
Hy wennet yn de taal,  
de ferhalen binne de keamers, dêr't Er yn tahâldt,  
ûnder it dak fan de grammatika fûn Er beskûl,  
lieten tsjinje Him ta in troan.

Yn dat hûs is ek Jezus kommen te wenjen,  
dêr groeide Er op en kaam Er ta bloei.  
Fan it dak ôf seach Er út oer syn wrâld,  
Hy ferkende de tsjustere kelders,  
it nije foarjier trof Him oan yn de tún.  
Hy joech kleur oan de ferhalen,  
mei Him kaam it hûs ta libben.

Doarren en finsters steane hjir altyd iepen,  
der waait in frisse wyn  
dy't it hûs trochsiket oant yn punten en komma's.  
Ek om it hûs hinne rûzet de wyn,  
de bledsiden risselje.  
De Geast lústert ús yn it ear  
wat Hja heard en lêzen hat.  
Sa rekken party minsken thús yn dy ferhalen.





Hjir wennen minsken mei harren God, –  
 it hûs fan God hat in protte keamers.  
 Hjir ieten beminden har brea fan triennen  
 en waard de beker fan de wille trochjûn.  
 Hjir sliepten djipladen wurden  
 oant de oere dat se oerein kamen yn leafde en passy;  
 hjir bivakkearre in earlike taal  
 dy't neaken en kwetsber makke  
 doe't se útsprutsen waard;  
 hjir wachte in treastende poëzij  
 dy't fertriet ûnder wurden brocht  
 en de takomst iepene.

It bestek fan dit hûs stiet beskreaun  
 yn it hillige boek dat ik jim jou  
 mei it doel dat jimme tegearre thús reitsje yn syn  
 sinferbân,  
 en spraak en tsjinspraak wurde  
 foar elkoar en foar de God dy't jim ropt.

### **Tanksizzing**

28 Himelske Heit,  
 oarsprong, sin en doel fan ús bestean,  
 wy tankje Jo  
 foar alle goede jeften,  
 de jefte fan de leafde,  
 de jefte fan de geast,  
 de jefte fan it lichem.

Wy tankje Jo  
 foar de jefte fan it wurd,  
 dat wy elkoar hearre,  
 en foar de jefte fan it swijen,  
 dat wy elkoar fersteane.

Wy tankje Jo  
 foar de jefte fan de freugde  
 dy't dield wurdt,  
 foar de jefte fan de moederaasje  
 om alles wat skeind wurdt:  
 al jo goede jeften  
 dy't har boarne fine  
 yn jo ûneinige goedens.





Wy tankje Jo  
 dat Jo se ús jûn hawwe,  
 dat wy fleurich en frij mei-elkoar libje,  
 mei it each op de ûnderlinge freonskip  
 en de ferbûnens mei gâns minsken om ús hinne.

Dat wy de tankberens net ôfleare  
 alle dagen fan ús libben,  
 dat bidde wy Jo hjoed  
 troch Jezus Kristus, jo Soan, ús Hear.  
 Amen

29 Wy tankje Jo, Hear, ús God,  
 Skepper fan alle dingen,  
 dat Jo dizze beide minsken oan elkoar jûn hawwe,  
 dat se elkoar fine mochten  
 en de kar makke hawwe om ièn libben te libjen.

Wy tankje Jo, Hear, foar al dyjingen  
 dy't dizze minsken laat en grutbrocht hawwe,  
 foar de noed dy't om harren hinne is,  
 foar alle freonskip om harren hinne,  
 foar it leauwe dat yn harren siedde waard,  
 foar it fertrouwen dêr't se no dy wei mei gean wolle.

Sa bidde wy Jo:  
 hâld harren byinoar, lykas Jo Jo mei ús ferbûn hawwe,  
 en sa't jo gemeente net mear fan Jo los te skuorren is;  
 dat bidde wy Jo yn de namme fan Jezus Kristus,  
 jo Soan, ús Hear.  
**Amen.**

*Hjir kinne oare foarbea-yntinsjes folgje.*

### **Foarbea**

30 God fan ús hert,  
 Jo hawwe Jo mei ús ferbûn  
 ienris en foargoed op libben en dea:  
 jo libben diele Jo mei ús  
 en ús dea is jo grutte soarch.  
 God fan ús hert,  
 hâld ús fêst, as wy Jo driigje los te litten,





fjurje ús hieltyd wer oan, as wy de moed ferlieze,  
dat wy ús steande hâlde kinne as bûnsgenoaten fan Jo,  
like betrouber as Jo.

... *gebedsstilte* ...

Sa bidde wy Jo mei-elkoar:

**Hear, ûntfermje Jo.**

Meitsje ús bûnsgenoaten fan elkoar,  
dat wy fan ús ferskillen gjin skeel meitsje,  
mar bliid binne mei it ferskaat,  
ree binne om fan elkoar te learen  
en mei elkoar te sykjen nei wat ús hjir en no te dwaan  
stiet.

... *gebedsstilte* ...

Sa bidde wy Jo mei-elkoar:

**Hear, ûntfermje Jo.**

Meitsje ús ek bûnsgenoaten  
fan wa't neat of nimmen hawwe,  
dat wy ynsteane en opkomme foar elk minske,  
fierôf en tichtby,  
dy't slachtoffer is fan ús macht en rykdom.

... *gebedsstilte* ...

Sa bidde wy Jo mei-elkoar:

**Hear, ûntfermje Jo.**

Meitsje ús bûnsgenoaten fan elkenien,  
dy't op in oare wize tinkt en leaut,  
dat wy mei-elkoar beseffe  
dat minsken gerjochtichheid wolle en dwaan moatte,  
dat frede stichte wurde moat,  
dat de hielens fan de skepping libbe wurde moat  
en dat wy minsken troch Jo  
dërta roppen en bemoedige wurde.

... *gebedsstilte* ...

Sa bidde wy Jo mei-elkoar:

**Hear, ûntfermje Jo.**

God fan ús hert,  
bring ús yn 't sin dat brekke en diele  
de wurden binne fan jo ferbûn mei ús,  
foardien troch Him, dy't ús foargien is,  
jo leafde, jo ferbûn libbensliif.





... *gebedsstilte* ...

Sa bidde wy Jo mei-elkoar:

**Hear, ûntfermjje Jo.**

31 *Ut de neikommende yntinsjes kin in kar makke wurde.*

God fan alle genede  
freon en reisgenoat,  
sjoch yn jo goedens del op *N* en *N*  
en alle minsken dy't yn trou ferbûn binne.  
Ferdjipje troch jo leafde harren leafde,  
fersterkje harren langst om harren wurd te hâlden.  
Hear, yn jo goedens,  
**hear ús gebed.**

God, ús Skepper,  
wy tankje Jo foar de jefte fan leafde en lichem,  
dat dizze twa genietsje kinne fan elkoar.  
Lit *N* en *N* bliid wêze  
mei it nije libben dat se elkoar jouwe  
yn frede en freugde, alle libbensdagen.  
Hear, yn jo goedens,  
**hear ús gebed.**

God, dy't as in heit en mem foar ús binne,  
seinigje de heit en mem fan *N* en *N*  
dy't de bern grutbrocht hawwe yn leafde, yn leauwe.  
Jou dizze âlden – no't se hjoed tsjûgen binne  
fan de trougeloften fan de bern –  
dat harren libben ek ferrike wurdt.  
Seinigje de beide famyljes fan dit pear,  
dat se groeie meie yn leafde en freonskip.  
Hear, yn jo goedens,  
**hear ús gebed.**

Ivige God, skinker fan alle goede dingen,  
jou *N* en *N* wiisheid en tawijing  
om it libben mei-elkoar foarm te jaan.  
Dat se alle dagen wenje meie yn leafde en frede,  
de freugden fan elkoar diele meie  
en de lêsten fan elkoar drage meie,  
lykas Jezus Kristus mei ús dien hat.  
Hear, yn jo goedens,  
**hear ús gebed.**







Goede God, Jo jouwe minsken oan elkoar.  
 Wy bidde Jo:  
 meitsje *N* en *N* fol fan leafde en blydskip  
 dat se elkoar en oaren in wolkom thús binne.  
 Meitsje harren libben tegearre  
 ta in teken fan de leafde fan Kristus  
 yn de mienskip fan jo Tsjerke  
 en yn dizze brutsen wrâld.  
 Hear, yn jo goedens,  
**hear ús gebed.**

32 Heit yn 'e himel,  
 wy tankje Jo  
 foar jo lieding en soarch,  
 foar jo goedens en trou  
 yn it libben fan *N* en *N*.  
 Wy tankje Jo  
 dat Jo harren byinoar brocht hawwe  
 (om tegearre man en frou te wêzen).  
 Wy tankje Jo  
 dat Jo oer harren libbenspaad  
 jo seine jaan wolle.

Hear Jezus Kristus,  
 Jo hawwe de brulloft yn Kana  
 eare mei jo oanwêzichheid  
 en mei jo tekens;  
 wol ek foar dit pear  
 it wetter fan it deistich libben  
 ta de wyn fan jo Keninkryk meitsje,  
 fonkeljend fan freugde  
 en fol fan jo frede.

Skink harren dêrta  
 alle dagen wer jo hillige Geast,  
 en jou dat se yn freugde en fertriet,  
 ja, foar tiid en ivichheid,  
 harren burgen witte meie yn jo genede  
 en droegen troch jo trou.

Mei dit breidspear sizze wy Jo tank  
 foar de âlden,  
 dy't se fan Jo krigen hawwe.



Wy sizze Jo tank  
foar alle leafde en soarch,  
dy't troch harren en troch oaren  
yn har libben ynvestearre is.

Mar ek alles wat dêryn  
net west hat sa't it wêze moast,  
lizze wy yn jo hannen.  
Wol dat genedich ferjaan,  
en lit it goede bewarre bliuwe meie.

Op dizze dei fan feest en tankberens  
bidde wy Jo yn it bysûnder  
foar alle minsken  
dy't yn it houliklibben teloarsteld binne;  
foar elk  
dy't nea in libbenspartner fûn hat;  
foar elk  
dy't de man of de frou kwytrekke binne  
oan de dea of oan it libben.  
Jou dat se net iensum wêze sille  
en lit harren boppe-al by Jo, barmhertige Heit,  
har taflecht fine meie.

En mei de wurden dy't Jo ús sels leard hawwe  
bidde wy Jo:

### **Us Heit ...**

#### 33 *foargonger*

Hear, ús God, wy tankje Jo  
dat Jo de wrâld leafhawwe  
en dat minsken elkoar leafhawwe.  
Wy bidde Jo:  
wês tichtby dizze twa,  
wês mei jo goedens om har hinne,  
dat se har by Jo burgen witte.

#### *ien fan de partners*

Lokkich binne wy  
dat wy elkoar fûn hawwe.  
Bliuw mei jo trou tichtby ús.  
Help ús, dat wy hieltyd begryp foar elkoar hawwe,



dat we elkoar leafhawwe en ferjaan kinne.  
Bring ús ta ús bestimming.

*âlden, famyljeleden, freonen, eventueel oaren*  
Oan jo beskerming betrouwe wy dizze twa ta.  
Bring harren yn kontakt mei minsken  
dy't harren oanfiele en begripe,  
dy't harren mei ried en died bysteane.  
Jou ús de wiisheid om help te jaan  
wannear't se dêr ferlet fan hawwe,  
en efterhâldend te wêzen  
as se sels beslissingen nimme moatte.

*ien fan de partners*  
Wês mei ús famyljeleden en freonen,  
dy't ús hjoed begeliede.  
Wy tankje Jo foar alles  
dat Jo ús yn harren jûn hawwe.  
Bewarje ús yn jo leafde,  
lit ús mei harren ferbûn bliuwe.

*foargonger*  
Hear, ús God, wy bidde foar dit pear,  
foar harren famylje en freonen,  
foar allegearre dy't harren oan elkoar ferbûn hawwe  
en foar wa't allinnich stiet en giet.  
Help ús om elkoar heech te hâlden,  
bring byinoar dy't ferlet fan elkoar hawwe,  
bewarje de ienriedigens tusken harren dy't byinoar hearre.  
Hâld ús allegear byinoar yn de gemeente,  
dat wy Jo loovje en tankje foar jo goedens.

- 34 Lit ús de Hear fan it ferbûn bidde  
foar manlju en froulju dy't op eigen wize  
foarm jouwe oan in libben yn it ferbûn,  
minsken dy't der bewust foar kieze  
om har net oan in partner te binen  
en dy't net in húshâlding stichtsje wolle,  
mar yn in ferskaat oan relaasjes  
ta har rjocht hoopje te kommen  
en oaren ta seine wêze wolle.  
Sa bidde wy:  
**God fan leafde, ûntfermje Jo oer ús.**





35 Trouwe God, wy tankje Jo foar dizze dei mei hiel ús hert. Wy ûnderfine it as in geskink dat Jo minsken oan elkoar tabetrouwe. Yn ús ienheid komt jo byld tichteby ús, teart jo wurd him iepen as de taal fan it ferbûn, de taal fan de leafde. Dêrom is jo ûntferming de mjitte fan ús leafde, is jo trou de mjitte fan ús trou.

Trouwe God, wy tankje Jo om de leafde dy't ús út ússels weihellet, dy't ús ta frede bringt en ús in namme jout. Wy tankje Jo foar de trou en freonskip, dy't N en N fan elkoar en fan oaren krige hawwe, yn gauris pynlike en drege tiden. Wês mei elkenien dy't gjin part hawwe kin yn de freugde fan leafde foar in oarenien.

Trouwe God, behoedzje ús derfoar dat wy allinnich mar by de dei libje, sûnder doel, sûnder takomst. Bewarje ús libben op goed gelok, bewarje ús foar it grize bestean, dêr't wy net mear in kar yn meitsje. Bewarje ús derfoar dat wy der mar wat hinne libje, sûnder ferwachting. Meitsje ús mei jo omtinken ta in hûs dêr't oaren har feilich yn fiele, fol omtinken, leafde en frede.

## Tafelgebed

### 36 'Fan alle dagen dizze moarntyd'

*sjoch Tsjinstboek – in oanset, diel I, side 304f.*

### 37 'Ivige Wysheid'

*sjoch Tsjinstboek – in oanset, diel I, side 317f.*

### 38 'Mei hiel ús hert'

Jo, God, tankje wy hjoed  
mei hiel ús hert,  
om't Jo minsken oan elkoar jouwe.  
Wy meie elkoar oannimme  
as út jo hân.  
Net foar de iensumheid,  
net foar de helplezens  
hawwe Jo ús makke,  
mar ta ferfoling fan elkoar.  
Yn ús ienheid  
komt jo byld tichteby ús,



teart jo wurd him iepen  
as de taal fan it ferbûn,  
de sprake fan de leafde;  
is jo trou  
de mjitte fan ús trou.

Jo tankje wy  
om de leafde  
dy't ús út ússels weihellet,  
dy't ús ta frede bringt  
en ús in namme jout.  
Wat wy fan Jo krije  
wurdt aloan mear  
ta romte foar in mannichte.  
Dat makket ús blier om te sjongen!  
In heechliet fan freugde  
mei hjir heard wurde  
as wy op it spoar bliuwe  
fan elkenien dy't fan jo leafde libbe hat:  
**Hillich, hillich, hillich...**

In liet boppe-al  
om Him, jo leave Soan,  
dy't himsels mei hert en siel  
jûn hat  
en sa de wrâld foar him wûn hat.  
Hy, dy't minsken syn freonen neamde,  
harren rôp  
ta seinige frijheid.  
It geheim  
fan leafde dy't har jaan kin,  
dy't wer iepen makket wat sletten is  
en hiel makket wat brutsen is,  
hat Hy ús dúdlik makke  
en foar ús ferfolle,  
doe't Er  
yn de nacht dat Er ferret waard,  
it brea yn 'e hannen naam,  
Jo tank sei,  
it brea breek en dielde  
en dêrby sei:  
'Dit is myn lichem,  
foar jim brutsen.

Nim it, en yt dêrfan, allegear.  
Ek de beker naam Er  
by it tanksizzen.  
Hy joech him troch en sei:  
'Dit is myn bloed,  
fergetten foar jimme  
en foar gâns minsken,  
om sûnden te ferjaan  
en it libben te hieljen.  
Doch dat  
om My te betinken.'

Hâld de amme fan jo Geast net by ús wei  
alle dagen fan ús byinoarwêzen.  
Meitsje de trou  
ta deistich brea  
dat wy diele,  
ta in beker  
dy't oerrint fan freugde,  
hieltyd wer.  
Bliuw ús foar eagen  
sadat ús leafde sjoen wurde mei  
en waarmte jout  
*oan wa't de wei mei ús geane.*  
Seinigje ús  
dat wy elkoar seinigje meie  
mei de namme fan Him, jo Soan,  
dy't ús foargiet, as wy bidde:

**Us Heit ...**

### **Gebed nei it miel**

39 Wy sizze Jo tank, Hear,  
dat Jo ús byinoar bine wolle  
yn de hillige tekens fan it lichem en bloed  
fan jo Soan Jezus Kristus.  
Jou dat wy troch elkoar leaf te hawwen  
yn jo leafde bliuwe meie,  
alle dagen dy't Jo ús jouwe.  
**Amen.**

### **Utstjoering en seine**



40 De HEARE sil dy seinigje en behoedzje.  
De HEARE sil dy mei it ljocht fan syn antlit beskine  
en is dy genedich.  
De HEARE keart syn antlit nei dy ta en sil dy frede jaan!  
**Amen.**

41 De almachtige en barmhertige God,  
Heit, Soan en hillige Geast,  
sil jimme seinigje.  
**Amen.**

42 De frede fan God,  
dêr't wy mei al ús ferstân net by kinne,  
sil jimme herten en tinken behoedzje  
yn Kristus Jezus, ús Hear.  
**Amen.**

43 God sil foar jim wêze,  
om jim de goede wei te wizen.  
God sil achter jim wêze,  
om jim yn 'e earmen te sluten  
en tsjin gefaar te beskermjen.  
God sil ûnder jim wêze,  
om jim op te fangen as jimme wankje te fallen.  
God sil yn jim wêze,  
om jim te treastgjen by fertriet.  
God sil om jim hinne wêze,  
as in beskermjende muorre, wannear't alles omfalt.  
God sil boppe jim wêze,  
om jim te seinigjen.  
Sa sil God jim sa seinigje,  
hjoed, moarn en yn ivichheid.  
**Amen.**

44 De seine fan de God fan Sara en Abraham,  
de seine fan Jezus, de Soan, berne út Maria,  
de seine fan de hillige Geast,  
dy't ús ferwaarmet as in mem har bern.  
wês mei jim allegearre.  
**Amen.**







# Eleminten foar in troufiering fan in kristen mei in net-kristen

YNLIEDEND WURD

*foargonger*

N en N,

tegearre wolle jimme tenei jim wei gean,  
sa hawwe jim útsprutsen.  
Foar elkoar wolle jimme der wêze,  
yn foar- en tsjinspoed, yn sykte en sûnens.  
Yn alle iepenens en oprjochtens  
wolle jim elkoar moetsje  
en oansprekken bliuwe,  
op elkoars gelok betocht.

Wannear't wy yn tsjerke  
de ferbyntenis tusken twa minsken fiere,  
dan klinke de wurden  
leafde, trou, ferbûn, frede.

Wy tinke dan

oan de leafde fan God dy't sjocht sa wiid as de wrâld sjocht  
en dy't stal krige hat  
yn it libben en de dea fan Jezus,  
oan de trou der't God Him mei oan minsken ferbynt,  
sadat se ûnderfine kinne dat harren libben doel hat,  
oan it ferbûn dat de Ivige mei Noach oangien is  
en dat him as in reinbôge oer alle minsken útspant,  
oan de frede dy't al it goede dat de Ivige  
foar minsken op it each hat, gearfettet,  
dat rêst en heil harren takomst wêze sil  
en der leafde en omtinken, fleurichheid en frede  
fan harren útgean mei.

N en N,

jim komme út ferskillende tradysjes  
en jim wolle tegearre, en elk op in eigen wize,  
oan dizze wurden ynfolling jaan,  
fol respekt foar elkoars libbensoertsjûging.

*Hjir kinne beide partners eat werjaan fan hoe't se oer de ynfolging  
fan de kearnwurden tinke.*

Tegearre wolle jimme jim wei gean.  
'Op reis wurdt de wei frijmakke',  
sa seit de bemoediging foar de pylgers –  
wy bidde dat de leave God jim seinigje sil  
op jim libbenswei.

*As beide partners dat wolle is hjir de mooglikheid ta it ûntfangen  
fan in*  
[SEINE]

*Karteksten 24-26*

## GEBED

Leave God,  
dizze twa, N en N, hawwe foar elkoar keazen.  
Tankber binne se dat hja elkoar fûn hawwe,  
harren leafde fiele se as in geskink.  
Hja wolle elkoar trou wêze yn moaie en minne dagen.  
Lit harren trou de glâns krije  
fan jo trou oan minsken.  
Wol jo ljocht oer harren ferbûn skine litte,  
lit harren hûs fol reitsje fan jo frede.  
Jou harren moed en betrouwen foar de takomst,  
dat se fol kreativiteit harren wei útsette,  
dêr't de iene de oare trefliker by achtet as himsels.  
**Amen.**



# Gebedstsjinst by in tinkdei

BEMOEDIGING of IEPENINGSFERS

Us help is yn de Namme fan de HEARE

**dy't himel en ierde makke hat,**  
[dy't trou bliuwt oant yn ivichheid  
**en net los lit wat syn hân begûn.**

*Ps 124:8*  
*Ps 146:6*  
*Ps 138:8]*

*of*

Lit ús priizgje God, ús Heit,  
Skepper fan alle goede jeften.

**Heech te priizgjen binne Jo yn alle ieuwen.**

Lit ús priizgje Kristus,  
boarne fan alle seiningen.

**Heech te priizgjen binne Jo yn alle ieuwen.**

Lit ús priizgje de hillige Geast,  
dy't ús it libben jout.

**Heech te priizgjen binne Jo yn alle ieuwen.**



*of (ûnder it sjongen fan dit fers wurde kearsen  
oanstutsen)*



Wês hjir oanwêzich,  
God fan 'e machten,  
Ljocht yn ús fermidden.  
Wês ús Heilân,  
dat wy wer libje;  
wês hjir oanwêzich.



*of*

Rêd my, o God.

**Kom mei hasten, Hear, om my te helpen.**

PSALM OF GESANG

*Lietesuggestjes siden 871-875*

IEPENINGSGEBED

Almachtige trouwe God,  
Jo hawwe N en N byinoar brocht



en harren houlik seinige.  
Yn moaie en minne dagen  
binne Jo harren nei bleaun.  
Hjiroan ta mochten se wenje yn jo seine.  
Oant hjoed ta is jo leafde by harren bleaun.  
Wês hjoed ek by harren  
en seinige ús allegearre mei jo oanwêzichheid.  
Gean foar ús út yn de tiid dy't komt.  
Dat freegje wy troch Jezus Kristus, ús Hear.  
**Amen.**

*of*

Barmhertige, trouwe God,  
Jo hawwe yn jo goedens  
N en N byinoar brocht,  
en Jo binne ticht by harren bleaun  
yn moaie en minne dagen.  
Sterkje en suverje harren leafde,  
dat se elkoar bysteane op de wei nei Jo ta  
en (mei harren bern) yn jo genede groeie meie.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear.  
**Amen.**

*of*

Grutte God, dy't leafde binne,  
sjoch yn genede del op dit pear N en N  
(en op harren bern en bernsbern,  
dy't dizze dei yn blidens meifiere).  
Jo hawwe it begjin fan harren leafde seinige  
en Jo hawwe harren de hân boppe de holle holden  
yn de jierren dat hja lok en leed  
mei-inoar diele mochten.  
Lied harren op jo wegen,  
ek yn de tiid dy't komt,  
en hâld yn dizze minsken  
jo eigen leafde ûnder ús geande.  
Dat freegje wy  
yn de namme fan Jezus Kristus, ús Hear,  
**Amen.**

LEZING út de hillige Skrift

*Skriftlêzingen side 869*



## OERTINKING

### PSALM of GESANG

*Lietesuggestjes siden 871-875*

#### AMERIJ FAN PERSOANLIK BETINKEN

Hjoed moetsje jimme, N en N,  
 elkoar net foar it earst,  
 krektoarsom, al *safolle jierren/langer* lyn  
 hawwe jimme elkoar sjoen  
 en jim sjogge elkoar noch altyd.  
 Geandewei waarden jimme elkoars reisgenoat,  
 yn leafde en trou.  
 Sa gongen jimme tegearre in wei,  
 sêde, sa hawwe jimme ûnderfûn,  
 troch de trou en de goedens fan de Ivige,  
 troestge en skerpe troch Gods Geast,  
 gearbûn troch godlike leafde.

Hjoed wolle jim op 'e nij lûd en klear útsprekke  
 hoe't jimme elkoar as in jefte ûnderfine,  
 in geskink út de himel.  
 Yn alle iepenheid wolle jimme hjir elkoars namme neame  
 as dè reisgenoat, ek foar de jierren dy't komme,  
 om op de wei, troch God jûn, troch te gean,  
 om tegearre leauwe, hope en leafde te dielen en út te  
 strieljen.

[FERNIJDE TASSIZING EN FRAGEN]  
*De partners sizze elkoar ien foar ien ta*

Op 'e nij wol ik hjir  
 foar God en syn gemeente  
 oan dy, N, myn trou tasizze.  
 Mei freugde wol ik  
 mei dy fierder gean op ús wei,  
 wittend fan moaie en minne dagen,  
 mar bliuwend yn leafde ferbûn,  
 sêde troch fertrouwen,  
 droegen troch hope.  
 Dat Gods mei ús meigean mei.



## SEINE[BEA]

De God fan Israel,  
de Heit fan ús Hear Jezus Kristus,  
sil jimme (en jim bern) seinigje en behoedzje,  
dat jimme yn frede en freugde byinoar wenje  
al jim dagen,  
gâns minsken ta seine.

**Amen.**

*of*

[De HEARE is jim hoeder,  
Hy beskermet jim foar alle kwea.]  
De HEARE sil jim gean en jim kommen beskermje  
fan no ôf oant yn ivichheid.

**Amen.**

*of*

Ivige God,  
jou seine en frede oan dit pear.  
Sljochtsje harren wei mei freugde en lok,  
dat se elkoar beskermje kinne  
yn goedens, trou en leafde,  
droegen troch it ljocht fan jo wurd.

**Amen.**

## GEBEDEN

Wy tankje Jo, Hear ús God,  
foar jo leafde en trou,  
dy't it ús mooglik meitsje elkoar leaf te hawwen  
en trou te wêzen.  
Wy tankje Jo  
dat Jo ús makken om ús libben te dielen,  
as wurd en antwurd, stim en tsjinstim.  
Wy tankje Jo  
foar dizze twa yn ús fermidden.  
dat se sa lang al tegearre troch it libben gean meie,  
yn moaie en minne dagen,  
yn rykdom en earmoed,  
yn sûnens en sykte.

Jo tankje wy  
dat se elkoar tsjinje, helpe  
en sa stal jouwe oan har ferantwurdlikheid  
foar elkoar, foar de bern,  
foar de tsjinst yn de mienskip.  
Wy tankje Jo  
dat Jo *N* en *N* skepen hawwe  
ta elkoars gelok.

**Amen.**

*of*

Ivige God,  
hjoed steane *N* en *N* foar Jo en jo gemeente  
om út te sprekken dat se elkoar fûn hawwe  
en elkoar fêsthâlde wolle.  
Hja hawwe elkoar yn moaie en minne dagen  
as reisgenoaten kennen leard,  
as de freon(din) foar it libben moete,  
dy't se op har fierdere wei net mear misse kinne.

Wês in ljocht op harren paad  
sa bidde wy.  
Lit goedens en trou har reisgenoat wêze,  
lis jo frede en genede yn harren hert,  
smei harren ferbûn mei jo leafde,  
gun harren in lokkich en fruchtber libben.

**Amen.**

STIL GEBED

GEBED FAN DE HEAR

LIET

*Lietesuggestjes siden 871-875*

*It liet kin ek nei de seine songen wurde.*

SEINE

Oer ús herten, oer ús hûzen,  
**de seine fan God.**  
Yn ús kommen, yn ús gean,  
**de frede fan God.**

Yn ús libben, yn ús leauwen,  
**de leafde fan God.**  
Oan ús ein en nij begjinnen,  
**de barmhertichheid fan God**  
**om ús op te heinen en thús te bringen.**  
**Amen.**

[LIET]

*Lietesuggestjes siden 871-875*

*As dat net foar de seinebea songen is.*



## Skriftlêzingen

Heechliet 7:6-8:7  
Psalm 127  
Efeziërs 3:14-19  
Johannes 2:1-11

*of*

Spreuken 3:3-6  
Psalm 133  
Kolossers 3:12-17  
Johannes 15:11-17

*of*

Hoséa 2:13-19  
Psalm 45  
Iepenbiering 19:6-10  
Johannes 2:1-11

*of*

Jeremia 32:36-41  
Psalm 128  
Romeinen 12:9-21  
Mattéus 7:24-29

*of (as men foar ien lêzing kiest)*

Genesis 2:18-25; Job 28; 1 Johannes 4:7-21; 1 Korintiërs  
12:31-13:13



# Lietesuggestjes

## *Ofkoartingen fan lietebondels*

LfdT Ps	Lieteboek foar de Tsjerken: Psalm
LfdT Gs	Lieteboek foar de Tsjerken: Gesang
Tb I	Tsjinstboek – <i>in oanset</i> , diel I Skrift – Miel – Gebed
TB II	Tsjinstboek – <i>in oanset</i> , diel II Libben – Seine – Mienskip
Tt	Tuskentiden
ELB	Evangelische Liedbundel
Tr	Troost (Zingende Gezegend)
WG	Wylde Goes



<b>Plak yn de oarder</b>	<b>Earste rigel</b>
begjin tsjerketsjinst	Set yn, myn sang, dat neat dyn lûd bestillet Hoe sillich, as yn 't âlderhûs feriene
skriftbljet	Gelokkich dy't de Heare Hoe sillich, as yn 't âlderhûs feriene Al koe ik alle talen sprekke
nei de preek	Al koe ik alle talen sprekke No bidde wy mei djippe earbiedenis De Hear seach nei my om  Leafde, foar de tiden berne Leafde is it reitsjen Nim dit stuit en nim dit stee
nei de trouseine	Hoe sillich, as yn 't âlderhûs feriene No skept de hill'ge Geast  God, dy't yn 't oanbegjin  O God, dy't as in heit sa tear Oeral wenje, gjin eigen plak God, dy't ús foar elkoar Heit yn 'e himel, wy loovje jo hearlike namme Leafde is it reitsjen Nim dit stuit en nim dit stee
tafelljet	God, dy't yn 't oanbegjin  God, dy't ús foar elkoar
liet ta beslút	No bidde wy mei djippe earbiedenis Fier om ús hinne Wy tankje Jo, o God Leafde, foar de tiden berne Oaral wenje, gjin eigen plak





<b>Bondel</b>	<b>Opmerkingen</b>
LfdT Ps 45 LfdT Ps 133	
LfdT Ps 128 LfdT Ps 133	
LfdT Gs 92	by 1 Kor 13
LfdT Gs 92 LfdT Gs 95 LfdT Gs 487	by 1 Kor 13 by Ef 3:14-21
kontrafakt LfdT Ps 119 Tt 48	
Wg 20 Wg 21	
LfdT Ps 133 LfdT Gs 247 kontrafakt LfdT Gs 416 LfdT Gs 369 kontrafakt LfdT Gs 416 LfdT Gs 481	
Tt 115 Tt 201 Tb II, s. 876 (ELB 166 = Tr 244)	
Wg 21 Wg 22	
LfdT Gs 369 kontrafakt LfdT Gs 416 Tt 201	ek by jubileum
LfdT Gs 95 LfdT Gs 490 Tb II, s. 874 (ZG II, 111) Tt 48 Tt 115	by Ef 3:14-21



## Wy tankje Jo, o God

1 Wy tan - kje Jo, o God,  
foar al - les wat Jo jûn ha.  
De leaf - de en de trou  
dêr't Jo ús mei om - jûn ha.  
Jo sea - gen nei ús om,  
al binn' wy lyts en earm.  
Jo joe - gen ús dit plak,  
de grûn fan ús be - stean.

The musical score is written on ten staves. The first five staves correspond to the first verse, and the last five staves correspond to the second verse. The music is in a 2/2 time signature with a key signature of one flat (B-flat). The lyrics are printed below the notes on each staff.

2 Wy tankje Jo, o God,  
foar alles wat Jo jûn ha.  
Want Kristus is de krêft  
dêr't wy ús doel yn fûn ha.  
Syn leafde, dy't ús socht,  
wiist ús it ljochtsjend spoar;  
de leafde fan de Hear  
libje wy oaren foar.

3 Wy tankje Jo, o God  
foar alles wat Jo jûn ha.  
Dat Jo ús libbens hjir  
fêst oan elkoar ferbûn ha.  
Wy nimme\_elkoarren oan  
mei grutte tank yn 't hert.  
God, help ús jimmeroan  
ferjit jo trou dochs net.

*tekst* Evert Hoogerwerf 'Wij danken U, o God'  
*oersetting* Jacobus Knol  
*meldij* Johann Crüger 1648

Begelieding: 'Zingend Geloven' II, 111 en Lieteboek foar de  
tsjerken, Gesang 44

## Heit yn 'e himel



1 Heit yn 'e hi-mel, wy loov-je jo hear-li-ke nam-me,  
want troch jo Geast is de leaf-de yn ús her-ten ûnt-flam-me  
Jo haw - we ús socht  
en ta nij lib - ben ús brocht;  
moait wurdt ús ho - pe be - skam - me.

2 Wifket de wrâld, by Jo kinne wy feilichheid fine,  
jo segen draacht ús yn dagen fan sykte en pine.  
Driget de nacht,  
Jo hâlde altyd de wacht,  
litte it moarnsljocht wer skine.

3 Rop ús dan wekker, as wy jo geboaden ferjitte  
en yn ús hurdens fan frede\_en fersoening net witte.  
Hear, doch geduld,  
dylgje genedich ús skuld,  
kom ús mei leafde temjitte.

4 Heit yn 'e himel, wy sjonge jo lof hjir op ierde,  
neat sil fan Kristus, ús Heilân, jo skepsel ea skiede.  
Sinne\_oer ús paad,  
skyn troch it tsjusterste skaad,  
wol nei jo takomst ús liede.

*tekst* André Troost 'Vader, wij loven U'

*frije oersetting* Bernard Smilde

*meldij* Freylinghausen's Geistreiches Gesangbuch 1741

Begeleiding: Lieteboek foar de tsjerken, Gesang 434



UTFEART  
en  
ROU



